Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne

In oersjoch fan hoe't polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017

Drs. Th. Dykstra

Itens, desimber 2017

.

Boarne yllustraasje op foarplaat:

https//commons.wikimedia.org/wiki/File:Wolgemut-1493-tanz der gerippe(coloriert).jpg

net-kommersjeel gebrûk

Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne

In oersjoch fan hoe't polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017

Drs. Th. Dykstra

Itens

Oer skriuwer en tekst

De **Feriening Frysk Underwiis** (FFU) hâldt him sûnt 1987 dwaande mei in lykweardich plak foar it ûnderwiis yn it Frysk foar basis- en fuortset-ûnderwiis. Yn de bestjoersgearkomsten hawwe de kearndoelen Frysk geregeldwei oan de oarder west. FFU-foarsitter Dykstra wie as lid fan de Coördinatie en Adviesgroep –Primair Onderwijs (CAG-PO) belutsen by de Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it P.U. Yn syn funksje fan dosint pedagogyk hbû (CHN/Ljouwert) wie er mei-ferantwurdlik foar de publikaasje *Herziening doelstellingen Fries in het PO (2006).*
Tank oan drs. S.T.Hiemstra , mei-bestjoerslid fan de FFU, foar it trochlêzen fan de tekst en it meitsjen fan in tal opmerkings. Fansels komt de folsleine tekst foar de ferantwurdlikens fan de skriuwer.

Ynhâldsopjefte

Hdst	titel	side
	Ynhâldopjefte	4
	Foaropwurd	5
0	Ynlieding	6
1	De earste generaasje kearndoelen Frysk (‘eindtermen’) 1993	7
2	De twadde generaasje kearndoelen Frysk 1998	9
3	It advys fan it Berie foar it Frysk	11
4	De spegeling loslitten	14
5	De notysje fan de Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis	18
6	Reaksjes oer en wer op de wurkgroepnotysje yn 2005	21
7	It ynspeksjerapport 2006	27
8	It ynspeksjerapport 2010	29
9	Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal (kommisje Hoekstra)	32
10	Oanpassings fan de wet op it PÛ (1-8-2014)	38
11	De provinsje Fryslân oan set mei de *‘Beleidsregel’*	43
12	It Taalplan Frysk	50
13	Is it jaan fan (goed) ûnderwiis yn it Frysk (net) ‘realistysk’?	54
14	Gearfetting mei konklúzjes	58
15	Oanbefellings	67

Foaropwurd

As men fiifentweintich jier wurksum west hat yn de oplieding foar learkrêften basisûnderwiis en mei ynmoed besocht de oankommende masters en juffers de betsjutting en wearde fan it Frysk en it meartalich ûnderwiis by te bringen en men wurdt hieltiten wer konfrontearre mei de hjoeddeiske regeljouwing fan de oerheid op it stik fan taal- en ûnderwiispolityk dan is dat slim teloarstellend en in fikse ôfdijer.
Der wurde troch de beliedsmakkers dierbere wurden brûkt oer it grutte belang fan goed ûnderwiis yn it Frysk *(*It Ryk*: It moat better!It kin better!* of de provinsje *Deltaplan Frysk)* , mar de dieden binne dêr net neffens en helpe it Frysk earder fierder fan de wâl yn 'e sleat as wer op 'e kluten.

Nochal wat skoallen sette it likegoed yn 'e kant en ornearje dat harren learlingen gjin belang hawwe by 'dat drege Frysk' en dat hja dy taal ek net nedich binne foar harren takomst mei as gefolch dat dy hâlding in desastreuze útwurking hat op Frysktalige bern en harren identiteit. Dat leechlizzen is oarsaak fan it jin minderweardich fielen en it jin foar eigen taal te skamjen ynstee fan der grutsk op te wêzen. De net –Frysktalige bern krije sadwaande gjin kâns respekt te hawwen foar de taal en kultuer fan de Fryske mienskip. Krekt oarsom...

Men moat konstatearje dat yn de demokrasy, sa't dy yn Nederlân op it stuit bestiet, fûnemintele wearden en rjochten oangeande ús taal net neikommen wurde as de Hollânske mearderheid dat net noasket. De measte Friezen lykje net yn ferset te kommen en litte harren troch De Haach en de skoallen te maklik wiismeitsje dat mear Frysk yn it ûnderwiis ta 'te folle swierrichheden ' liede sil. It Frysk soenen de bern altiten noch bûten de skoalle om leare kinne.

De monopoaljeposysje fan de Hollânske ûnderwiistradysje is noch sa sterk dat oannimlike arguminten foar in mear demokratysk ûnderwiiskonsept yn ús provinsje noch altyd ferswijd wurde. Lykwols: ûnrjocht bliuwt ûnrjocht en sa rekket de Fryske mienskip yn de hjoeddeiske iepen wrâld troch ferwaarleazgjen fan it ûnderwiis yn it Frysk syn taal as kultuerbesit stiltsjesoan wol kwyt.

In ferliking mei de sterke efterútgong fan it tal greidefûgels troch de yntinsive lânbou twingt him op. Beskerme greidegebieten ('fûgeltsjelân') kinne dy delgong net kompensearje. Likemin kin it navenant lytse tal trijetalige skoallen, mei noch in beskieden plakje foar it Frysk as fiertaal, dy kwantitative en kwalitative delgong fan it Frysk keare. Benammen net as sokke skoallen yn krimpgebieten troch sluten bedrige wurde. 'Predaasje' komt ek foar as in skoalle de reguliere wetlike oeren Frysk ynwikselt foar in inkelde projektwike, of kiest foar in ûntheffingsprofyl, dêr't likemin it fergrutsjen fan de taalfeardigens by oan de oarder is.

De provinsje Fryslân hat fan it Ryk sûnt 2014 foar it ûnderwiis yn it Frysk in nije taak krigen om dat proses fan efterútbuorkjen om te bûgen yn in hoopfoller rjochting. De wetjouwing dêrta is lykwols folslein ûnfoldwaande en jout skoallen noch alle romte om har (tydlik?) fiergeand wei te winen foar dy ferplichting fan it Frysk yn it algemien foarmjend ûnderwiis. Om oer oare skoaltypen mar net iens te praten.
It *ûntheffingsbelied* foar it Frysk dat de provinsje op it stuit (2017) foar it Frysk yn ús skoallen fiert, liket yn de tiid ûnbegrinzge te wêzen en befoarderet dêrmei in ôfbraakproses. Myn analyze dêrfan as in 'makabere dûns ....' tsjûget dêrfan. De ferantwurdlike lanlike en provinsjale politisy hawwe nei de jierren '80 de ferkearde stappen set yn it ymplemintaasjeproses en dêrmei it Frysk yn en bûten de skoalle grutte skea tabrocht. It moat echt *better*, net allinnich foar de skries en de ljip yn it greidlân , mar ek foar (ûnderwiis yn) it Frysk wol Fryslân in "Lân fan taal' bliuwe.…

Desimber 2017

0. Ynlieding

By de ynfiering fan it basisûnderwiis (1985) wie minister Deetman fan betinken, dat it net ûnbillik wêze soe om as oerheid mear ynfloed op de ynhâld fan it ûnderwiis te krijen. De 'eindtermen/kerndoelen' moasten dat mooglik meitsje. Soks wie nij yn in lân mei in tradysje fan ûnderwiisfrijheid en autonomy fan skoallen by it útfieren fan de wetlike easken. Hoewol't der earst noch wol wjerstân is tsjin mear bemuoienis mei de ynhâld fan it ûnderwiis falt dêr letter eins neat mear fan te fernimmen. Op it ûnderwiis yn it Frysk yn Fryslân nei.

Yn 1987 waard feestlik betocht dat sûnt 1937 der op legere skoallen ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde koe. As yn 1980 de fakultative status ferwiksele wurdt foar in ferplichte skoaltaak betsjutte dat net daliks, dat der mei faasje wurke waard oan de fierdere ymplemintaasje fan it fak en it brûken fan it Frysk as fiertaal by it ûnderwiis. Om te besykjen dêr wat oan te dwaan waard bygelyks de Feriening Frysk(er) Underwiis op 13 oktober 1987 oprjochte. Doel wie om de krêften fan belanghawwenden (û.o âlden, learlingen, learaars) te bondeljen en sa skoallen te stimulearjen optimaal gebrûk te meitsjen fan de wetlike mooglikheden foar it Frysk yn it ûnderwiis. In dreech krewei, omdat it skoalsysteem in sletten organisaasje is en boppedat net út Ljouwert, mar út De Haach wei regele wurdt. De noed foar goed ûnderwiis yn it Frysk hat dêr gjin prioriteit.

Oant hjoeddei ta wurdt de ferplichting om ûnderwiis yn it Frysk te jaan slim ûnderstek dien troch strideraasje oer de kearndoelen Frysk. Yn de yn 2014 troch it Ryk oan de provinsje Fryslân taskikte ûntheffingsregeling wurdt de doar iepen holden foar skoallen om it Frysk net serieus te nimmen. Om foar te kommen dat oerheden en skoallen al te iepenlik tsjin in lykweardige posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis wêze soenen, wurdt smokkele mei almeast ûneigentlike arguminten sa as net realistysk, net helber, gjin goed lesmateriaal.

Neikommend oersjoch fan 1993 ôf docht dêr ferslach fan mei as ôfsluting in tal konklúzjes en oanbefellings. Oanlieding wie de yn Ljouwert op 22 desimber 2016 organisearre fakkeloptocht fan aksjegroep Sis Tsiis foar goed Frysk ûnderwiis.

1. D*e earste generaasje kearndoelen Frysk ('eindtermen') 1993*

It idee om 'eindtermen' te ûntwikkeljen kaam net samar út de loft fallen. Der wie in ynternasjonale tendins om te kommen ta in kearnkurrikulum fan heldere doelen yn it ramt fan it stribjen nei kwaliteitsferbettering fan it ûnderwiis. It earste útstel mei 464 doelen waard yn it parlemint werom brocht nei 122 en yn 1993 foar it basisûnderwiis fêststeld.
Yn it 'Besluit'[1] fan 1993 wurde se omskreaun as: 'beschrijving van kwaliteiten van leerlingen op het gebied van kennis, inzicht en vaardigheden'. Gjin beskriuwing fan nei te stribjen attitudes al sil letter bliken dwaan dat sokke kearndoelen der wol komme. Kearndoelen hâlde foar de skoalle de eask yn "dat zij ten minste de kerndoelen bij haar onderwijsactiviteiten als aan het eind van het basisonderwijs te bereiken doelstellingen hanteert'. Ien fan de redenen fan de ynfiering fan kearndoelen wie, dat alle learlingen in mienskiplik **kearn**programma folgje soenen.

Staatsblad
van het Koninkrijk der Nederlanden

Jaargang 1993

264

Besluit van 4 mei 1993, houdende vaststelling van de kerndoelen basisonderwijs (Besluit kerndoelen basisonderwijs)

Wij Beatrix, bij de gratie Gods, Koningin der Nederlanden, Prinses van Oranje-Nassau, enz. enz. enz.

Op de voordracht van de Staatssecretaris van Onderwijs en Wetenschappen van 11 februari 1993, nr. 93005242/3223, directie Wetgeving en Juridische Zaken;
Gelet op artikel 9, vijfde lid, van de Wet op het basisonderwijs;
Gezien het advies van de Onderwijsraad van 25 mei 1992, nr. OR 92000073/1 P;
De Raad van State gehoord (advies van 24 maart 1993, nr. W05.93.0102);
Gezien het nader rapport van de Staatssecretaris van Onderwijs en Wetenschappen van 26 april 1993, nr. 93026789/3223, directie Wetgeving en Juridische Zaken;

Hebben goedgevonden en verstaan:

Artikel 1. Kerndoelen

1. De kerndoelen ten aanzien van de onderwijsactiviteiten, genoemd in artikel 9, eerste tot en met vierde lid, van de Wet op het basisonderwijs, worden vastgesteld als aangegeven in de bij dit besluit behorende bijlage.
2. Voor de school geldt de eis dat zij ten minste de kerndoelen bij haar onderwijsactiviteiten als aan het eind van het basisonderwijs te bereiken doelstellingen hanteert. Kerndoelen geven een beschrijving van kwaliteiten van leerlingen op het gebied van kennis, inzicht en vaardigheden.

It begryp 'kerndoelen' wie foar de eardere term 'eindtermen' yn it plak kommen om de yntinsje better werjaan te kinnen ntl. dat kearndoelen gjin easken oan learlingen binne, **mar easken oan leararen om dy** ynhâlden yn alle gefallen de bern oan te bieden. Dochs wie de toan set mei de formulearring 'als aan het eind van het basisonderwijs te bereiken

[1] Besluit van 4 mei 1993, houdende vaststelling van de kerndoelen basisonderwijs, Staatsblad 1993, 264

doelstellingen'. It sette druk op de skoallen en benammen ek it Fryske basisûnderwiis, omdat de kearndoelen Frysk foar de measte skoallen bepaald noch gjin 'streefdoelen' wienen.

Sûnt 1980 is it Frysk ien fan de ferplichte fakken yn it basisûnderwiis. De kearndoelen Frysk binne deselde as dy foar it Hollânsk (Nederlandse taal). De ynspeksje moat der op tasjen dat de skoallen dat **oanbod** ek dogge. It giet om haadlinen, net om details en foarbylden. Skoallen hâlde de frijheid om mear oan it fak te dwaan en oer de didaktyske ynfolling fan it ûnderwiis sizze de kearndoelen neat.

2. De twadde generaasje kearndoelen Frysk 1998

Troch maatskiplike (desintralisearring) en beliedsmjittige feroarings (skoallen krije mear autonomy) wurde de kearndoelen op 'en nij fêststeld. Dy foar 'Nederlandse Taal' en de oan it Hollânsk spegele kearndoelen foar it Frysk bliuwe gelyk. Dy foar it Frysk hawwe deselde Hollânsktalige tekst (Besluit 2 juni 1998 , Staatsblad 1998 364).
De 12 kearndoelen binne kategorisearre yn 4 domeinen/taalskiften:
A. Mûnlinge taalfeardigens (3 doelen)
B. Lêsfeardigens (3 doelen)
C.Skriuwfeardigens(3 doelen)
D Taalskôgjen (3 doelen)

In ynspeksjerapport fan 2001[2] docht ferslach fan ûndersyk nei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk op de Fryske basisskoallen. De ynspeksje konkludearret dat de wetlik fêststelde Fryske kearndoelen by de helte fan de skoallen gjin útgongspunt west hat foar it learstofoanbod Frysk. Hoewol't de brûkte metoade de "Fryske Taalrotonde' yn algemiene sin foldocht oan de kearndoelen, docht bliken mar 26 % fan de skoallen foldocht oan de wetlik fêststelde kearndoelen Frysk.
It rapport makket ek dúdlik dat it by de kearndoelen om it learstofoanbod giet en dat net foar alle learlingen deselde doelstellings jilde moatte. Ofhinklik fan de taaleftergrûn , de taalfeardigens en de learpotinsje kinne foar yndividuele learlingen neffens de ynspeksje ferskillende doelstellings formulearre wurde. Krekt dat net differinsearren binnen klasse-/groepsferbân fan de measte skoallen (80%) wie ien fan de oarsaken dat it ûnderwiis yn it Frysk net fan de grûn kommen is. De (lege) behearsking fan it Frysk fan de net-Frysktalige learlingen wurdt sadwaande maklik **noarm** foar wat de skoalle 'oan it Frysk dwaan wol'.

Neffens de ynspeksje jouwe in soad skoallen oan, dat de kearndoelen net '**realistysk'** wêze soenen. Benammen troch skoallen mei in soad bern mei in net-Frysktalige eftergrûn. Der bestiet in grutte diskrepânsje yn 'e tiidsynvestearring: Nederlânsk trochinoar 5 oeren wyks en Frysk 0.45 oere.(side 32). De fraach kin dan ek steld wat realistysk no ynhâldt**. Binne de oan it Hollânsk spegele kearndoelen Frysk echt net helber yn de praktyk fan de measte skoallen, of is it ek net besocht?** It rapport jout foar it lêste genôch oanwizings: der is te min ûnderwiistiid ynvestearre, gjin differinsjaasje nei taaleftergrûn tapast, gjin goed taalbelied formulearre, ûnfoldwaande gebrûk fan transfer yn de didaktyk en it materiaal foar it Frysk koe better**.**
No jout de taljochting bij de kearndoelen 1998 (Staatsblad 1998, 354) lykwols noch altiten oanlieding ta misbegryp. Kearndoelen soenen troch de skoallen brûkt wurde moatte as 'aan het eind van het basisonderwijs ten minste te bereiken doelstellingen' (side 3). Yn de *Nota van toelichting* wurdt lykwols ek de Onderwijsraad oanhelle, dy't neffens my de finger op it seare plak leit troch te sizzen, dat de nije kearndoelen fan 1998 yn ferliking mei dy fan 1993 neat oplosse , 'omdat niet wordt beoogd dat kerndoelen een handleiding geven voor de

[2] Ynspeksje fan it ûnderwiis (2001), *It Underwiis yn it Frysk op 'e basisskoallen yn Fryslân… De stân fan saken. Inspectierapport , nr.2001-4*

inrichting van het basisonderwijs, maar uitsluitend aangeven wat het streefniveau aan het einde van groep acht is .' (pag. 4).



Omslach ynspeksjerapport 2001

De ynspeksje konstatearret yn 2001 dat 'tweintich jier nei de ynfiering fan 'e ferplichting fan ûnderwiis yn it fak Frysk de kwaliteit nochal wat te winskjen oerlit. It ynnovaasjeproses is stykjen bleaun yn 'e inisjaasjefase. 'In doelbewuste ymplemintaasje en evaluaasje hat der net west'. (side 3 fan ynspeksjerapport nr. 2001-4)

Yn de oanbefellings fan de ynspeksje - ympulsen foar ferbettering neamd- wurdt it learstofoanbod as ien fan de kearnproblemen oanjûn. It rapport jout gjin oanwizings om skoallen te stimulearjen om it better te dwaan , mar neffens de ynspeksje leit it foar de hân dat it Ryk en provinsje harren fierder beriede op 'e ynhâld en de ymplemintaasje fan de kearndoelen. Dêrta ferwiist de ynspeksje nei it advysrapport fan it 'Berie foar it Frysk' fan 1999 oer dy problematyk. Kearn fan dat advys is dat neist algehiele ûntheffing ek (tydlik) **parsjele** ûntheffing, foar ûnderdielen fan de kearndoelen, mooglik is (ynspeksjerapport nr. 2001-4 , side 35).
Wie der ynearsten in gefoel dat soks in goede oplossing wêze koe, letter bliek dat it ek oars útpakke kin. Want wat wurdt bedoeld mei 'ûnderdielen fan kearndoelen'? **Underdielen** fan elts kearndoel, of ûntheffing fan ien of mear fan **it tal** kearndoelen Frysk?

3. It advys fan it Berie foar it Frysk [3]

Provinsjale Steaten krije yn febrewaris 1999 in brief fan it skoalbestjoer PCBO fan Ljouwert en Wurdum, dat de kearndoelen Frysk (generaasje 1998) foar harren skoallen net te realisearjen binne. It bestjoer docht it útstel om de kearndoelen Frysk (as earste of twadde taal) op it nivo fan de kearndoelen Ingelsk (in frjemde taal) te formulearjen. De beide arguminten dêrfoar binne:
1. Der is te min ûnderwiistiid om de kearndoelen te heljen;
2. De taaleftergrûn fan de learlingen yn 'e stêd rjochtfeardiget gjin ûnderwiis op memmetaalnivo. By dat lêste punt kin de fraach steld wurde: Soe it yn Wurdum ek oars lizze?
It ûnderwiisoanbod moat neffens it skoalbestjoer beheind wurde ta mûnlinge taalfeardigens en lêsfeardigens lykas by it Ingelsk.

Nei oanlieding fan dat brief freegje Deputearre Steaten (DS) yn maart 1999 it Berie foar it Frysk om advys.
Yn syn advys hâldt it Berie fêst oan de lykweardigens fan it Frysk oan it Hollânsk, mar wol tapast yn oerienstimming mei de taalomjouwing fan de skoalle; soks freget om differinsjaasje yn it learplan en passende didaktyk. It besteande belied is rjochte op it berikken fan folsleine twataligens fan alle bern, mar net alle learlingen en net alle skoallen sille dat doel yn deselde tiid en by deselde wei lâns berikke. Neffens it Berie is it dan ek reedlik dat DS **tydlik** (fetprint TD) ûntheffing ferliene foar in part fan de kearndoelen op skoallen mei in substansjele net-Frysktalige skoalbefolking en allochtoane learlingen (side 5).
Yn de paragraaf oer doelstellings fan twatalich ûnderwiis en it maatskiplik funksjonearjen yn in twatalige mienskip stiet it Berie op it stânpunt, dat fan allochtoane en NT-2 learlingen 'net mear ferge wurde (kin) as it ferstean fan Frysk', wylst fan hûs út Frysktalige bern de kâns krije 'skriuwfeardichheid ek yn it Frysk te learen. Dat past yn in algemien belied om it **ûnderwiis mear ta te spitsen op de yndividuele kapasiteiten fan de learling**' (side 6) (fetprint TD.

It Berie hantearret yn har advys sawol differinsjaasje op mikro-nivo (neffens yndividuele ûntwikkeling en dan wurdt tocht oan de Frysktalige learlingen) as ek op meso- nivo (de talige gearstalling fan de skoallebefolking/ taalomjouwing fan de skoalle en dan wurdt tocht oan learlingen dy't thús gjin Frysk brûke). Sa'n kombinaasje jout swierrichheden sa as letter bliken dwaan sil.
Oanbefelling 1 fan it Berie-advys stelt út de besteande kearndoelen Frysk (parallel oan dy foar it Nederlânsk) as útgongspunt te hanthavenjen en foar it ûntheffingsbelied in fleksibele oanpak te ûntwikkeljen. Dy oanpak moat bestean út in kombinaasje fan tydlike ûntheffing (foar trije jier bygelyks) foar in part fan de kearndoelen en de ferantwurding yn it learplan fan dy domeinen en kearndoelen, dêr't gjin ûntheffing foar frege wurdt.
Boppedat moat it foechhawwend gesach oanjaan hokfoar 'stappen set wurde sille yn de frege

[3] Advys fan it Berie foar it Frysk oer de kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis. Berie foar it Frysk ,merkteken 8-2458 fan juny 1999

perioade fan ûntheffing yn de rjochting fan in totaal-ûnderwiisoanbod Frysk op termyn' (side 8).

Berie foar it Frysk

Advysorgaan provinsje Fryslân
foar it taalbelied
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert
Besikersadres:
Twibaksmerk 52

Telefoan: 058 - 2925878
Faks: 058 - 2925123

Us merkteken: 8-2458

ADVYS FAN IT BERIE FOAR IT FRYSK OER DE KEARNDOELEN FRYSK YN IT BASISÛNDERWIIS

Dit advys is taret yn de taakgroep Sosjaal Libben en Underwiis en fêststeld yn de Berie-gearkomste fan 11 juny 1999.

SAMENVATTING

Het Berie foar it Frysk (Adviesorgaan van de provincie Fryslân voor het taalbeleid) adviseert aan gedeputeerde staten de kerndoelen voor Fries in het basisonderwijs (zoals vastgelegd in het Besluit Kerndoelen (1998)) te handhaven als uitgangspunt van het beleid. Het Berie foar it Frysk adviseert een flexibel ontheffingenbeleid te ontwikkelen, dat past bij 'onderwijs op maat'. Voorzover de taalachtergrond van de schoolbevolking daartoe aanleiding geeft, kunnen gedeputeerde staten tijdelijk ontheffing verlenen voor een deel van de kerndoelen, met name voor schrijfvaardigheid en taalbeschouwing. Ontheffing wordt bij voorkeur verleend voor een periode van drie jaar. De scholen die ontheffing vragen, moeten aangeven hoe zij het onderwijs zullen inrichten om de kerndoelen Fries waarvoor geen ontheffing gevraagd wordt, te bereiken.
Voorts adviseert het Berie foar it Frysk instrumenten te doen ontwikkelen voor het taalbeleid op de basisscholen. Daarnaast moet een didactiek voor het tweetalig onderwijs ontwikkeld worden, waarbij het gebruik van Fries als voertaal geïntegreerd is. Tenslotte wordt aanbevolen het onderwijs in het Fries periodiek te peilen in relatie tot de Periodieke Peiling van het Onderwijs in het Nederlands (PPON).

De gearfetting yn it advys fan it Berie foar it Frysk oer de kearndoelen Frysk 1999

Wat opfalt yn it Berie-advys is dat oan de iene kant in fleksibeler ûntheffingsbelelied - 'onderwijs op maat'- opfette wurdt as oanpasje by **de trochsneed taaleftergrûn fan de skoalbefolking** (alle bern itselde behearskingsnivo) en op in oar plak yn de tekst differinsjaasje bepleitet as oanpassing by de kapasiteiten fan **it yndividuele bern**. Te maklik wurdt yn it advys útgien fan differinsjaasje yn oanbod tusken fan hûs út Frysk- en fan hûs út

net-Frysktalige learlingen. Soe in fan hûs-út net-Frysktalige learling, dy't hjir opgroeid is en goed meikomme kin, net wurkje kinne oan alle kearndoelen Frysk sa as Frysktalige bern dat ek dogge foar it Hollânsk sûnder dat der foar harren in mooglikheid op ûntheffing bestiet? In tekoart oan yntelligensje fan net-Frysktalige bern om Frysk te learen is in ûnsinnige ferûnderstelling. Dat soe boppedat op diskriminaasje lykje.

It advys fan it Berie om in **fleksibeler ûntheffingsbelied** sûnder de lykweardichheid fan de kearndoelen Frysk oan te taasten kin in goede praktyske stap wêze. It soe de skoallen wat romte jaan kinne om de **efterstân** op it mêd fan it ûnderwiis yn it Frysk yn Fryslân yn te heljen. Tydlik dus en tagelyk wurkje oan wat Koen Zondag de kromwoeksen realiteit neamd hat.
Mar as skoallen leaver kieze foar differinsjaasje op meso-nivo en dêrby in part fan de kearndoelen skrasse dan ûntstiet gjin optimaal taallearproses foar it learen fan de taal ek al op ienfâldich nivo. Folsleine twataligens fan alle learlingen is yn it begjin net daliks berikber, mar ûntheffing mei net betsjutte dat de skoallen de taal – mei troch taalideologyske motiven- net folweardich (mûnling en skriftlik) mei differinsjaasjemooglikheden yn it lesprogramma opnimme. Aksintferskillen meie der earst wêze. Differinsjaasje kin op hiel ferskillende manieren tapast wurde mei it each op wat jo mei it ûnderwiis wolle, mar spitigernôch beheint it Berie him by parsjele ûntheffing eins ta it skrasse kinnen fan kearndoelen.

Yn oanbefelling 4 wurdt DS ek advisearre periodyk de resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk te mjitten yn relaasje ta it **PPON-ûndersyk** (Periodieke Peiling van het Onderwijs in het Nederlands). Dat ûndersyk soe dan rjochte wêze moatte op it neigean fan de behearsking sawol fan it Frysk as it Nederlânsk yn ferbân mei de parallelle formulearring fan de kearndoelen Nederlânsk en Frysk.
In goed idee, omdat dan ek sjoen wurdt nei wat it (fleksibel) ûntheffingsbelied opsmyt. Oant no ta is der lykwols mei dy oanbefelling neat dien. It kin wêze dat de provinsje der fan ôfsjoen hat, omdat it by de kearndoelen om in programma- en net om in prestaasjeferplichting foar learlingen giet. It is ek mooglik dat de provinsje benaud wie dat troch it mjitten fan de resultaten de meiwurking fan de skoallen oan better ûnderwiis yn it Frysk neidielich beynfloede wurde soe.
Boppedat wienen der doe foar it Frysk gjin gaadlike toets- en evaluaasje-ynstruminten foarhannen. Pas nei it ynspeksjerapport 2010 binne prikken yn it wurk set om oan de winsk fan de ynspeksje te foldwaan.

4. *De spegeling loslitten*

Yn de jierren ’90 fan de foarige iuw kaam der protest tsjin de te detaillearre foarm fan de kearndoelen, dy’t liede soenen ta in oerladen programma en skoallen behinderen om in eigen belied te fieren. De yn 2001 ynstelde kommisje Wijnen (sjoch: *De kerndoelen voor het basisonderwijs herzien* , Beernink en Letscher, ynterne publikaasje SLO, gjin jiertal, side 3), dy’t advys oan de minister útbrocht, ferlege om dy reden it tal kearndoelen foar alle fakgebieten en makke fierder ûnderskied tusken in ferplichte kearnprogramma (70% fan de ûnderwiistiid) en in differinsjeel part (30 %) as frije romte.
It Frysk – omdat dy ferplichting allinnich foar de provinsje Fryslân jilde- waard nei it differinsjeel part ferballe. In frjemde konstruksje: it ferplichte fak Frysk ûnderbringe yn in fakultatyf learplanûnderdiel. It Frysk en it Nederlânsk hearre ommers beide thús yn it kearnprogramma. Dêrmei waard de earste stap set om it Frysk yn it ûnderwiis werom te kringen nettsjinsteande alle moaie wurden oer it hoedzjen en noedzjen fan de taal.

It protest fan DS fan Fryslân tsjin it foarnimmen om it Frysk op te nimmen yn in differinsjeel part fan it kurrikulum falt te lêzen yn It *Plan fan Oanpak Frysk yn it Underwiis*, (mei 2002) side 4/5: “Op basis...van het ‘Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden’ en de doelstellingen binnen de ‘Bestuursafspraak Friese Taal en Cultuur’ (BFTC) hebben wij krachtig aangedrongen op een positie van het Fries binnen het **kerndeel**”.(fetprint T.D).
No is dy twadieling fan kearn- en differinsjeel part by eintsjebeslút net trochset, mar DS joegen mei klam oan gjin beswier te hawwen tsjin in op ‘e nij besjen fan de kearndoelen Nederlânsk en Frysk. Neffens DS koe fan de gelegenheid gebrûk makke wurde om beide skiften kearndoelen yn gearhing te besjen. DS soenen graach wolle dat skoallen in ‘toenemende mate aan de kerndoelen’ foldienen en woenen dêr ek ôfspraken mei de skoalbestjoeren oer meitsje. Ut it stik falt net op te meitsjen dat DS soargen hienen oer de status, de lykweardichheid fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Hollânsk.

De SLO (Stichting Leerplanontwikkeling) krige as taak nije kearndoelen te meitsjen. It ministearje OC&W joech it ynstitút de opdracht om de kearndoelen foar Nederlânsk, rekkenjen en Ingelsk sa krekt mooglik te beskriuwen wat de skoallen realisearje moasten. Foar it Frysk (fakultative status!!) krige de SLO de opdracht, dat – “hoewel de Commissie Wijnen geen opdracht had om doelen te formuleren voor de Friese taal, moet er wel een tekst komen voor deze taal” [4] (side 5).

De kearndoelen Frysk SLO 26 maart 2003

It tastjoerde SLO-útstel [5] hie 12 nije kearndoelen foar Nederlânsk formulearre (itselde oantal as yn 1998), foar Ingelsk 6 kearndoelen foar mûnling, skriftlik ûnderwiis en taalskôgjen en foar Frysk 4 (earder ek 12 sa as by Nederlânsk. Yn de taljochting waard oanjûn dat it

[4] Herziening kerndoelen Friese taal. Advies 08 , project 2046.01 Veldadvisering door de SLO , 2003 .

[5] Voorstel herziening kerndoelen basisonderwijs , SLO, Enschede van 26 maart 2003

mûnling taalûnderwiis yn it taaloanbod in wichtich plak hie mei ûnderwerpen, dêr't ienfâldige kompetinsjes mei oansprutsen wurde soenen sa as beskriuwe en oarderje. Boppedat "enige vaardigheid in het lezen..., waarbij leesplezier van meer gewicht is dan het oefenen van leesbegrip ('Voorstel... side 7)

Mondeling taalonderwijs
19. De leerlingen ontwikkelen een positieve attitude ten opzichte van het gebruik van Fries door henzelf en anderen.
20 . De leerlingen leren informatie te verwerven uit gesproken Fries. Ze leren tevens die informatie, in mondeling of geschreven Fries, gestructureerd weer te geven.
21. De leerlingen leren in het Fries informatie te vragen en te geven.

Schriftelijk taalonderwijs
22. De leerlingen leren in het Fries geschreven informatieve, instructieve, overtuigende en fictionele teksten te lezen.


Herziening kerndoelen Friese Taal

Advies 08, project 2046.01

Veldadvisering

S | L | O

specialisten in leerprocessen

Konsept foar nije kearndoelen Frysk maart 2003

It earste dat jin opfalt is it stribjen nei in positive hâlding foar it Frysk oer. Benammen yn de gruttere plakken hat it Fryskyn ferliking mei it Hollânsk en it Ingelsk in lege status by de bern as gefolch fan de maatskiplike efterstelling. Se binne bedoeld om bij de leergebieten ek omtinken te hawwen foar saken as wurkhâlding, útdrukken fan eigen gedachten en gefoelens en bygelyks respektfol harkjen (Preambule , side 2).
In 'positive hâlding' is by de kearndoelen Frysk - yn tsjinstelling mei dy foar Nederlânsk en Ingelsk - eksplisyt as doelstelling opnommen. Mooglik begryplik mei it each op de status fan de taal, mar allinne sinfol yn kombinaasje mei de oare kearndoelen foar it fak. Net as in op himsels te toetsen doel. By kearndoelen giet it om kennis en feardichheden, dy't mooglik ta in bettere taalhâlding liede, mar wis is dat net. Hâldingsdoelen binne 'vakoverstijgend' en hearre dus yntegraal neistribbe te wurde en binne as effekt net toetsber (De Groot, 1986, s. 125-128). Kwaliteit blykt pas efterôf.
Bepalende faktoaren foar in hâlding binne bygelyks de hâlding fan learkrêften en in rom plak foar it Frysk yn it lesprogramma. Troch de kearndoelen Frysk 'út te klaaien' en yn it skoaloanbod net serieus te nimmen wurdt in negative hâlding foar it Frysk oer earder befoardere as bestriden.
De troch de SLO presintearre kearndoelen Frysk joegen ûnferhoalen oan dat de bern winliken net folle mear hoege te learen. Fansels is it wichtich dat de bern de taal leare te wurdearjen, mar dat soe net betsjutte meie dat de lykweardige en lykberjochtige status fan it (ûnderwiis yn it Frysk) Frysk net neistribbe wurde hoegd.

De prinsipiële lykweardigens en lykberjochtiging fan de beide talen rykstalen waard no loslitten, wylst dat stânpunt al yn 1983 (*Fan Geunst nei Rjocht*) troch de provinsje breed akseptearre wie. It besykjen fan guon leden fan de *Provinsjale wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis* yn in petear op 14 maaie 2003 mei meiwurkers fan de SLO om dy lykweardigens te behâlden slagge net.
It ferslach yn *Veldadvisering* jout oan, dat de 'vergadering uitgesproken negatief (oordeelt) over het voorstel herziening kerndoelen Fries'. Nettsjinsteande de ferskillen tusken de útnûge belieds- en ûnderwiissaakkundigen ûnderling lûke de meiwurkers fan de SLO de mienskiplike konklúzje: 'Deze herziene kerndoelen zijn op de niet-Friese kinderen geschreven. Zo verwordt de Friese taal tot folklore'.(Veldadvisering ...side 6) .
Myn útstel om de besteande kerndoelen te hanthavenjen slagge net, omdat oaren fûnen dat der (te?) grutte ferskillen yn de behearsking fan it Frysk wienen. Uteinlik kamen wy ta it kompromis mei de kearndoelen Ingelsk (!) as útgongspunt en dat de skoallen op basis fan it Berie-advys 8- 2458 tydlik ûntheffing krije kinne, mar tagelyk wurkje sille 'aan het bereiken van de maximale doelstellingen' (Veldadvisering...side 13).

De spegeling oan de Hollânske kearndoelen wurdt mei de tredde generaasje loslitten

As resultaat fan dizze 'veldadvisering' op 14 maaie 2003 yn it gemeentehûs op it Fean wurdt it SLO-útstel sa oanpast (yn telegramstyl):
- 19. in positive hâlding neistribje
Mûnling ûnderwiis
-20. ynformaasje helje út sprutsen Frysk
- 21.yn it Frysk leare út te drukken

Skriftlik ûnderwiis
- 22. ynformaasje út Fryske teksten helje mei befoardering fan in goede lêshâlding
- 23. Ienfâldige tekst skriuwe kinne oer deistige saken

Taalskôgjen –strategyen
- 24. strategyen tapasse en ferwurdzje kinne
- 25 opbou fan in wurdskat fan frekwinte wurden /brûken fan in wurdlist.

Litte de kearndoelen Frysk dan net mear lykweardich oan it Hollânsk wêze, mar alle taalskiften kamen no wól foar en mear wie der spitigernôch op dat stuit net út te heljen. **De SLO hat it oernommen mei de opmerking it nivoferskil tusken learlingen as útgongspunt te nimmen en dat der fierder socht wurde moast nei differinsjaasjemooglikheden.** Bygelyks dat skoallen kieze kinne út in A,B of C-fariant.(Veldadvisering ...side 8).
Yn maart 2004 binne noch in pear wizigings oanbrocht - sa is lêshâlding fuortlitten en binne 24 en 25 kombinearre- en troch minister Van der Hoeven nei de Twadde Keamer stjoerd.

As yn de lespraktyk net it model fan strak klassikaal ûnderwiis hantearre wurdt, kin der dochs noch ûntwikkeljend ûnderwiis foar alle bern ûntstean. Op fersyk fan de hear Th. Willemsen – ûnderwiiskundich beliedsmeiwurker provinsje Fryslân - hat de Feriening Frysk Underwiis bygelyks dêrta ynfolling jûn.[6]:
- it prinsipe fan lykweardigens hoecht net loslitten te wurden ek al binne der aksintferskillen mei it Hollânsk;
- ûnderwiis yn it Frysk net opfetsje as frjemde-taal-ûnderwiis, mar is earste en yn guon gefallen twadde-taal- ûnderwiis
- ûnderwiis moat net efter de ûntwikkeling oanhobbelje, mar rint der op foarút (ûntwikkeljend ûnderwiis);
- de nedige fleksibiliteit net op it nivo fan de skoalle, mar op it nivo fan de bern tapasse;
- it Frysk heart yn it kearnpart fan it kurrikulum as part fan yntegraal (meartalich) ûnderwiis.

Konklúzje is dat troch it lang net serieus nimmen fan it ûnderwiis yn it Frysk op de measte skoallen, de minne resultaten dy't dêr it gefolch fan wienen, troch Ryk en provinsje Fryslân brûkt binne om de emansipaasje fan it Frysk op te kearen. De ambysje fan lykweardigens en lykberjochtiging waard loslitten en it ûnderwiis yn it Frysk drige wer ferballe te wurden nei syn Jan Poepsplak.

[6] Notysje fan it FFU-bestjoer, Reaksjes yn de diskusje oer de fêststelling fan de kearndoelen Frysk , juny 2003.

5. De notysje fan de Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis

De 9 leden fan de wurkgroep wienen rekrutearre út de begeliedingstsjinst, it opliedingsûnderwiis foar basisskoallelearkrêften, de ynspeksje, de Fryske Akademy en direksjes fan basisskoallen. De wurkgroep hie te krijen mei noch net fêststelde, mar wol bystelde kearndoelen Frysk, dy't de minister yn maart 2004 oan de Twadde Keamer foarlein hie.
Koart gearfette:
1.In positive hâlding foar it brûken fan it Frysk oer;
2.It Frysk leare te ferstean;
3.It Frysk leare te praten;
4. It Frysk lêze kinne;
5. Ienfâldige teksten yn it Frysk skriuwe kinne;
6. Untwikkeljen fan in beskate Fryske wurdskat.

It doel fan de yn 2004 útbrochte notysje[7] wie it Frysk yn it basisûnderwiis in nije ympuls te jaan troch benammen omtinken foar **ynterne differinsjaasje** te hawwen. Op basis fan in goed ûntwikkele taal(belieds)plan soe in ûntheffing foar it Frysk dan eins net mear nedich wêze. Op grûn fan de grutte ferskillen tusken de learlingen wat de taalfeardichheid Frysk oanbelange wie de wurkgroep fan betinken, dat
- foar alle learlingen as ynstapnivo de kearndoelen 1 (positive hâlding) en 2 (inoar ferstean te kinnen) jilde;
- wat de kearndoelen 3– 6 (it prate , lêze en skriuwe en taalskôgjen) oangiet krije de bern de kâns harren op it heechste nivo te ûntwikkeljen.
Kearndoelen binne ferplichte doelen yn it skoalprogramma, dy't de skoalle op syn minst oanbiede moat. Dy doelstellings moatte neffens de wurkgroep **net op skoalnivo (**ek wol **meso-nivo** neamd)**, mar op learlingnivo** (ek wol **mikro-nivo** neamd) yndividueel of as nivogroep neistribbe wurde om alle learlingen optimale resultaten helje te litten op grûn fan de al berikte taalfeardigens. Net-Frysktalige bern kinne, neffens de notysje, likegoed yn it Frysk leare te skriuwen lykas Frysktalige bern dat ek foar it Hollânsk dogge. Yn in tiid fan adaptyf of passend ûnderwiis (by de bern oanslute) mei it net sa wêze, dat Frysktalige bern, dy't soks oan kinne, gjin skriftlik taalûnderwiis yn it Frysk krije, omdat de skoalle soks net nedich fynt foar de net-Frysktalige bern.
Foar de ymplemintaasje stie de wurkgroep oan op it meitsjen fan in taalbeliedsplan, dêr't de ambysje fan de skoalle dúdlik yn útkomt. It rapport joech ek omtinken oan de rol fan de ynspeksje en de mooglikheid fan help fan saakkundigen by de útfiering fan de plannen (in troch de provinsje yn te stellen fisitaasjekommisje). Yn it *Advys fan it Berie* (nov. 2003)[8] wie dy mooglikheid fan in systeem fan fisitaasje de provinsje al oanrikkemandearre, sa as by de

[7] Herziening doelstellingen Fries in het PO , provincie Fryslân, Wurkgroep Fryk yn it PU, januari 2006 (fêststeld yn de kommisje nov. 2004)

[8] Advys fan it Berie foar it Frysk oer de befoardering Frysk yn it primer ûnderwiis, 21 novimber 2003. Merkteken 1-3407.

pjutteboartersplakken en Frysktalige berne-opfang. Dat is der spitigernôch net fan kommen. Yn itselde *Advys* wie it Berie al net bot te sprekken oer de ambysje fan de provinsje. Fan it troch PS yn 2002 fêststelde *Plan fan Oanpak Frysk yn it ûnderwiis* waard net dúdlik wat der fan de grutte plannen op 'e hispel komme soe en der waard ornearre "Soks is tige demotivearjend foar de minsken dy't har ynsette foar it Frysk yn it ûnderwiis' en it liek it Berie de baas dat de provinsje earst mar mei dy taken oan it wurk gie 'foardat wer nije plannen makke' wurde (side 2).
Yn it begeliedend brief (3 april 2006) by de notysje fan de wurkgroep 'Herziening doelstellingen Fries in het PO'[9] oan skoallen, beliedsamtners en belangstellenden giet deputearre Mulder der fan út dat de op 'e nij formulearre kearndoelen better oanslute sille by de praktyk. Om de mooglikheden fan differinsjaasje optimaal benutte te kinnen advisearret de provinsje de skoallen oer te gean ta it ûntwikkeljen fan in eigen taalbeliedsplan. De deputearre jout ek oan dat de provinsje finansjeel foar de helte byspringe sil as de skoalle de taalkoördinator yn dat ramt in kursus folge litte wol.

Dochs wie der in protte oan foarôf gien. Yn 2005 bestie der in protte ûnwissichheid oer de status fan it Frysk yn it ûnderwiis (lykweardich oan it Hollânsk of net), de kearndoelen yn it bysûnder. In beslissing fan de Twadde Keamer oer it ministeriële útstel fan de (ferlege) kearndoelen Frysk kaam mar net en de Steatekommisje B&M (10 maart 2005) fûn dat de wurkgroep de lykweardichheid fan de kearndoelen Frysk oan it Hollânsk falle litten hie en achte dêrom de notysje noch net ryp foar besprek yn Provinsjale Steaten.

Net dúdlik is ek wêrom't Deputearre Steaten yn **desimber 2004** de notysje fan de wurkgroep wól fêststeld hawwe**, mar yn april 2005 mei in útstel fan in fjouwertal learwegen (differinsjaasje op meso-nivo) kamen (sjoch dêrfoar paragraaf 6), dy't wat de differinsjaasje oanbelanget eins yn striid wienen mei fan it útstel fan de wurkgroep (differinsjaasje op mikro-nivo).**

De provinsje hie sûnder mis in oare fysje op wat differinsjaasje ynhâlde kin. De wurkgroep woe neat ôfdwaan fan it prinsipe fan lykberjochtiging oan it Hollânsk en hantearre as útgongspunt foar it realisearjen fan alle (bystelde) kearndoelen 'benammen (ek) de yndividuele taalmooglikheden fan in bern' (Ferslach gearkomste KAG-PU 13-4-2005). Yn tsjinstelling mei de provinsje, dy't de taaleftergrûn fan de measte learlingen sintraal stelde om kearndoelen skrasse te kinnen.
Nei't De Haach úteinlik de tredde generaasje kearndoelen (mei de ferlege kearndoelen foar it Frysk) fêststeld hie, stjoerde deputearre Mulder begjin 2006 de glossy notysje fan de wurkgroep út 2004 nei de skoallen, beliedsamtners en oare belangstellenden, lykwols sûnder omtinken te freegjen foar de fjouwer learwegen

De notysje fan de wurkgroep krige gjin effekt, omdat de provinsjale polityk in oare fysje hie. De lange perioade fan ûnwissichheid (2003- 2006) oer hoe't it Ryk úteinlik de kearndoelen Frysk fêststelle soe, die der ek gjin goed oan. It SLO-útstel fan 2003 die alfêst syn wurk. De provinsje keas foar in stapke tebek mei de kearndoelen Frysk om sa it ûnderwiis yn it Frysk in

[9] Brief 3 april 2006 by notysje Herziening doelstellingen Fries in het PO fan jannewaris 2006.

nije ympuls jaan te kinnen. Nuodlik, want as de status fan it Frysk by skoallen en ek âldere learlingen al net heech is, dan leit it net foar de hân dat skoallen der no wol mei mear motivaasje mei te set geane.

Notysje wurkgroep jannewaris 2006 mei oanbefellingsbrief fan 3- 4-2006

Ien en oar hie ta gefolch, dat de kearndoelen Frysk net langer de funksje hienen fan op *syn minst* nei te stribjen doelen, mar foar de measte bern /skoallen as *net te realisearjen* programma-easken sjoen waarden. Troch it loslitten fan de spegeling en troch differinsjaasje op skoalnivo (it skrassen fan ien of mear fan de ynhâldlik ferlege kearndoelen Frysk) waard de wetlike posysje fan it ûnderwiis yn it Frysk flink ferswakke.

6. Reaksjes oer en wer op de wurkgroepnotysje yn 2005

a. Ried fan de Fryske Beweging

Yn jannewaris 2005 kaam de ***Ried fan de Fryske Beweging*** mei in brief[10] oan de Steatekommisje Boarger & Mienskip (B&M) om de notysje oer de kearndoelen Fryske fan de wurkgroep (paragraaf 5) net oer te nimmen. Haadpunt fan krityk op Deputearre Steaten wie dat dy akkoart gien wienen mei it loslitten fan de oan it Hollânsk spegele kearndoelen Frysk. Neffens de Ried waard de lykweardigens en lykberjochtiging fan it Frysk oan it Hollânsk sa slim ûnderstek dien, wylst yn 1985 dat belied troch de provinsje noch breed akseptearre wie nei oanlieding fan it rapport *Fan Geunst nei Rjocht (1983).*
De Ried joech de wurkgroep gelyk dat mei ien oere Frysk yn 'e wike de kearndoelen net te heljen wienen en dat de oplossing net socht wurde moast 'yn it ferleegjen fan de doelen mar yn it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk' (side 3). De provinsje soe de skoallen neffens de Ried better stypje moatte en sette dêrom fraachtekens by útstellen fan de wurkgroep foar it opstellen fan taalbeliedsplannen en ynstellen fan in fisitaasjekommisje (as te frijbliuwend), mar wie der net op tsjin.
De Ried achte it ferleegjen fan de kearndoelen ek net nedich. Probleem foar de wurkgroep hie lykwols west, dat de wurkgroep gjin sizzenskip (sjoch paragraaf 4) mear hie oer it wol of net ferleegjen fan de kearndoelen Frysk. De wurkgroep seach dêrom de bystelde kearndoelen as **op syn minst** nei te stribjen doelen en wie fan betinken, dat – **as skoallen genôch ambysje hawwe soenen-** der mei de nije kearndoelen yn de praktyk ek al in protte dien wurde koe. As der differinsearre wurde soe op learlingnivo, dan wie it jaan fan ûntheffing eins ek net mear nedich (Herziening...side 8). Foar de wurkgroep wie wichtich dat alle taalskiften yn de ferlege kearndoelen Frysk dochs in plak hâlden.

De Ried makke fierder in terjochte krityske opmerking by it earste kearndoel Frysk: it ûntwikkeljen fan in **positive hâlding (attitude**) by learlingen foar it brûken fan it Frysk troch harren sels en oaren. Neffens de Ried kin it – al hoe wichtich ek – gjin isolearre fakdoel wêze (sjoch ek paragraaf 4) en stelt dan ek de fraach wêrom't der mei dat kearndoel foar it Frysk in útsûndering makke wurde moat. Foar it Nederlânsk en it Ingelsk – ek oare talen foar de bern - wurdt soks net dien.
De taljochting by de kearndoelen Frysk (Voorstel...2003) jout gjin antwurd op dy fraach. Neffens de SLO-meiwurkers hat it ministearje fan OC&W harren opdracht jûn mei in tekst te kommen (sjoch paragraaf 4). Mooglik ha de meiwurkers ek ynformaasje krigen oer de drege útfiering fan de kearndoelen op guon skoallen en bygelyks it brief fan it skoalbestjoer fan Ljouwert-Wurdum ûnder eagen krigen, dêr't yn advisearre waard de kearndoelen te beheinen ta de domeinen mûnlinge feardigens en lêsfeardichheid.

De Ried hat gelyk dat as skoallen harren yn it skoalwurkplan eins ta dat kearndoel **positive hâlding** beheine wolle, soks liket op it sykjen fan in aliby om ûnderwiis yn it Frysk net serieus te nimmen (folstean mei in ferske, in filmke, in plaat ynkleurje). Boppedat sil in negative hâlding foar it Frysk oer net mei in inkeld leske 'positive attitude' te ferhelpen wêze.

[10] Brief fan 21—1-2005 fan de Ried fan de Fryske Beweging oan de Steatekommisje Boarger en Mienskip.

b. Aksjegroep Te Mâl

Foar opskuor soarge aksjegroep ***Te Mâl*** . It ploechje jonge Friezen liet ûnder dy namme de Steatekommisje B&M witte, dat se it net iens wienen mei it foarnimmen fan Deputearre Steaten om de kearndoelen Frysk te ferleegjen. Yn it brief fan de aksjegroep[11] wurde foar in part deselde arguminten brûkt as dy fan de Ried fan de Fryske Beweging en ferwiist Te Mâl nei it rapport *Fan Geunst nei Rjocht*. Te Mâl wiist der op dat, yn tsjinstelling mei it provinsjebestjoer, it Berie (1999) fêsthâlde oan de spegele kearndoelen Frysk en dat steatssekretaris Adelmund (10 sept. 2001) oan de Twadde Keamer skreau gjin foarstanner te wêzen fan in ferleging fan dy kearndoelen op advys fan de ynspeksje. Konstatearre waard ek it net neikommen fan it troch Nederlân ratifisearre Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en it feit dat Deputearre Steaten gjin gebrûk makken fan resultaten fan ynternasjonaal ûndersyk.

c.Feriening Frysk ûnderwiis

Yn in brief fan 13-1-2005[12] oan de Steatekommisje B&M makke de FFU dúdlik dat net de spegele kearndoelen Frysk oarsaak fan de minne resultaten wienen, mar dat de measte skoallen (70% neffens it ynspeksjerapport 2001) der amper wat oan dienen. De fraach nei dé oarsaak foar dy hâlding fan skoallen om de kearndoelen te sabotearjen is in kompleksen–ien, mar neffens de FFU is benammen **de ferlamjende eangst dat tiid foar it Frysk minne resultaten foar it Hollânsk opsmite sil, grut**.

Al fan it begjin fan de 19e iuw ôf is dy eangst troch Ryk en ynspeksje der by de Frysktalige befolking hast systematysk ynwreaun. Te faak krige yn de histoarje it Frysk sûnder bewiis de skuld fan mooglike tekoarten yn de behearsking fan it Hollânsk by Frysktaligen. It hjoed de dei langer wat mear systematysk de kwaliteit fan it (basis)ûnderwiis ôf te mjitten oan benammen de prestaasjes op de fakken *taal (Nederlands) en rekenen* makket skoallen erchtinkend om it 'eksperimint Frysk ûnderwiis' oan te gean, want sa wurdt ûnderwiis yn it Frysk noch fakentiden sjoen.

d. Reaksje fan de provinsje Fryslân

Deputearre Steaten koenen troch al dy krityk- benammen troch de aksje fan Te Mâl- net efter bliuwe en kamen mei in ferdigjende notysje[13] .

Yn opdracht fan Prov. Steaten stienen Dep. Steaten der by de minister fan ûnderwiis ynearsten op oan de spegeling fan de kearndoelen Frysk oan dy foar it Nederlânsk te hanthavenjen fanwegen de prinsipiële lykweardigens fan beide talen. Minister Van der Hoeven hie it Steatestânpunt foar kundskip oannommen, mar fûn dat gjin reden om it

[11] Brief fan 20 -1-2005 fan aksjegroep Te Mâl oan de leden fan de provinsjale steatekommisje Boarger en Mienskip.

[12] Brief fan jannewaris 2005 fan de Feriening Frysk Underwiis oan de steateleden oer de Herziening doelstellingen Fries in het PO , december 2004

[13] Kearndoelen en learwegen , Deputearre Steaten fan Fryslân 12-04-2005

wetsûntwerp mei de ferlege kearndoelen Frysk te wizigjen (side 1).
Dep. Steaten konstatearren lykwols nei in debat op 16 maart 2005 yn de Steaten,
1. dat 25 jier lykweardige kearndoelen Frysk neat opsmiten hie. Ja, DS woenen wol in stap fierder gean troch te sizzen, 'dat de kearndoelen sa fier fan de praktyk yn it ûnderwiis ôfsteane dat **se in behindering foarmje foar de ûntwikkeling fan in nije ûnderwiispraktyk Frysk' (**fetprint T.D**.)**
2. dat it fêststellen fan de kearndoelen Frysk en Nederlânsk neat seit oer de him 'al as net ûntwikkeljende praktyk fan it fak Frysk yn it primêr ûnderwiis' (side 1).

Foar in part hawwe Dep. Steaten gelyk, mar tusken de beide útspraken fan it kolleezje fan DS sit dochs in frjemde tsjinstelling. Want as de fêststelde kearndoelen gjin ynfloed op de praktyk fan it ûnderwiis yn it Frysk hawwe soenen, dan foarmje dy spegele kearndoelen Frysk dus ek gjin behindering om goed ûnderwiis yn it Frysk te jaan. Wêrom soenen dy dan ferlege wurde moatte? Neffens Dep. Steaten wol, omdat noch gjin tredde fan de skoallen dy doelen helle en mei de nije kearndoelen (alle taaldomeinen komme foar) 'hawwe wy foarearst de hannen fol' (side 4) .
Yn it ramt fan mear autonomy foar de skoallen wolle Dep.Steaten dêrom mei alle skoallen en mei help fan de begeliedingstsjinst neffens it provinsjale *Plan fan Oanpak Frysk yn it Underwiis* (2002) stribje nei 'adaptyf ûnderwiis, troch út te gean fan kennis en belangstelling, transfer en differinsjaasje' sa as Dep. Steaten dat Plan op side 3 fan de notysje *Kearndoelen en learwegen* gearfetsje.

e. In trijetal kanttekenings:
1. Yn de argumintaasje fan Dep.Steaten bliuwt ûndúdlik hoe't it kolleezje de funksje fan kearndoelen sjocht. Oan de iene kant hawwe se gjin beswier tsjin it ferleegjen fan de kearndoelen, omdat neffens harren de spegele kearndoelen *net realistysk* wêze soenen; ja mooglik in behindering foar in goede ûnderwiispraktyk. Kearndoelen wurde sa opfette as prestaasje-easken foar de bern.
Oan de oare kant betsjut it fêststellen fan kearndoelen neffens Dep.Steaten **neat** foar de al as net ûntwikkeljende ûnderwiispraktyk. Mar as dat wier wêze soe wêrom dan de lykweardichheid fan it ûnderwiis yn beide talen falle te litten? It is út soarte likemin 'realistysk' om, mei it each op de iuwenlang besteande efterstelling fan it Frysk, te tinken dat skoallen no ynienen wol mei faasje mei it Frysk oan 'e gong sille. It hat mear wei fan in legitimaasje om it mei it ûnderwiis yn it Frysk op in sêft sin te setten. De spegele kearndoelen wienen net de wiere oarsaak fan it minne ûnderwiis yn it Frysk, mar skoallen koenen it maklik brûke as in ferlechje nei de ferantwurdlike oerheid ta. De provinsje gie dêryn mei, omdat de rol fan meistanner fan de skoallen har it bêste paste (Kearndoelen en learwegen, side 5).

2. De provinsje hie gjin beswier tsjin it op 'en nij besjen fan de kearndoelen Frysk en keppele dêroan fêst om de kearndoelen Frysk en Nederlânsk 'in samenhang te herzien' (Kearndoelen en learwegen,.side 4). In goed idee, omdat it troch de provinsje winsklik achte yntegraal taalbeliedsplan fan de skoalle it probleem fan it Frysk as 'minderweardige 'taal tsjingean kinne soe.

Dêr is lykwols neat fan op ‘e hispel kommen. De SLO hat dêrta gjin opdracht fan de minister (sjoch paragraaf 4) krigen en de provinsje hat (wierskynlik) net protestearre.

3. Wat it probleem fan de differinsjaasje oanbelanget werhellet de provinsje yn *Kearndoelen en learwegen* in fjouwerdieling yn nivo’s sa as earder beskreaun yn *Plan fan Oanpak Frysk yn it Underwiis, 2002.* Begjin **2005** krige it Taalsintrum Frysk de opdracht om dy **fjouwer learwegen** neier út te wurkjen. De spegele kearndoelen Frysk fan **1998** binne dan noch offisjeel, wylst de nei ûnderen bystelde kearndoelen al by it parlemint lizze!

Tabel learwegen

Nivo	Kearndoelen
1	Benammen rjochte op doelen foar mûnlinge feardichheid (A) en lêsfeardichheid (B)
2	Alle kearndoelen út domein A, domein B en inkelde doelstellings út de domeinen skriuwfeardigens (C) en taalskôgjen (D)
3	Alle kearndoelen binnen de domeinen A, B en D en in beskieden plak foar it skriuwen.
4	Alle kearndoelen komme oan bod.

Sa op it earste gesicht hiel aardich betocht, omdat skoallen útnûge wurde om in kar út de kearndoelen te dwaan, ‘**dy’t de skoalle berikke wol.**’ (fetprint TD). De taalskiften A en B soenen neffens de provinsje makliker wêze as C, omdat by it skriuwen de Fryske stavering brûkt wurde moat. Dochs is it tige de fraach oft foar net-Frysktalige bern it Frysk leare te praten makliker wêze soe as it Frysk leare te skriuwen. In leske ynfolje dêr’t de wurden by jûn wurde, is folle makliker te dwaan as it hâlden fan in sprekbeurt fan in fan –hûs út –net-Frysktalige learling yn in boppebougroep, dêr´t it Frysk eins nea klinkt.

De provinsje wol troch boppesteande differinsjaasje-foarm (tabel) besykje om safier te kommen dat it jaan fan ûntheffings net mear nedich is en dat ûnderwiis yn it Frysk tenei serieus oanpakt wurde sil. De útstelde learwegen binne foar it **meso-nivo** bedoeld, dat wol sizze dat de skoalle foar alle groepen foar in beskaat nivo kiest en sa in kar makket út de kearndoelen (bygelyks allinnich domein A).

Soks hat twa **beswieren**:
a. It hâldt gjin rekken mei de **grutte ferskillen** yn taalfeardichheden by de bern yn in bepaalde groep/klasse. Foar de Frysktalige bern bygelyks falt der dan amper wat te learen, want ferstean en prate fan it Frysk (faak doare se dat net yn de klasse) kinne se al. It gefaar is dat de skoalle - as de motivaasje foar it ûnderwiis yn it Frysk by guon learkrêften of de skoallieding net grut is - it leechste nivo oanhâldt en gjin differinsjaasje op **mikro-nivo** (nivo fan de yndividuele learlingen) tapast.
By oare fakken - ek foar it Nederlânsk- yn reguliere skoalsituaasje wurdt wol op mikro-nivo differinsearre sûnder dat der kearndoelen weilitten wurde. Yn it oanbod fan de skoalle spylje

by de oare fakken alle kearndoelen in rol en kin de learkrêft - ôfhinklik fan de mooglikheden fan de bern - klassikaal mar ek yn nivo-groepkes of sels yndividueel opdrachten útwurkje litte. Net alle bern sille op it heechste nivo prestearje, mar alle bern krije wol de kâns optimale resultaten te heljen.
Foar it Frysk is dat likegoed winsklik en needsaaklik. As it goed is leit de skoalle yn it taalbeliedsplan fêst hoe't yn de ferskillende **groepen (op mikro-nivo**) it kommend jier mei de kearndoelen Frysk wurke wurde sil. Dêrby is tige wichtich dat der omtinken is foar de trochgeande learlinen c.q. kearndoelen.

It alfêst eliminearjen troch Dep.Steaten fan guon foar it Frysk tige wichtige kearndoelen is yn striid mei de funksje fan de kearndoelen nammentlik dy 'op syn minst' in plak yn it ûnderwiis te jaan. Yn de notysje fan de provinsjale wurkgroep *Herziening doelstellingen Fries in het PO* (sjoch paragraaf 5) wie krekt besocht om **in oplossing te bieden foar it fraachstik om wól alle (bystelde) kearndoelen Frysk yn it skoalwurkplan op te nimmen, mar tagelyk adaptyf ûnderwiis mooglik te meitsjen (d.w.s. útgean fan ferskillen tusken learlingen en rekken te hâlden mei ferlet en motivaasje).**
De wurkgroep krige lykwols de folle laach fan krityk as soe sy de oarsaak west ha fan it loslitten fan de oan it Hollânsk spegele kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis. De provinsje en dan benammen Dep. Steaten hienen de moedfearren hingje litten en lieten harren troch skoalmanagers earen oan de kop naaie troch te min saakkkundigens en foech op ûnderwiismêd. De provinsje hie gjin wetlike ûnderwiistaak foar it Frysk, útsein it jaan fan ûntheffings.

b. As twadde moat neamd wurde , dat **de opset mei learwegen minder fleksibel** is as dy fan de provinsjale wurkgroep. Yn de opset fan de wurkgroep kinne de kearndoelen yn eltse leeftydsgroep in eigen ynfolling krije, wylst dat by de learwegen net fanselssprekkend it gefal is. Boppedat kin der op basis fan de notysje fan de wurkgroep in better ûntwikkeltrajekt ynset wurde om te besykjen foar mear learlingen mear doelstellings te berikken. Dêrta is in trochgeande learline fan groep 1 nei groep 8 nedich. As yn de legere groepen it Frysk al mear in plak krige hat, is der yn de boppebou dêrnei folle mear mooglik. De feardichheden yn it Frysk fan dy bern binne dan (folle) better ûntwikkele en dan hat ek it krijen fan in positive(re) hâlding foar it Frysk oer in gruttere kâns fan slagjen.
Dêr stiet foar oer dat de troch de wurkgroep keazen differinsjaasjefoarm op mikro-nivo in gruttere ynspanning fan de measte skoallen freegje sil. It is folle makliker fansels om foar alle learlingen út te gean fan deselde begjinsituaasje mei in minimale doelstelling.

Om skoallen te helpen by it ûnderwiis yn it Frysk hie it ministearje fan OC&W nei oanlieding fan it ynspeksjerapport fan 2001 de SLO de opdracht jûn in learplan[14] foar de skoallen te ûntwikkeljen û.m. omdat it learstofoanbod net foldie oan de kearndoelen en it lesgedrach fan de leararen net sterk wie. Dat dûbeltalige *Learplan Frysk* – mei-ûntwikkele troch saakkundigen út Fryslân – moast in ympuls jaan ta in fierdere ûntjouwing fan de kwaliteit fan it oanbod Frysk op 'e Fryske skoallen.

[14] Frysk oan bod. Learplan Frysk foar it Primêr Underwiis SLO, oktober 2005

It *Learplan* is dúdlik oer de funksje fan kearndoelen. It seit neat oer it nivo dat de learlingen helje moatte, mar wol oer it troch de leararen oanbeane ûnderwiisoanbod Frysk. Eltse skoalle sil dêrby rekken hâlde moatte mei de heterogene learlingepopulaasje en dus differinsearje. Soks kin neffens it *Learplan* ynhâlde dat **tydlik** foar bepaalde bern beskate kearndoelen efkes mei rêst litten wurde, mar dat skoallen de taalfeardigens yn it Frysk by alle learlingen **foar alle kearndoelen** op in sa'n heech mooglik nivo neistribje.
De konklúzje is dan ek dat ek de SLO mei it ferskinen fan it *Learplan* op it stânpunt stie dat differinsjaasje op mikro-nivo (de learling) pleatsfine moat en net op meso-nivo (de skoalle) sa as de provinsje dat mei de 4 learwegen oanjout.

It is net ienfâldich om te sizzen wat de skea fan de provinsjale opstelling west hat foar it ymplemintaasjeproses fan it Frysk yn it basisûnderwiis yn dy jierren. As de provinsje him beropt op de autonomy fan skoallen wat it learplan oanbelanget, mar neat docht oan de ûngelikense maatskiplike krêftsferhâldings tusken de talen liedt soks maklik ta misbrûk op kosten fan in mear 'lykwichtige taalûntwikkeling by de bern'(*Learplan* side 43) . De provinsje hie, ynstee fan him op didaktysk mêd te bejaan, him better talizze kinnen op saken as de oplieding fan saakkundige learkrêften en tafersjoch op it neilibjen fan de kearndoelen Frysk.
Yn it ramt fan suksesfol twatalich ûnderwiis wize de skriuwers fan it *Learplan* der op dat mei it each op in goede taalbehearsking fan sawol de Frysktalige as de Nederlânsktalige learlingen 'it dêrom de wiiste wei (is) om it Frysk yn de basisskoalleperioade in sterker plak te jaan as it Nederlânsk' (*Learplan, side 43*). Foar skoallen, fêst bewoartele yn de Hollânske ûnderwiistradysje, en ek Dep. Steaten sil dizze opfetting fan de *Learplan–skriuwers* as ûnrealistysk yn de earen klonken ha.

Yn it ynspeksjerapport fan 2006 wurdt de oerheid oproppen om him te berieden 'op it tafersjoch troch de ynspeksje op it fak Frysk en it plak fan it Frysk yn it ramt fan dat tafersjoch'[15]. (Side 13)

[15] Inspectierapport 2006-21 De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân, Technisch rapport, juni 2006

7. It ynspeksjerapport 2006

De ynspeksje fan it Underwiis hat yn 2004-2005 – de perioade dat de kearndoelen hieltyd yn diskusje wienen – de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk yn sawol it basisûnderwiis as it fuortset ûnderwiis ûndersocht. It koe wer gjin sprekken lije en wat it basisûnderwiis oanbelanget wienen de lessen Frysk benammen rjochte op de hâlding foar de taal oer, it ferstean en it praten.

Yllustraasje op side 18 fan it dûbeltalich rapport *Frysk op skoalle*

De ynspeksje konstatearre dat út earder ûndersyk al bekend wie dat it oanbod op skoallen net oansleat by de kearndoelen sa't dy doe gouwen. 'No docht bliken dat it oanbod ek mar foar in part oanslút op de nij yn te fieren kearndoelen' (side 11), dy't begjin 2006 nei in lange perioade fan diskusje en ûntwikkelings einliks fêststeld en ynfierd wurde. Sa hat yn 77% fan de skoallen it earste kearndoel Frysk (positive hâlding) in plak en mar op 19% fan de skoallen wurdt it skriuw-kearndoel (ienfâldige teksten) neistribbe (side 51) neffens de 0-mjitting (side 50).
Der sit neffens de mearderheid fan de direksjes gjin trochgeande line yn it ûnderwiisoanbod en mar in lyts bytsje skoallen ha oerlis mei bygelyks pjutteboartersplakken en fuortset ûnderwiis oer it Frysk. Sa wurdt der neffens it ynspeksjerapport yn de lessen Frysk noch amper differinsearre tusken Frysktalige en net-Frysktalige learlingen.
Mei it each op de takomst fan it Frysk yn it ûnderwiis jout de ynspeksje de skoallen yn omtinken, dat de learlingen in oanbod krije dat oerienkomt mei de kearndoelen foar it fak Frysk. Der wurdt fan útgien, dat de nije en tagelyk beheinde doelen wol better te heljen wêze sille (side 26) mei dêr op oanpaste metoaden (side 102).

Sa op it earste gesicht in logyske konklúzje, mar de 'Hollânsk tradysje' yn it ûnderwiis is hiel

sterk en lit him ek net maklik syn monopoaljeposysje ôfnimme. Sa konstatearret de ynspeksje bygelyks dat 70% fan de âlden it goed fynt dat de skoalle omtinken oan it Frysk jout en mar 18 % net, wylst de direksje tocht dat wol 34% fan de âlden gjin belang by it Frysk op skoalle hat. Neffens de ynspeksje 'onderschatten (de directies) opnieuw het belang dat ouders aan Fries hechten'(side 55). Oer draachflak by de âlden sprutsen!
In besteande maatskiplike situaasje fan efterstelling is lykwols net maklik troch ûnderwiis te feroarjen. Benammen net as de ferantwurdlike oerheid net kiest foar in effektyf emansipaasje-belied foar it Frysk en sa it ûnderwiis gewurde lit mei as gefolch in maatskiplike reproduksje fan ûngelikense taalferhâldings. De ynspeksje achte it dan ek fan belang, dat mei it each op harren rol as 'toezichthouder (...) dat 'duidelijkheid bestaat over de eisen die de overheid stelt aan het onderwijs in het Fries' (side 87).

It ynspeksjerapport 2006 konstatearret , dat it skoaloanbod Frysk ek noch mar foar in part oanslút op de nije – folle minder omfiemjende – kearndoelen Frysk. Fansels is in sprong fan 'de flier op 'e souder' net daliks mooglik, mar it liket der hieltyd mear op dat de 'souder' (lykweardich ûnderwiis yn it Frysk) gjin doel is foar skoallen en polityk. Neffens de ynspeksje moatte de koallen ta heldere ôfspraken komme oer it oanbod fan Frysk yn de ferskillende learjierren (side 88). Mar dêr bliuwt it dan ek by as de oerheid it net oppakt.

8. It ynspeksjerapport 2010[16]

Yn syn rapport fan 2010 is de ynspeksje dúdlik oer de funksje fan de kearndoelen. It is in rjochtline foar it oanbod Frysk. It giet om feardichheden, dêr´t de skoalle yn prinsipe foar alle learlingen yn it basisûnderwiis op tawurkje moat mei de mooglikheid it oanbod op de populaasje ôf te stimmen (side 12). Yn ferliking mei earder ûndersyk út 2005 is neffens de ynskatting fan de direkteuren der sprake fan in lichte ferbettering fan it neistribjen fan de kearndoelen (side 37). In part fan de skoallen lykwols stribbet bepaalde kearndoelen net nei. Benammen by it skriuwen en wurdskatútwreiding wurdt lang net altyd doelfêst wurke, wylst de measte skoallen wol in positive hâlding by learlingen besykje te befoarderjen (Tabel 4.3b, side 36).
Hoewol't der op guon skoallen entûsjast wurke wurdt, binne de algemiene konklúzjes teloarstellend (side 62-63). De profesij dat de skoallen minder omfiemjende kearndoelen better realisearje koenen, is gjin wierheid wurden. Fjouwer jier nei it rapport fan 2006 moast de ynspeksje fannijs konkludearje dat der in grut ferskil bestie tusken winsk (ambysje) en (ûnderwiis)wurklikheid.
De ynspeksje hie syn twifels oft der genôch '*maatskiplik draachflak'* foar it fak Frysk wie om mear romte (tiid bygelyks) yn it programma te meitsjen. It ûntbruts guon skoallen oan in sekere 'taalgrutskens' (side 62).' De ynspeksje hie lykwols gjin ûndersyk dien nei draachflak ûnder âlden en de Fryske befolking, mar allinnich de direkteuren der nei frege. Dyselde direkteuren makken neffens de ynspeksje 'útinoar rinnende ynskattings oer it draachflak ûnder âlden; net ien wie optimistysk' (side 62). Mei rjocht en reden hat de Raad van State yn syn advys nei oanlieding fan it wetsútstel oer de posysje fan it Frysk yn it primêr ûnderwiis dêr in krityske opmerking oer makke. Ungemurken wei waard sa it draachflak foar it Frysk yn it ûnderwiis ûnderstek dien.

Yn de oanbefellings stelde de ynspeksje û.o. dat
- it ûntheffinsgbelied better utwurke wurde moast;
- it learstofoanbod better ôfstimd wurde moast op de (talige) kapasiteiten fan de learlingen ;
- de ynspeksje de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk net earder wer ûndersykje soe as dat der in normearre toets- of learlingfolchsysteeem foar it Frysk is.

De lêste oanbefelling docht frjemd oan: as net oan de betingst fan in toets- en evaluaasjesysteem foldien wurdt dan fiert de ynspeksje langer gjin tafersjoch mear út op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk. Kin de ynspeksje dat samar dwaan? Sa falt alle nedige tafersjoch ek noch fuort. Doe't ik de haadynspekteur nei de presintaasje fan it rapport hjir op oanspruts, ferdigene er him troch te sizzen dat de stelling eins in opdracht foar de polityk wie.

No is yn 2016 dat frege materiaal (GRIP) beskikber kommen, mar yn de foarbye 6 jier wie der gjin sprake mear fan it nedige tafersjoch op de útfiering fan de kearndoelen Frysk. Hoe goed bedoeld ek (beskikberens fan goed toets- en evaluaasjemateriaal foar optimalisearring fan it tafersjoch) betsjutte dy 'politike' beslissing fan de ynspeksje yn de praktyk dat de

[16] Ynspeksjerapport *Tusken winsk en wurklikheid* De kwaliteit fan it fak Frysk yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn Fryslân , conceptrapport september 2010

skoallen it ûnderwiis yn it Frysk op in sêft sin sette koenen. Yn 2017 wie der noch gjin folgjend ynspeksjerapport oer de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk!



It ûntwikkele evaluaasje- en toetsmateriaal as antwurd op it ynspeksjerapport fan 2010

Tabel 3.1c Veranderingen in het percentage Friessprekende leerlingen in de afgelopen vijf jaren (n=463 scholen in 2005 en 455 scholen in 2009)

	Percentage scholen 2005	**Percentage scholen 2009**
Toename Friessprekende leerlingen	2	2
Geen verandering	45	53
Afname Friessprekende leerlingen	36	38
Onbekend	17	7
Totaal	100	100

De scholen die een toename van Friessprekende leerlingen melden, liggen voornamelijk in het noorden en het oosten van de provincie. De scholen die een afname constateren, komen uit 27 verschillende gemeenten. Vooral scholen uit Skarsterlân, Heerenveen, Leeuwarden, Opsterland, Smallingerland en Littenseradiel zijn vertegenwoordigd in deze groep.

Tabel 3.1c jout de druk oan op it brûken fan it Frysk (concept inspectierapport sept. 2010)

Neffens de haadynspekteur koe it ûnderwiis yn it Frysk better en spile de bal werom nei bestjoerders en skoallieders om harren ferantwurdlikens te nimmen. Fan de provinsje waard in regissearjende rol ferwachte (side 64). Mar struktureel is der yn de jierren 2010-2015 neat feroare. Der is praat oer de situaasje, mar de foar skoallen feroare der neat en koenen harren gong gean.

9. Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal (kommisje Hoekstra)

As de saneamde kommisje Lodders (maart 2008) it advys jout om rykstaken op it mêd fan de Fryske taal safolle mooglik nei de provinsje Fryslân te desintralisearjen ûntstiet in eufoarysk gefoel by in protte Frysktaligen dy't it goed mei harren taal miene: Sille wy no echt sizzenskip krije oer (it ûnderwiis yn) ús taal?
Neffens de kommisje soe in yn te stellen stjoergroep bestean moatte út leden ôfkomstich fan sawol de provinsje Fryslân as fan it Ryk. No wie dat daliks in ôfdijer, want mar ien fan de seis leden wenne yn Fryslân: frou Waanders, de boargemaster fan de gemeente Dongeradeel. Foarsitter Hoekstra wie fan Fryske ôfkomst, mar wenne hjir al lang net mear.
De stjoergroep waard op 26 maaie 2009 ynstallearre en kaam yn 2010 mei in Advys *Fries in het Onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap*[17]. De foarsitter makke yn syn 'Voorwoord' dúdlik dat de stjoergroep der al frij gau efter kaam dat de taakopdracht te wiidfiemjend wie en dêrom him ynearsten beheind hie ta de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis.

[17] Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijkrelaties, Advies van de Stuurgroep decentralisatie Friese taal van Rijk naar provincie Fryslân Fries in het Onderwijs , augustus 2010 B-3659

Yn syn advys stelde de stjoergroep út om

1. it foech om de kearndoelen Frysk fêst te stellen fan it ryk nei de provinsje Fryslân oer te dragen.

Lykwols ek wer net in folsleine oerdracht, want oan it útoefenjen fan dat foech waarden twa betingsten steld nammentlik

(a) yn it Fryske ûnderwiisfjild moast draachflak wêze foar de kearndoelen en

(b) it ûnderwiis yn it Frysk mocht de balâns yn it folsleine ûnderwiisoanbod net oantaaste.

Soarch wie der dat troch desintralisaasje it skoalprogramma te fol wurde soe. Dêrfoar wie oerlis nedich mei de fertsjintwurdigers fan it primêr en fuortset ûnderwiis Fierder moast Dep. Steaten it ûntwerp foar advys oan de Minister fan OC&W foarlizze.

2. en de ûntheffingstaak fleksibeler te meitsjen troch net allinne yntegraal mar tenei ek **parsjeel** ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk jaan te kinnen. Yn paragraaf 3 ha wy oanjûn dat it Berie foar it Frysk dat al earder útsteld hie.

De hear Baghus (fertsjintwurdiger fan OC&W yn de stjoergroep) naam in minderheidsstânpunt yn. Desintralisaasje fan it foech om de kearndoelen Frysk fêst te stellen wie neffens him net winsklik en boppedat yn striid nei kêst 23 fan de grûnwet (ûnderwiisfrijheid) en 'de belangen fan nationaal onderwijsbeleid' (side 9). Wat him oanbelange waard sa 'de samenhang en balans tussen de kerndoelen Fries en de kerndoelen voor de overige onderwijsactiviteiten, **waaronder het Nederlands, onvoldoende gewaarborgd' (**fetprint T.D.).

It argumint fan de ûnderwiisfrijheid is wat frjemd, omdat it ryk al yn 1980 it Frysk allinne foar in part fan it grûngebiet ferplichte en dêr ek kearndoelen foar ûntwikkele hie. As in legere oerheid dy taak better oernimme kin dan is de ûnderwiisfrijheid net daliks oantaast.

Boppedat ferbynt de stjoergroep as betingst oan de foechoerdracht de boppeneamde 'garânsjes' foar it útoefenjen fan dat foech troch de provinsje. Sa bliuwt ek it grûnwetlik tafersjoch fan de (ryks)ynspeksje bestean en is de '*vrijheid van richting'* likemin oan de oarder.

De hear Baghus wiist fierder op it *nasjonaal* ûnderwiisbelied en syn soarch oer it *Nederlands* en blykt sadwaande gjin foarstanner te wêzen fan ûnderwiis yn it Frysk. Syn argumintaasje docht tinken oan it 19e iuwske biedwurd: ien *lân, ien folk, ien taal.*

Op 30 juny 2011 stjoert **it kabinet in reaksje** op sawol it rapport fan de ynspeksje fan 2010 (sjoch paragraaf 8) en dat fan de stjoergroep Hoekstra oan de Twadde Keamer[18]. It kabinet is fan betinken dat it better moat mei it Frysk. It Frysk nimt in spesifike posysje yn as twadde offisjele taal njonken it Nederlânsk. 'It kabinet ûnderstreket dêrom ek de ôfspraken dy't makke binne yn it '*Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden'* en it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden'(side 1) .

It kabinet is it iens mei de stjoergroep dat de provinsje yn prinsipe mear sizzenskip oer it belied foar it Frysk krijt en ûnderskriuwt de beide stelde betingsten.

It minderheidsstânpunt fan OC&W kriget ek omtinken troch de opmerking hoeden om te gean

[18] Kabinetsreaksje Frysk: rapport fan de ûnderwiisynspeksje en rapport fan de stjoergroep Hoekstra, 30 -6-2011 Us referinsje 307892 (Dûbeltalich Fr. en H.))

mei regeljouwing fanwegen de frijheid fan ûnderwiis.
1. Wat it earste betingst oanbelanget hie it ûnderwiisministearje in brief fan de PO-raad (primêr ûnderwiis) krigen, dêr 't yn oanjûn stie 'leaver de fokus te lizzen op **kwaliteit** fan it ûnderwiis as op in útwreiding fan it omtinken foar it Frysk op skoalle' (side 5). **De Fryske skoalbestjoeren wienen neffens it kabinet benaud om yn in spagaat te reitsjen tusken de easken fan de provinsje en dy fan it ry**k.

> Retouradres Postbus 16375 2500 BJ Den Haag

Aan de voorzitter van de Tweede Kamer der Staten Generaal
Postbus 20018
2500 EA DEN HAAG

Us referinsj
307892

Taheakken
1

Datum 30 juni 2011
Underwerp kabinetsreaksje Frysk: rapport fan de ûnderwiisynspeksje en rapport fan de stjoergroep Hoekstra

§1. It moat better! It kin better!
Dit brief giet oer it ûnderwiis fan it fak 'Frysk'. Wy stelle út om mei-inoar oan de slach te gean om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te fersterkjen. Want hoewol't in protte Fryske skoallen harren ynspanne foar it fak Frysk, kin it ûnderwiis yn dy taal better. Dat docht bliken út it rapport fan de ûnderwiisynspeksje dat op 24 novimber publisearre is.[1]. Der wurdt foar it fak Frysk net folle toetst en it ûnderwiis Frysk slút net goed oan by it ferlet fan de learlingen. Yn paragraaf twa lêze jo mear oer ús útstellen om de situaasje te ferbetterjen.

It kabinet op de Fyske toer oan de Twadde Keamer (dûbeltalich)

Yn de provinsjale parse[19] wurdt koart ferslach dien fan de opstelling fan Fryske skoaldireksjes troch de hearen Helder en Heerschop om in reaksje te freegjen by it útkommen fan it Hoekstra-rapport: se wolle it foech by it ryk hâlde, net yn in taalpolityk minefjild belânje en gjin ekstra druk op it ûnderwiis.
De ferantwurdlike deputearre De Vries besiket dy eangst te beswarren troch te sizzen dat it krekt oarsom is: 'Het wordt juist minder dwingend. We gaan de scholen meteen betrekken bij het vaststellen van de kerndoelen' (Friesch Dagblad, 10-3-2011). In nijsgjirrige fraach is dan

[19] Friesch Dagblad 3-3-2011, pag 18: Scholen zien liever geen Friese inspectie komen.

wat ûnder 'kwaliteit' ferstien wurde moat. Foar de bestjoeren heart it Frysk dêr net by sa te sjen en wolle se de status-quo hanthavenje, wylst de provinsje it ûnderwiis yn it Frysk der wol ûnder beflapt.
It kabinet wol strideraasje foarkomme en folget it útstel fan de stjoergroep dat 'nije kearndoelen foar it Frysk altyd troch de provinsje ûnderboud wurde moatte mei draachflak by de skoallen' (side 5).

Yn in reaksje merkt it **Consultatief Orgaan** [20] (COF) nei it lêzen fan it rapport Hoekstra op, dat de stjoergroep oan de iene kant oertsjûge is 'van het *politieke en maatschappelijke* draagvlak voor onderwijs in het Fries', mar oan de oare kant útstellen ta ferbettering droegen wurde moatte troch it *ûnderwiisfjild* (side 2). It hâldt yn dat it maatskiplik belang fan minder belang achte wurdt as 'draagvlak onder leerkrachten en schoolbesturen'. It falt it COF op dat sawol yn it rapport Hoekstra as by de behanneling yn de Twadde Keamer it begryp draachflak faak brûkt, mar net helder definiearre wurdt.
It is dúdlik dat skoalbestjoeren belutsen wurde moatte by de foarmjouwing fan it ûnderwiis yn it Frysk, mar wat der neffens it Orgaan net op troch kin is 'de voorschrijving van het vak Fries zo maar afhankelijk te maken van de instemming van een geleding. Dat gebeurt ook niet bij bijvoorbeeld burgerschapskunde, biologie, Nederlands, enz.'(side 3).
De stjoergroep wol mei it freegjen om *draachflak* blykber foarkomme dat it skoalprogramma te fol wurde soe, mar neffens it COF hie soks oplost wurde moatten troch allinnich te sjen nei **de útfierberens** fan de troch de provinsje út te stellen nije kearndoelen.
It COF advisearret de minister dan ek om de ferplichting ta oerlis mei de útfierende ynstânsjes nét yn de wet op te nimmen, **omdat soks net past by de skieding fan ferantwurdlikheden tusken wetjouwer en útfierende organisaasjes**. De noch te formulearjen nije kearndoelen Frysk soenen net op draachflak, mar op útfierberens beoardiele wurde moatte.
Neffens it COF kin it net sa wêze dat de Fryske befolking it rjocht op ûnderwiis yn it Frysk ôfnommen wurdt (It COF ferwiist dêrby ek nei Hânfêst en Kaderferdrach) troch in tekoart oan draachflak yn de skoallen.

It prinsipiële en dúdlike lûd fan it COF hat net de trochslach jûn. It kwea wie al oanrjochte troch boppeneamde managers fan de Fryske koepelorganisaasjes, dy't fia de PO-raad oanjoegen dat it harren (hiel from!) om de kwaliteit fan it ûnderwiis gie en dêrmei ymplisyt op it stânpunt stienen dat ûnderwiis yn it Frysk dêr gjin ûnderdiel fan útmakke.
It wie krekt as wienen wy wer yn 1816, dêr't de ûnderwizers yn de *Almanak voor het Lager Onderwijs en de Opvoeding* de 'allernoodzakelijksten raad 'krigen 'om toch vooral in de scholen het vriesch boersch niet te gedogen'. De auteur wie foar it Frysk, mar net op skoalle. It learen fan it Frysk gie wol fansels, mar foar de takomst fan de bern moast op skoalle it 'nederduytsch' as fak en fiertaal brûkt wurde.[21]

[20] Rapportage en advies over het begrip "draagvlak`bij onderwijs in het Fries, publikaasje fan it COF nei oanlieding van it rapport Hoekstra (2010) , gjin datearring. COF:Orgaan voor de Friese taal van het Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties.

[21] Koen Zondag, Lange oanrin, koarte sprong, Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980 , Fryske Akademy 2011

De auteurs fan de PO-raad lykje nei twahûndert jier net folle byleard te hawwen en wurde troch sokke útdrukkings – tsjin alle kennis fan goed meartalich ûnderwiis yn – mandélich oan de taalûnderdrukking yn de Fryske mienskip. It Haachske sintrale bewâld sil der net rouwich om west ha. It kabinet krige ommers stipe fan de skoallen sels om it mei it ûnderwiis yn it Frysk op in sêft sin te setten. Der waard útsprutsen dat it better moast, mar net de provinsje, mar de skoallen krigen feitlik de ferantwurdlikheid om fêst te stellen wat in skoalle oan it Frysk dwaan koe. Better sein: dwaan woe.

Yn syn niisneamde reaksje fan 30-6-2011 naam it kabinet de advizen fan de stjoergroep - Hoekstra oer, mar die der noch trije betingsten by. De provinsje mocht dan op betingsten it foech krije kearndoelen foar it Frysk út te stellen, mar
- it ryk hâlde de einferantwurdlikheid foar de yntegrale kwaliteit fan it ûnderwiis om foar te kommen dat der ûndúdlikheid ûntstean soe oer de taken fan ryk, provinsje en skoalbestjoeren.
– skoallen mochten net minder bewegingsfrijheid krije troch dûbelde oerheidsbemuoienis. Dêr waard de provinsje mei bedoeld.
– desintralisaasje fan de kearndoelen Frysk mocht de transparânsje fan de ûnderwiisdoelen foar it parlemint net yn it paad stean. De minister fan DC&W moast mei de troch de provinsje útstelde kearndoelen ynstimme kinne. (side 6)

It gefoel, dat troch de stjoergroep Hoekstra der in nije wyn waaie soe, in 'Friese lente' mei in knypeach nei de 'Arabische lente', ferdwûn stadichoan wer. Yn in optein parseberjocht fan de provinsje Fryslân by it offisjeel útbringen fan it rapport Hoekstra.[22] stie lykwols: 'De provinsje is de foar de hân lizzende bestjoerslaach om troch de wei fan it Frysk better ûnderwiis foar de Fryske learlingen mooglik te meitsjen'**. Mei ferwizing nei it tal trijetalige skoallen skreau deputearre De Vries: 'Der komme dus Fryske kearndoelen op maat, dy't rjocht dogge oan de spesifike skoalle- en taalsitewaasje'.**

Oant hjoed-de-dei (2017) is fan it fêststellen fan dy nije kearndoelen 'op maat' noch neat op 'e hispel kommen. De provinsje hat him dêr net oan brâne wolle en is te set gien mei de mooglikheid om parsjeel ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk te regeljen. Want wat is 'passend' by de spesifike skoalle- en taalsitewaasje? Foar eltse skoalle apart kearndoelen Frysk? Hokker yn Ljouwert en hokker op in doarpsskoalle? De kearndoelen noch fierder útklaaie fanwegen de net-Frysktalige bern?
It liket der hiel sterk op dat men hjir wer te krijen hat mei it ferskil yn ynterpretaasje fan de kearndoelen**. Jouwe kearndoelen it ferplichte te heljen prestaasjenivo fan alle bern oan of wurdt de skoalle ferplichte om op syn minst de kearndoelen yn it skoaloanbod op te nimmen en dêrfoar foar alle bern optimale learsituaasjes te organisearjen?**
It is it lêste fansels sa as earder al oanjûn, mar sa wurdt it net yn it parseberjocht nei foaren brocht. Kearndoelen binne net bedoeld om krekt in ynfolling te jaan foar alle spesifike skoalle- en taalsituaasjes, omdat kearndoelen de funksje ha fan it op syn minst nei te stribjen programma-oanbod. It is de skoalle dy't soks útwurket foar de eigen skoalsituaasje en – as it

[22] Advys kommisje Hoekstra oan regear: Foegen Frysk ûnderwiis Fryske taal nei Provinsje |Fryslân, Parseberjocht Provinsje Fryslân, 9 maart 2011

goed is – op mikro-nivo soarget foar differinsjaasje.

provinsje fryslân
provincie fryslân

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 073 JA
Datum: 9 maart 2011

Advys kommisje Hoekstra oan regear:

Foegen ûnderwiis Fryske taal nei provinsje Fryslân

Fryslân ferwachtet dat it kabinet op koarte termyn foegen foar ûnderwiis yn de Fryske taal nei de provinsje sels oerbringt. In kommisje, ûnder foarsitterskip fan Rein Jan Hoekstra, lid fan de Ried fan Steat, jout dat advys ek oan it regear: de provinsje Fryslân soe sels nije kearndoelen foar it ûnderwiis yn de Fryske taal fêststelle kinne moatte. Hoekstra oerlange op 3 maart syn advys oan minster Donner fan Ynlânske Saken, minister Van Bijsterveldt fan Underwiis Kultuer en Wittenskip en deputearre De Vries fan de provinsje Fryslân.

Hjoed waard yn de gearkomste fan provinsjale steaten fan de provinsje Fryslân praat oer it advys fan Hoekstra. Deputearre Jannewietske de Vries: "Ik ferwachtsje dat de oanrikkemedaasjes folslein en op koarte termyn yn it nasjonale ûnderwiisbelied en yn de ûnderwiiswetjouwing ferankere wurde sille. Ek om sa mei-inoar te foldwaan oan de Europeeske ôfspraken foar regionale en minderheidstalen. It advys beskôgje ik as earste stap nei in provinsjaal foech op it mêd fan de Fryske taal. It mienskiplike doel fan regear en provinsjaal bestjoer is it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it primêr en fuortset ûnderwiis op Fryske skoallen. Meartalich ûnderwiis, mei de memmetaal derby, docht dat. De provinsje is de foar de hân lizzende bestjoerslaach om troch de wei fan it Frysk better ûnderwiis foar de Fryske learlingen mooglik te meitsjen."

Wie it optimisme fan de deputearre oer better ûnderwiis yn it Frysk wol mei rjocht? It ferfolch sil dat dúdlik meitsje.

Boppedat soe it de provinsje slagje om foar al dy skoalsituaasjes passende kearndoelen Frysk te meitsjen? De tredde generaasje kearndoelen Frysk sûnt 2006 wie net langer oan dy foar it Hollânsk spegele en ynhâldlik flink nei ûnderen bysteld. Soe de provinsje foar eltse skoalle foarskriuwe wolle wat de skoalle oan it ûnderwiis yn it Frysk te dwaan hie? Of waard der al tocht oan gebrûk te meitsjen fan de troch deputearre Mulder útstelde learwegen (sjoch paragraaf 5)? Yn dat gefal gjin passende kearndoelen Frysk, mar it ûnderwiis yn it Frysk 'passend' makke mei mooglik grutte ferskillen tusken de skoallen en it legitimearjen fan net folweardich ûnderwiis yn it Frysk as kultuertaal.

10. Oanpassing fan de wet PÛ (1-8-2014)

Nei oanlieding fan it ynspeksjerapport 2010 en it rapport fan de stjoergroep Hoekstra (2010) hat de Twadde Keamer de wet op it primêr (en fuortset ûnderwiis) oanpast mei it each op ûnderwiis yn it Frysk en mei yngong fan 01-08-2014 ynfierd.
De Raad van State hat advys útbrocht oer de plannen.

Raad van State
Yn it advys fan de Raad van State op it wetsútstel (Advies WO5 12.0246/I fan 12 oktober 2012) stean in tal nijsgjirrige saken.
- Sa fynt de Raad it goed, dat de provinsje mear behelle wurdt by oanpassings fan de kearndoelen Frysk, mar is fan betinken soks 'op een andere manier kan worden verzekerd'. Tocht wurdt oan in 'verzwaarde adviesprocedure' omdat dan 'de huidige verantwoordelijkheidsverdeling tussen regering en parlement' (side 4) behâlden bliuwe kin. Mei oare wurden: De Raad hie net folle op mei foech nei de provinsje ta.
- Twivel is der ek by de Raad oft der wol in relaasje is tusken better ûnderwiis yn it Frysk en desintralisaasje fan foech nei de provinsje Fryslân. In konstatearring dy't letter ek mar al te wier blykt te wêzen. De provinsje docht der dan oant no ek neat mei, wylst deputearre De Vries by de presintaasje fan it rapport Hoekstra noch optein sei: 'Der komme dus Fryske kearndoelen op maat, dy't rjocht dogge oan de spesifike skoalle- en taalsitewaasje'. (Parseberjocht provinsje Fryslân 9 maart 2011; paragraaf 9).
- Folle wichtiger is de krityk op it tapassen fan it begryp draachflak lykas ek it Consultatief Orgaan (paragraaf 9) die. Terjochte konstatearret de Raad dat de ynspeksje (2010) allinnich te min draachflak by skoalbestjoeren mient te witten en 'niet zozeer op het draagvlak binnen de bevolking of het provinciebestuur', zoals het onderhavige voorstel lijkt te beogen' (side 3). De ynspeksje hie syn twivel oft der foldwaande maatskiplik draachflak foar it fak Frysk by âlden en Fryske befolking wie, mar hie dêr gjin ûndersyk nei dien.
Troch sa'n flater kinne de skoaldireksjes in protte macht krije, omdat sy sûnder bewiis in oardiel útsprekke meie oer it wol of net bestean fan in maatskiplik draachflak foar ûnderwiis yn it Frysk.

Mei noch oare punten fan krityk stelt de *Afdeling advisering van de Raad van State* by eintsjesbeslút út it wetsútstel noch mar net oan de Twadde Keamer te stjoeren foardat mei harren opmerkings rekken hâlde is. Yn de definitive útstellen is dêr lykwols net folle fan te merken.

Wizigings Wet op it P.U. foar it Frysk mei yngong fan 1-8-2014

Mei in tal oanpassings yn de rjochting fan it behâld fan in gruttere ynfloed fan it ryksregear op de kearndoelen Frysk is it wetsútstel yn it parlemint oannommen (bygelyks is 'instemmingsbevoegdheid' fan de minister feroare yn 'goedkeuringsbevoegdheid).

Kêst 9.4 .:Op de scholen in de provincie Fryslân wordt tevens onderwijs gegeven in de Friese taal. Gedeputeerde staten kunnen op verzoek van het bevoegd gezag ***gedeeltelijke of volledige ontheffing*** *van deze verplichting verlenen. Gedeputeerde staten stellen in een beleidsregel criteria vast voor die*

gedeeltelijke en volledige ontheffing. De vaststelling geschiedt niet eerder dan nadat gedeputeerde staten overleg hebben gevoerd met het Friese primair onderwijs.

Nij is dat Dep.Steaten no ek in belied opsette meie mei de skoallen foar parsjele ûntheffing. Hielendal nij is kêst 9.6. oer it foech fan Prov.Steaten om kearndoelen Frysk fêst te stellen.

Kêst 9.6. : Ten aanzien van de onderwijsactiviteit, bedoeld in het vierde lid, ***stellen provinciale staten van Fryslân bij verordening kerndoelen Friese taal vast.*** *De vaststelling geschiedt niet eerder dan nadat gedeputeerde staten overleg hebben gevoerd met het Friese primair onderwijs. De verordening behoeft de goedkeuring van Onze minister. Indien Onze minister voornemens is goedkeuring te onthouden, verzoekt hij de Onderwijsraad een advies uit te brengen. Het verzoek bevat een omschrijving van de onderwerpen waarover advies wordt verwacht. Het advies wordt binnen zes weken uitgebracht aan Onze minister en wordt bekend gemaakt. Onze minister informeert beide Kamers der Staten-Generaal over zijn voornemen om al dan niet goed te keuren.*

It is dúdlik dat hjir gjin sprake is fan autonoom foech, mar fan 'medebewind', lykas it rapport fan de stjoergroep Hoekstra al oanjoech (s. 21).De wetjouwer beskiedt sadwaande hoefolle beliedsfrijheid it orgaan kriget oan wa't it foech oerdroegen wurdt. De kabinetsreaksje joech ek al oan dat it ryk de einferantwurdlikheid hâlde moast. De krityk fan de hear Baghus, lid fan de kommisje Hoekstra, dat foechoerdracht de kwaliteit fan it Nederlânsk mooglik skea dwaan koe, hat it ryk him oanlutsen.

Yn de kêsten 7 en 8 wurdt dy beliedsfrijheid fan de provinsje neier omskreaun en ûnder betingsten steld.
Kêst 9.7 .: Onze minister kan goedkeuring als bedoeld in het zesde lid in ieder geval onthouden indien aan de volgende voorwaarden, waarvoor gedeputeerde staten gegevens aandragen, niet wordt voldaan:
a. het bestaan van voldoende ***draagvlak i****n het Friese primair onderwijs voor de voorgelegde kerndoelen Friese taal;*
b. dat de kerndoelen Friese taal ***niet meer inspanningen*** *van het Friese primair onderwijs vergen dan het aandeel van het onderwijs in de Friese taal binnen het totaal aan onderwijsactiviteiten rechtvaardigt.* (fetprint TD)

Ad a. It begryp **draachflak yn de wet** freget neier omtinken.
Hjirfoar is al wat sein oer wat de Raad van State oer draachflak opmurken hat.
It Consultatief Orgaan joech ek al oan (sjoch paragraaf 9), dat troch dat begryp der gjin skieding oanbrocht wurdt tusken de ferantwurdlikheid fan de wetjouwer en dy fan de skoallen as útfierende ynstânsjes. Oars sein: de skoallen krije sa politike macht (beskiede mei de winsklike kearndoelen), wylst hja harren as útfierders hearre te beheinen ta in foar de bern pedagogysk-didaktyske ferantwurde ynfolling fan de kearndoelen. Benammen yn in situaasje fan histoaryske efterstelling fan it Frysk sil de wetjouwer de ferantwurdlikheid nimme moatte en de skoallen helpe by de útfiering ynstee fan harren 'carte blanche' te jaan.

Boppedat kin in ferkearde ynterpretaasje fan de **funksje** fan de kearndoelen yn dat oerlis in destruktive rol spylje. Kearndoelen binne oanbod-ferplichtings fan de skoalle en gjin prestaasjeferplichtings fan de bern. Yn in goed taalbeliedsplan kin de skoalle in opbou meitsje

en soargje dat alle bern (sawol de Frysk- as de net –Frysktaligen) optimaal harren kennis en feardichheden fergrutsje kinne. Dat der bygelyks bern binne mei in tsjinsin yn it Frysk, learkrêften sûnder foech Frysk les jouwe en de oanwêzigens fan in oerhearskjend net-Fryske taalomjouwing binne lykwols gjin legitime arguminten de kearndoelen Frysk te negearjen of net serieus te nimmen.

Ad b. It twadde betingst- **niet meer inspanningen-** is hiel subjektyf. Wannear wurdt it Frysk in (te) grutte belesting? Wa makket soks út? De taalideology? Ekstra ynspannings binne net maklik objektyf fêst te stellen of te mjitten. Ek de motivaasje en de wize wêrop't it Frysk jûn wurdt kin fan ynfloed wêze. Wurdt der bygelyks gebrûk makke fan *translanguaging* en is it Frysk ek fiertaal by oare fakken? Of wurdt it Frysk beheind ta ien oerke (of minder) wyks sa't de ynspeksje op in protte skoallen tsjinkaam?
It rekket ek de fraach oft it heljen fan in foldwaande foech foar Frysk troch guon learkrêften as in te grutte belesting sjoen wurdt. Mar ek oft learlingen net sûnder mear rjocht hawwe op lykweardich meatalich ûnderwiis.
Boppedat moat fêststeld wurde dat 'managers' fan de Fryske basisskoallen, fanwegen harren posysje, net de persoanen binne, dy't dy fraach as earste beäntwurdzje moatte. De yn paragraaf 9 besprutsen brief fan de PO-raad oan it ministearje fan OC&W seit genôch. De Fryske skoalmanagers – en dat moat harren tajûn wurde – binne net sûnder rjocht en reden benaud foar de ynspeksje mei syn 'opbrengstgerichte aanpak', dy't skoallen oan de digitale skandepeal nagelet as harren skoalle it nivo fan taal (=Hollânsk) en rekkenjen net neffens it lanlik gemiddelde hellet. It ryksregear pleatst de Fryske skoallen mei dat kêst foar in dilemma: it útfieren fan in Frysk-freonliker skoalprogramma óf de feilichste wei fan it negearjen fan it Frysk op skoalle.

Yn kêst 9, lid 8 kriget de minister fan OC&W it lêste wurd by de beoardieling fan nije troch de provinsje útstelde kearndoelen Frysk. Dy einferantwurdlikheid hâldt in *ûndergrins* yn d.w.s. in ûndergrins dy't yn essinsje strykt mei de besteande kearndoelen Frysk (2006) . Minder mei it ûnderwiis yn it Frysk net ynhâlde.
Kêst 9.8.: Onze minister kan ***goedkeuring*** *als bedoeld in het zesde lid in ieder geval* ***onthouden*** *indien de kerndoelen Friese taal geen aandacht schenken aan:*
a. het zich mondeling uitdrukken in het Fries en het verstaan van de Fries gesproken taal,
b. het zich schriftelijk uitdrukken in het Fries en het verwerven van informatie uit in het Fries gestelde teksten,
c. bevordering van het begrip van de Friese taal, en
d. het ontwikkelen van een positieve houding ten aanzien van het gebruik van het Fries.(fetprint TD)

It is no de fraach wat dy ûndergrins ek jildt by it jaan parsjele ûntheffing . Jildt dy ûndergrins foar it gehiel fan de kearndoelen en komme alle bern **nei fermogen** mei alle taalskiften yn 'e kunde óf betsjut parsjele ûntheffing in kar út it gehiel fan kearndoelen?.
By in *oanbodferplichting* betsjut parsjele ûntheffing neffens my ynterne didaktyske differinsjaasje, lykas by alle oare fakken ek de wurkwize is . "Skiep wurde skeard nei't se wolle ha".

By in opfetting fan kearndoelen as in *prestaasjeferplichting* is de ferlieding grut om beskate kearndoelen fuort te streekjen. 'Drege' kearndoelen as skriuwen, lêzen as earste.

Oant no hat de provinsje noch gjin gebrûk makke fan syn foech kearndoelen Frysk fêst te stellen. Kêst 9.8 hat noch gjin tsjinst dien. Mar de fraach is rjochtfeardige oft de yn oerlis mei de skoalmanagers útwurke profilen yn de *Beleidsregel 2015 net* yn striid binne mei dat kêst. It is net oannimlik dat by de *besteande* kearndoelen Frysk dat oanjûne minimumnivo nét jilde soe. It giet dochs om better ûnderwiis yn it Frysk te jaan en net om kwalitatief minder Frysk? Wat koart troch de bocht: Wat net-Frysktalige bern net leare kinne soenen, meie de Frysktalige (ek)net leare. Dat is in foarm fan diskriminaasje,dy't striidt mei rjocht op goed ûnderwiis.
De *Onderwijsraad* signalearre al by de kearndoelen fan 1998, dat dy tefolle besjoen waarden as 'streefniveau aan het einde van groep acht' (sjoch paragraaf 2).Yn kêst 9.9 fan de wet op it primêr ûnderwiis is de omskriuwing fan de kearndoelen lykwols noch deselde as dy fan 1993.

Kêst 9.9.: Voor de school geldt de eis dat zij tenminste de kerndoelen bij haar ***onderwijsactiviteiten*** *als aan het eind van het basisonderwijs te bereiken doelstellingen hanteert. Kerndoelen geven een beschrijving van kwaliteiten van leerlingen op het gebied van kennis, inzicht en vaardigheden.*

Yn de *Preambule* fan het *Besluit vernieuwde kerndoelen WPO* (2012-heden) stiet wol, dat kearndoelen 'streefdoelen' binne. 'Ze geven aan wat iedere school in elke geval moet nastreven'. It giet om haadlinen en binne gjin *detaillearre prestaasje*-easken.
It sil dúdlik wêze dat as *alle* bern Nederlânsk leare moatte en kinne, dat ek alle bern Frysk leare kinne, al sil it iene bern fierder komme as it oare. 'Maatwerk' (passend ûnderwiis) kin nea betsjutte dat in skoalle - om hokfoar reden dan ek - alle bern oer ien kaam kjimt en dan ûntheffing foar in tal kearndoelen foar alle bern oanfreget en sadwaande gâns learlingen heal analfabeet yn it Frysk hâldt.
It feit lykwols dat allinnich foar it fak Frysk in wetlike mooglikheid bestiet fan parsjele of folsleine ûntheffing is dan ek net op *didaktyske* grûnen nedich, mar komt fuort út in taalideologysk ienheidstinken: It Frysk past eins net as in folweardich kultuerelemint yn de Nederlânske maatskippij.

Desintralisaasje fan foech oer it ûnderwiis yn it Frysk nei de provinsje hat as doel dat ûnderwiis dan better fan 'e grûn te krijen. De dêrfoar fêststelde wetlike regeling befettet lykwols safolle beheinende betingsten dat der earder sprake is fan in efterútgong. De skoallen krije safolle sizzenskip oer oft hja wol of net (folweardich) ûnderwiis yn it Frysk jaan sille, dat de provinsje eins mei lege hannen stiet.
Op it earste gesicht liket it der op dat mei de ynfierde wetswizigings it Ryk syn ferantwurdlikheid foar it Frysk yn it ûnderwiis oerdraacht nei de Fryske mienskip, mar fan de skoallen wurdt fia de ynspeksje wat oars frege: it nivo fan taal (Nederlandse taal) moat gelyk bliuwe en de mooglike kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk docht der net ta. Yn kombinaasje mei de lege status fan it Frysk by in protte bern en learkrêften, tefolle learkrêften sûnder it foech Frysk en it te min brûken fan it Frysk yn de hegere domeinen yn Fryslân stiet de iensidige kwaliteitsopfetting in emansipaasjeproses yn 'e wei. De Haach kin lykwols de hannen yn ûnskuld waskje: "Wy ha Fryslân mear foech oer it ûnderwiis yn it Frysk jûn en as

it net goed giet kin der ús neat mear ferwiten wurde”. Mar yn de útfiering wurdt dat foech ûnderút helle troch de wetlike beheinings en krijt it gehiel it karakter fan ‘met een kluitje in het riet te zijn gestuurd’.
Eins is it kabinet der yn it brief oan de Twadde Keamer nei oanlieding fan it rapport fan stjoergroep Hoekstra ek wol dúdlik oer: ‘It Ryk bliuwt einferantwurdlik foar de yntegrale kwaliteit fan it ûnderwiis en de easken dy’t oan skoallen steld wurde’ (side 6). Neat gjin ‘dûbelde oerheidsbemuoienis’(side 6). Fryslân mei in inisjatyf foar nije kearndoelen nimme, mar by eintsjebeslút bliuwt it parlemint ferantwurdlik foar ‘de kwaliteit fan it fak Frysk’. (side 6).

Krijt it Frysk (allinne) yn de trijtalige skoalle in lykweardich plak?

11. De provinsje Fryslân oan set mei de 'beleidsregel'

Yn de *Beleidsregel* 2015[23] wurdt ferantwurding ôflein fan hoe't de tarieding west hat. Sa hat Dep. Steaten advys frege oan de *Coördinatie en Advies Groep Primair Onderwijs* (CAG-PO). Neffens de provinsje pleitet de CAG-PO yn syn advys (15-02-2O13 om allinne yn 'uitzonderlijke gevallen' parsjele ûntheffing om ûnderwiis yn it Frysk te jaan fanwegen it maatskiplik belang fan meartalich ûnderwiis.

Boppedat stelt de CAG-PO dat it draachflak foar it Frysk tanommen is en dat elts it rjocht yn Fryslân hawwe moat om foar ien fan beide rykstalen kieze te kinnen yn it maatskiplik en rjochtsferkear. Untheffing moat neffens de CAG-PO yn tsjinst stean fan in 'eigen route naar meertalig onderwijs' (side 10).

Wêrom't Dep.Steaten it advys fan it CAG-PO mar 'deels' oernommen hawwe foar it ûntwikkeljen fan de *'Beleidsregel'* wurdt net taljochte (side 10).

Fierder hat de provinsje oerlis hân mei fertsjintwurdigers fan it ûnderwiisfjild oer in konsept-'*Beleidsregel*'. Nei wat oanpassings (hokfoar wurdt net meidield) gean de fertsjintwurdigers akkoart en ek mei it trochjaan fan gegevens oan de ynspeksje en it keppeljen fan de Materiële Instandhouding Fries oan de mjitte fan ûntheffing.

Oerlis mei de ynspeksje waard wichtich achte foar de útfiering fan it ûntheffingsbelied (hokfoar profilen foar hokfoar skoallen) en de oansluting op it 'waarderingskader' fan de ynspeksje.

Der is ek oerlein mei it ministearje fan OC&W bygelyks oer de keppeling fan útstelde profilen oan de kearndoelen. In profyl jout oan hokker kearndoelen de skoalle wol en net neistribje sil de kommende tiid.

Dep.Steaten hantearje neffens de '*Beleidsregel*' twa kritearia by ûntheffing:

1. *It behearskingsnivo fan it Frysk yn de skoalle(mienskip).*

De skoalle kin dêrby de Fryske Taalatlas brûke foar in taksaasje fan de taaleftergrûn fan de learlingen.

2. *Wat de skoalle al oan it Frysk docht* (bygelyks brûkte lesmetoade, útfierde aktiviteiten)

As regel sille Dep. Steaten 'een ontheffing verlenen conform de aanvraag die door de school is ingediend.'(s. 11) . De skoalle kriget lykwols net automatysk ûntheffing as te leech ynset wurdt: bygelyks as de skoalle al mear oan it Frysk die, it keazen profyl net strykt mei it behearskingsnivo yn de skoalmienskip en as de skoalle nei 4 jier foar deselde kearndoelen ûntheffing oanfreget.

De provinsje hantearret as útgongspunt foar de kar fan in profyl it behearskingsnivo fan it Frysk yn de skoalmienskip c.q de gemeente. In oar útgongspunt is dat in skoalle in ûntwikkeltrajekt trochmakket. Yn it gefal dat in skoalle nei 4 jier (!) ûnderwiis yn it Frysk yn regio's, dêr't it Frysk omgongstaal is, in identike oanfraach docht foar ûntheffing, dan sille Dep.Steaten nét akkoart gean mei dy oanfraach. Dep. Steaten sjogge in ûntwikkeltrajekt eins allinnich weilein foar skoallen yn it Frysk taalgebiet, dêr't it Frysk omgongstaal is. As op oare lokaasjes in groeimodel net te realisearjen falt, dan sille DS wol akkoart gean mei de

[23] Provinciaal Blad nr. 3671 Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs, 26 juni 2015

oanfraach. Net dúdlik wurdt oft Dep. Steaten dêrmei de Waadeilannen en de Stellingwerven bedoele of ek de gruttere plakken mei in (frij) leech persintaazje ynwenners mei it Frysk as memmetaal sa as Ljouwert en Harns bygelyks.

It falt op dat yn de 'Beleidsregel' de klam leit op it jaan fan ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk en net op it stimulearjen fan in groeimodel om skoallen te helpen de kearndoelen Frysk as in fanselssprekkend programma- ûnderdiel te ymplemintearjen.

provinsje fryslân
provincie fryslân

PROVINCIAAL BLAD

Nr. 3671
26 juni
2015

Officiële uitgave van provincie Fryslân.

Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs

1. Begripsomschrijvingen en inleiding

Begripsomschrijvingen

Ontheffing: volledige of gedeeltelijke ontheffing van de verplichting tot realisatie van de kerndoelen Fries

WPO: Wet op het primair onderwijs

WVO: Wet op het voortgezet onderwijs

Inleiding

Scholen in de provincie Fryslân zijn op basis van de WPO en de WVO verplicht onderwijs in de Friese taal (en cultuur) te verzorgen(1). Deze verplichting houdt in dat scholen hun leerlingen een zodanig programma moeten bieden dat daarmee aan de kerndoelen voor de Friese taal (en cultuur) wordt voldaan. Voor het voortgezet onderwijs geldt die verplichting in de onderbouw, waarbij in de praktijk voornamelijk onderwijs in het vak Fries in de eerste klas wordt bedoeld. Gedeputeerde Staten kunnen volledig of gedeeltelijk ontheffing verlenen voor het aanbieden van het vak Fries en moeten over de verlening daarvan beleidsregels opstellen. Dat is het voorliggende document.

Kommentaar op it ûnheffingsbelied

1. Op it earste each liket der didaktysk net folle mis te wêzen mei it – ek troch de CAG-PO - keazen útgongspunt fan it behearskingsnivo Frysk yn de skoalmienskip. Yn it ûnderwiis heart men ommers út te gean fan de begjinsituaasje, d.w.s. it gehiel fan alle relevante gegevens nedich foar te realisearjen ûnderwiisdoelen en it learproses. Mar de begjinsituaasje is net itselde as de doelstelling. Underwiis wol de learlingen krekt fierder helpe troch kennis en feardichheden oer te dragen en feardichheden te oefenjen op in wize dy't past by de begjinsituaasje.

De konklúzjes út it ynspeksjerapport fan 2010 binne yn syn algemienens net om 'e nocht en nochal kritysk oer dy begjinsituaasje: 'nauwelijks opbrengstgericht', 'uiteenenlopende inschattingen over het draagvlak onder ouders' en fierder 'ís het beleid en de cultuur in veel

scholen onvoldoende ondersteunend om van het Fries ook echt iets te maken' (s.62).
De fraach is dan reëel of it jaan fan ûntheffing brûkt wurde sil om stap foar stap in ambisjeus **ûntwikkeltrajekt yn te setten** ('fan de flier nei de souder') of dat it oanfreegjen fan ûntheffing as in **wetlik ynstrumint** brûkt wurdt om ûnderwiis yn it Frysk safolle mooglik op te kearen en te beheinen. Yn it lêste gefal is de begjinsituaasje dan tagelyk ek de doelstelling. Foar gjin inkeld *ferplichte* fak (Nederlânsk, Ingelsk; ek as de learlingen it Ingels net as memmetaal hawwe en de taal yn de mienskip gjin omgongstaal is) wurdt it middel fan *wetlike* ûntheffing tapast. Krektoarsom sa krije learlingen bygelyks by 'laaggeletterdheid' gjin ûntheffing, mar wurdt it ûnderwiis krekt yntinsivearre om dat tekoart op te heffen (bygelyks yn it projekt Boppeslach fan in tal jieren tebek). Neffens dat plan moat der neffens tiid en ynhâld ynterne differinsjaasje (op mikro-nivo dus) tapast wurde om efterstannen by learlingen foar te kommen en fuort te wurkjen.
Troch lykwols yn de '*Beleidsregel*' sa de klam te lizzen op de begjinsituaasje – de kultuer fan de skoalle- en net op it doel om passend ûnderwiis yn sa'n situaasje (fergrutsjen fan kennis en feardichheden yn it Frysk) nei te stribjen, koe dat der wolris ta liede dat op dy skoallen it ûnderwiis yn it Frysk op Jan Poeps' plak stean bliuwt.

2. Wie it *Berie foar it Frysk* yn syn advys út 1999 noch fan betinken dat yn in fleksibel ûntheffingsbelied ûntheffing 'bij voorkeur verleend wordt voor een periode van drie jaar' (s.1) yn de *Beleidsregel* wurdt in perioade fan **fjouwer jier** oanhâlden. Dêrmei lit de provinsje in kâns sjitte om skoallen te stimulearjen it paad fan in groeimodel op te gean. As it Frysk bygelyks yn de legere groepen it Frysk dat jiers in flinke stap foarútset hat, dan moat soks yn de hegere groepen trochset wurde en net sabotearre wurde troch te swaaien mei in ûntheffing foar 4 jier. Wol der in emansipaasjeproses op gong brocht wurde dan moat de skoalle alle jierren it jierprogramma dêr op oanpasse. In trochgeande learline heart didaktysk fanselssprekkend te wêzen, mar it koe wolris opkeard wurde troch ûntheffingsperioaden fan fjouwer jier oan te hâlden ynstee fan it programma alle jierren oan te pasjen mei relatyf lytse oanpassings.

3. De provinsje hat yn oerlis mei it ûnderwiisfjild **profilen** ûntwikkele, dy't oanjouwe wat de skoallen wól dwaan kinne oan it ûnderwiis yn it Frysk. De profilen ha in protte fan de yn paragraaf 6 besprutsen *Learwegen*. De provinsje besiket sa de administrative lêsten fan de skoalle sa lyts mooglik te hâlden. Oan elts profyl is ûntheffing keppele foar (in) bepaald(e) kearndoel(en). Troch it ien foar ien fuortstreekjen fan kearndoelen Frysk kiest in skoalle it profyl dat past by it taalgebrûk yn de (skoal)mienskip, de begjinsituaasje.
* profyl A: gjin ûntheffing
* profyl B ûntheffing foar skriuwen
* profyl C ûntheffing foar lêzen en skriuwen
* profyl D ûntheffing foar lêzen, skriuwen en taalskôgjen
* profyl E ûntheffing foar praten, lêzen, skriuwen en taalskôgjen
* profyl F ûntheffing foar harkjen (ferstean), praten. lêzen, skriuwen en taalskôgjen
* profyl G folsleine ûntheffing

It liket sa ienfâldich en logysk. Mar kiest in skoalle foar profyl C dan beheint it ûnderwiis yn it Frysk him ta mûnling taalgebrûk en bliuwe de bern – ek de Frysktalige – heal-analfabeet yn it Frysk. As gefolch hjirfan wurdt it skriftlik brûken fan it Frysk opkeard omdat de bern de taal net leard ha te lêzen en te skriuwen.
Net allinnich by profyl C, mar yn alle parsjele ûntheffingsprofilen (B-F) wurdt it skriuwen fan it Frysk bûten it programma hâlden. Yn de jierren foar de ferplichting fan it Frysk yn it ûnderwiis wie dat ek gauris regel op in protte skoallen. It tinken wie dat (benammen taalswakke) bern better net tagelyk twa staveringssystemen leare koenen en dat dêrom skriftlik ûnderwiis beheind bliuwe moast ta it Hollânsk. Dat tinken wie net op goed ûndersyk basearre. Fansels sille de bern de systemen ynearsten trochinoar helje, mar dat is mei it mûnling brûken fan de beide talen by jonge bern ek al it gefal en dêrom sille âlden it Frysk fan harren bern net ferbiede. Dat guon learkrêften dêr wol oars oer tochten (en tinke) en it near leinen op it praten fan it Frysk yn 'e klasse is bekend en slút oan op de ideology fan it *Algemeen Beschaafd Nederlands*.
It belang dat bern leare harren eigen taal ek te skriuwen, die koartlyn bliken út in lêzing fan taalsosjologe Nika Stefan oan de Fryske Akademy op in gearkomste fan de Ried fan de Fryske Beweging (11 maaie 2017). Mei sifers út har ûndersyk nei it brûken fan it Frysk yn de sosjale media joech hja oan dat de kwaliteit fan it Frysk (gever taalgebrûk) better waard as it Frysk ek skreaun waard. De skriuwer 'twingt' himsels by wize fan sprekken dan nei te tinken oer wat 'goed' Frysk. Yn de mûnlinge kommunikaasje is dat minder it gefal.
It skrassen fan it skriuwûnderwiis út alle ûntheffingsprofilen draacht der dan ek nét ta by, dat Friezen harren taal ek (mear) skriftlik doare te brûken en dat it in posityf effekt hat op de kwaliteit dêrfan.
Mei in kar foar profyl F kin de skoalle alle fjouwer taalskiften falle litte en hoecht de learkrêft allinnich te soargjen dat learlingen 'een positieve attitude ten opzichte van het gebruik van Fries door henzelf en anderen (ontwikkelen' (s.4). In frjemde konstruksje, sa as wy yn paragraaf 6 al útlein ha. Respekt foar minsken en de taal dy't dy minsken brûke kin allinnich ûntstean troch it omgean mei dy taal. Soe al oan dat kearndoel foldien wêze as it bern nei in pear Hollânsktalige lessen oer it Frysk ta de konklúzje komt, dat 'het Fries een mooie taal is en dat iedereen die taal tegen hem/haar kan gebruiken'?
In hâldingsdoel kin lykwols gjin selsstannich nei te stribjen profyl wêze. In positive hâlding foar it Frysk as taal is net streekrjocht oan te learen, mar kin wol befoardere wurde troch op in entûsjaste wize mei de taal yn de lessen om te gean.
De tapaste ûntheffingssystematyk fan it hieltyd mear fuortstrepen fan kearndoelen is tekenjend foar de wize hoe't de provinsje op grûn fan de wetswiziging fan de PO-wet út 2014 mei it Frysk omgiet: ek by parsjele ûntheffing bliuwt der neat oer. It is de fraach oft de skoalmanagers yn it oerlis hjir op oanstien ha en sa in kâns seagen om ûnderwiis yn it Frysk sa folle mooglik bûten de skoaldoarren te hâlden?

Boppesteande profylyndieling liket in rychje te wêzen fan dregere nei makliker te learen taalskiften. Soks is lykwols mar skyn. It leare om Frysk te praten troch net-Frysktalige bern koe wolris dreger wêze (stiet net los fan de hâlding!) as it lêzen leare (it ferklankjen en begripen fan de tekst). It lûdop foarlêzen fan in Fryske tekst is foar sokke bern grif makliker as it hâlden fan in frij ferhaal yn it Frysk.

4. Yn de '*Beleidsregel*' stiet differinsjaasje op **meso-nivo** sintraal en net it yn paragraaf 5 besprutsen differinsjaasje op mikro-nivo. De skoalle kiest foar alle bern op grûn fan it taalgebrûk Frysk yn de skoalomjouwing foar in sa leech mooglik profyl fanwegen de net-Frysktalige learlingen en de opfettings fan de skoalle dêroer. Net it folweardich funksjonearjen yn in meartalich Fryske mienskip stiet sintraal, mar de besteande ûngelikense taalmachtsferhâldings binne sa útgongspunt. De ferskillen tusken skoallen wat it oanbod Frysk oanbelanget kinne dan ek grut wêze mei as mooglik gefolch in ûneigentlike konkurrinsje: âlden sykje bygelyks in skoalle mei in lyts oanbod Frysk.

5. Foar de kearndoelen **Ingelsk** (frjemde taal) – ferlykber mei dy foar it Frysk- wurde **gjin ûntheffingsmooglikheden** fêststeld. By de beide talen komme alle fjouwer taalskiften op ienfâldich nivo foar. It persintaazje Ingelskpratende ynwenners fan Fryslân sil earder folle lytser wêze yn ferliking mei it Frysk en as publike omgongstaal spilet de taal noch gjin rol. Dochs is der by it fak Ingelsk gjin sprake fan ûntheffing en wurde der ek gjin kearndoelen weilitten. Yn de taljochting op de doelen foar Ingelsk wurdt der fan útgien dat it benammen giet om 'mondelinge communicatie en het lezen van eenvoudige teksten. Het schrijven beperkt zich tot het kennismaken met de schrijfwijze van een beperkt aantal vaak voorkomende Engelse woorden' (Besluit vernieuwde kerndoelen WPO, 2012,s.23).
By it ûnderwiis yn it Ingelsk komme wol alle taalskiften oan bod. De taal wurdt de bern op in natuerlike manier oanleard: sawol passyf as aktyf. It ûntgiet jin dan wêrom't foar it Frysk as twadde rykstaal en ek noch yn it eigen taalgebiet sa'n swier ûntheffingsmodel (differinsjaasje op skoalnivo) tapast wurdt, wylst foar it Ingelsk de bern de kâns krije (ynterne differinsjaasje op mikro-nivo) om dat fan de taal te learen wat se oan kinne. Hjir is dus sprake fan ûngelikense behanneling: It Frysk wurdt yn eigen taalgebiet diskriminearre, wylst de frjemde taal alle romte krijt.
It liket ek net oannimlik dat de yntelligensje fan de bern om Ingelsk te learen folle grutter is as om Frysk te learen. De konklúzje bliuwt dan ek oer, dat de lege status fan it Frysk, feroarsake troch in beliedsmjittige efterstelling yn ûnderwiis en maatskiplik libben, in folweardich plak foar de taal op de Fryske skoallen yn 'e wei sit.

6. Hoewol't it Frysk yn dizze provinsje benammen **omgongstaal** is, wurdt dy situaasje fan efterstelling yn de *"Beleidsregel"* net trochbrutsen. Op side 11 wurdt steld, dat yn tsjinstelling mei it fuortset ûnderwiis 'de scheiding in het primair onderwijs meer gebaseerd is op het mondeling en het schriftelijk taalgebruik van de leerling'. De fisjeuze sirkelgong fan oarsaak en gefolch wurdt yn stân hâlden: It Frysk wurdt yn it deistich libben amper skriftlik brûkt, omdat de minsken it net lêze kinne en omdat de minsken it lêzen fan it Frysk net of ûnfoldwaande behearskje wurdt de taal hast net skriftlik brûkt op de hegere domeinen. De provinsje set sa gjin emansipatoaryske stap yn de rjochting fan de funksje fan it Frysk as **kultuertaal**. In taal dy't net brûkt en net ûnderwiisd wurdt slyt yn tsjinstelling mei it brûken fan ark en dragen fan klean.
De yn paragraaf 2 neamde opstelling fan skoaldireksjes dat de kearndoelen Frysk **net realistysk** wêze soenen is net ûnderwiiskundich fan aard, mar hat foar it Frysk in negatyf ideologyske basis. It foarbyld mei it Ingelsk jout dat dúdlik oan. As it om in taal mei in hege status giet, reagearje de skoallen oars en kinne ynienen alle taalskiften wol oanbean wurde.

7. De beslissing fan it ryk om foech oer it ûnderwiis yn it Frysk nei de provinsje oer te dragen betsjut alhiel net dat it hjir om in '**autonoom'** foech giet. De provinsje wurdt twongen mei de skoallen yn diskusje te gean en is feroardiele ta de swakste partij yn in situaasje fan winske emansipaasje[24]. Sa besiket de noch altyd einferantwurdlike ryksoerheid de skoallen tsjin in mooglik pro-Frysk provinsjaal ûnderwiisbelied te beskermjen as dy fine - de goede net te nei sprutsen- dat (mear) ûnderwiis yn it Frysk **net realistysk** is. It Consultatief Orgaan hat earder al warskôge dat sa'n konstruksje net doocht (paragraaf 9), omdat de skieding tusken wetjouwer en útfierende ynstânsje opheven wurdt.

8. Der is in grut ferskil tusken **wurd en died** (maatregels foar it Frysk). Oan de iene kant lit it Ryk him fan syn bêste kant sjen sa as bygelyks yn syn 5e periodike rapportaazje [25] oer de nommen maatregels yn ferbân mei de ymplemintaasje fan it Europeesk Hânfêst. Wat kêst 8 oanbelanget merkt it Ryk dêryn op dat ferstean en praten fan de memmetaal hast as fansels (?) giet, mar der wurdt ek fêststeld : 'Omdat bij zowel het mondeling als het schriftelijk gebruik van het Fries de concurrentie met andere talen steeds heviger wordt, is het leren van het lezen en schrijven van het Fries essentieel voor het voortbestaan ervan' (sjoch de 'Inleiding', side 3).
Oan de oare kant rint it ryk foar syn ferantwurdlikheid wei troch de jure de provinsje it foech te jaan kearndoelen foar Frysk fêst te stellen, mar op sa'n wize dat de skoallen winliken de facto sels beslisse kinne hoefier't se mei it ûnderwiis yn it Frysk gean wolle. It Ryk hâldt mei help fan de ûnderwiisynspeksje en troch it oplizzen de lanlike toetsen (foar Nederlânsk bygelyks) de skoallen yn in hâldgreep troch de toetsresultaten foar taal (Nederlânsk) en rekkenjen sintraal te stellen en dêrmei de '*kwaliteit'* fan skoallen te beoardieljen los fan it ûnderwiis yn it Frysk. Skoallen binne tige benaud om it lanlik gemiddelde fan dy toetsing net te heljen en sadwaande it predikaat 'swak' te krijen. Boppedat hat it Ryk der foar soarge dat skoallen har beroppe kinne op kêst 9.7.b 'niet meer inspanningen'.

De provinsje skynt sûnder folle diskusje akkoart gien te wêzen mei de wetlike 'foechoerdracht' mei de beheinings. De provinsje liket noch net ta oan it útstellen fan nije en bettere (?) kearndoelen Frysk. Oant no ta (2017) binne der gjin prikken yn it wurk set om te kommen ta nije kearndoelen, dêr't deputearre De Vries noch alle heil fan ferwachte. Ynhâldlik binne besteande kearndoelen Frysk al tige beheind nei it loslitten fan de spegeling mei dy foar it Hollânsk. Yn it ferplichte oerlis mei de skoallen soe it foar it Frysk noch wolris folle minder wurde kinne as de skoallen bygelyks oanstean soenen op it skrassen fan it ûnderwiis yn lêzen en skriuwen fan it Frysk. De provinsje hat him blykber **deljûn** by de situaasje dat in lykweardige en lykberjochtige posysje foar it Frysk yn it ûnderwiis – op papier noch altiten de grûnslach fan it provinsjaal taalbelied – net berikber is.

---

[24] Emansipaasje of it hanthavenjen fan de status-quo? Th. Dykstra, Swingel nr. 48 april 2016, Blêd fan de Ried fan de Fryske Beweging

[25] Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden 2012-2014. Vijfde periodieke rapportage inzake de maatregelen door Nederland getroffen met betrekking tot de implementatie van het Handvest , 7 okt. 2015.

De provinsje smyt him op dit stuit hielendal op it ûntheffingsbelied. De yn 2015 útkommen *'Beleidsregel* ' regelt no sawol de folsleine as de parsjele ûntheffing as skoallen dêr om freegje. Saakkundigen wurde ynset, dy't ' in gesprek met de schooldirectie aan de hand van het digitale aanvraagformulier, nagaan welk profiel en welke ontwikkelruimte het beste bij de school past'(B*eleidsregel*, s. 12).

Kearndoelen – dus ek dy nei ûnderen bystelde kearndoelen foar it Frysk – binne doelen, dy't op syn minst yn it learplan fan de skoalle in plak ha moatte. De skoalle mei ek mear dwaan en is ek frij yn de wize wêrop't it útwurke wurdt. Alle omtinken yn de '*Beleidsregel'* liket mear rjochte te wêzen op it legitimearjen fan sa min mooglik ûnderwiis yn it Frysk. Dat it om in 0-mjitting gean soe docht wat frjemd oan. Yn it ynseksjerapport fan 2006 falt op side 50 te lêzen: "Uit eerder onderzoek (inspectie, 2001) was al bekend dat het aanbod niet voldeed aan de oude kerndoelen. Om een nulmeting (ûnderstreke TD) te krijgen van de nieuwe kerndoelen is besloten de vragen daar alvast op te richten". **Troch hieltyd mar wer in diagnoaze te stellen krijt it belied it karakter fan 'as de kat om de hite brij hinne rinne'.**

12. It Taalplan Frysk[26]

It *Taalplan Frysk* is bedoeld as in tydlike maatregel om de ambysjes fan de skoallen te formulearjen yn de foarm fan in ûntwikkelingsperspektyf en dy ûntwikkeling nei fjouwer jier te evaluearjen. In ynhierd fjouwertal ûnderwiiskundigen komt de skoallen bydel om sawol in 'objektief en realistisch beeld (te) schetsen' fan hoe't de skoalle al omtinken oan it Frysk jout en ek in beskriuwing te meitsjen 'van wat uw ambities zijn voor de komende vier jaar' (s. 3).

It troch de direksje foar de eigen skoalle opsteld *Taalplan Frysk* giet dêrnei nei de provinsje. Nei't DS it plan goedkard hawwe, wurdt dat it earstkommend skoaljier fan krêft en jildt it foar in perioade fan op syn meast fjouwer jier.

Taalplan Frysk

Achtergrond van het Taalplan Frysk

Het Rijk heeft in augustus 2014 de bevoegdheid aan de Gedeputeerde Staten van de provincie Fryslân gegeven om (partiële) ontheffingen te verlenen voor het vak Fries in zowel het basis-

als het voortgezet onderwijs. Eerder was het zo dat Gedeputeerde Staten alleen een volledige ontheffing konden geven, wat ook incidenteel is gebeurd op een aantal scholen. Deze volledige ontheffing voor het vak Fries kon alleen worden aangevraagd door scholen waar de leerlingenpopulatie minder dan 5% Friestalig was. De nieuwe (partiële) ontheffingen voor het vak Fries die aangevraagd kunnen worden gelden voor alle scholen ongeacht de leerlingenpopulatie. Wel zal er bij het vaststellen van de ontheffing rekening worden gehouden met de taalachtergrond van de regio waarin de school staat zoals deze zijn vastgelegd in de Taalatlas.

De gefolgen fan it *Taalplan Frysk* foar de skoalle binne:
a. De **ynspeksje** wurdt ynformearre oer it *Taalplan* fan de skoalle en de omfang fan de ûntheffing. It plan befettet ek in opmerking mei in sterk *etysk* karakter: 'Op die manier kan de inspectie een **eerlijk** rapport opstellen over de kwaliteit van het vak Fries' (s. 3) (fetprint TD). Dat ropt fansels de fraach op oft eardere ynspeksjerapporten dan net sa 'eerlijk' wienen ...? It docht wat eigenaardich oan om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk te keppeljen oan it begryp 'earlik', omdat it hjir allinnich oer it Frysk giet. Of wie 'in goed of better rapport' bedoeld? Of 'folsleiner'? Mooglik 'objektiver'?

[26] *Taalplan Frysk* is in projekt fan Provinsje Fryslân dat útfierd wurdt troch ENCO/NHL Hogeschool, 2016.

In punt fan krityk yn it ynspeksjerapport 'Tusken winsk en wurklikheid' (2010) wie dat de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk net betrouber ûndersocht wurde koe (bgl. s. 55-56) en dat de ynspeksje soks net earder wer oanpakke soe as dat der in 'normearre toets- of learlingfolchsysteem foar Frysk' (s. 63) beskikber wie. Neffens de ynspekteurs wie sûnder goed toetsmateriaal de kwaliteit fan it ûnderwiis net goed fêst te stellen. In kwestje dus fan beskikberens fan betrouber en falide evaluaasjemateriaal. Sûnt 2016 is dat materiaal der: **GRIP, in evaluaasjesysteem foar Frysk**, ûntwikkele troch in konsortium fan in stikmannich organisaasjes op it mêd fan it Frysk.

In ferliking mei de ynhâld fan it brief fan de PO-Raad (sjoch paragraaf 9) twingt him op. Foar de PO-Raad stie(t) de kwaliteit fan it ûnderwiis yn Fryslân los fan omtinken foar it Frysk. Mear omtinken foar ûnderwiis yn it Frysk soe de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de provinsje neffens de PO-Raad krekt yn gefaar bringe kinne. It jout te tinken dat nét de provinsje, mar de skoallen – en op de eftergrûn de minister fan OC&W – yn de oanpaste *Wet op it Primair Onderwijs* (sjoch paragraaf 10) by einsluten it *beslissende* wurd krije as it giet de ynhâld fan de kearndoelen Frysk en de útfiering dêrfan yn de praktyk. De eksplisite opmerking dat de ynspeksje de kâns krije moat om 'een eerlijk rapport' op te stellen, hat mooglik ek te krijen mei de fraach **hokfoar easken oft oan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk steld wurde meie.**

b. It *Taalplan Frysk* wurdt keppele oan it **MIF-budzjet (***Materiële Instandhouding Fries***).** De hichte fan it ta te kennen bedrach sil ôfhinklik steld wurde fan wat de skoalle oan it Frysk docht. Neffens my is it in goed útgongspunt om in skoalle finansjeel te beleanjen foar syn ynspannings foar it Frysk en sa kin tefoaren komme dat der misbrûk makke wurdt fan it earmerke jild.
Dochs kin der tusken skoalle en provinsje maklik ferskil fan miening ûntstean oer de fraach oft de skoalle '*relatief veel'* of *'minder'* oan it oan it Frysk docht (s. 3). It sil dan ferstannich wêze om objektive kritearia fêst te stellen foar dy beoardieling. Mar is it persintaazje Fryskbrûkers yn de (skoal)omjouwing dan wol sa'n goed en motivearjend kritearium?

c. '**Frysk op maat'**. It grutte foardiel fan it *Taalplan Frysk* is neffens de opstellers, dat skoallen 'het Friese aanbod beter kunnen afstemmen op de leerlingen en de kerndoelen' (s. 3). Der soe no '**een realistisch beeld** van wat de school doet en kan doen ' jûn wurde kinne [fetprint TD]. Ymplisyt wurdt derfan útgien dat mei help fan de ûnderwiiskundige der in better (= 'realistysker') *Taalplan Frysk* foar de skoalle ûntwikkele wurdt. Dat sil grif noch in drege taak wurde foar de oanstelde ûnderwiiskundigen. Want hoe ynterpretearret de skoalle syn eigen 'begjinsituaasje' en hokfoar ambysje hawwe direksje en personiel foar in ûntwikkeltrajekt fan fjouwer jier? In ienheidsprogramma op grûn fan it persintaazje Fryskbrûkers yn de (skoal)omjouwing is noch gjin 'Frysk op maat'.

It Consultatief Orgaan (sjoch paragraaf 9) die earder in útstel om by it fêststellen fan (nije) kearrndoelen net it draachflak mar de *útfierberens* fan de doelen as útgongspunt te nimmen. Dat útstel hat de wetjouwer nét oernommen (sjoch paragraaf 10). Mei as gefolch dat nét de útfierberens (goede foarbylden, gaadlik materiaal, ensfh.) sintraal is kommen te stean, mar de skoallen hawwe sizzenskip krigen by it fêststellen fan nije kearndoelen en kritearia foar it jaan fan ûntheffing.
De ûnderwiiskundigen sille dêrom yn it oerlis mei de skoallen net allinnich te krijen hawwe mei **didaktyske problemen**, mar ek mei in mooglik negative **taalideologyske opstelling** fan de direksje. Se sille advys jaan kinne oer wat yn de lessen didaktysk **mooglik** is**,** mar ek konfrontearre wurde mei wat in **direksje** al of net wol. Wat dat lêste oanbelanget steane de ûnderwiiskundigen swak, omdat hja gjin ferantwurdlikheid foar it ûnderwiis op 'e skoalle

drage. Maatwurk is in dizenich begryp. Dêr giet de suggestje fan út, dat it oanbeane ûnderwiis dan didaktysk perfekt past by de bern, mar as in negative taalhâlding fan de direksje en learkrêften foar it Frysk oer de trochslach jout is it 'ideologysk maatwurk' . In foarbyld fan sa'n Taalplan-oerlis mei in skoalle is te lêzen yn it Friesch Dagblad fan 11 novimber 2017. De skoalle sit neffens de fertsjintwurdiger fan de provinsje tichteby profyl A (ûntwikkeltrajekt), mar de skoalle wol '**linich**' mei it Frysk omgean en kiest foar profyl C en wol **dat yn 'e takomst ek sa hâlde.**

Yn it niisneamde sitaat ûnder punt c wurdt suggerearre dat mei it *Taalplan* it oanbod net allinnich better ôfstimd wurde kinne soe op de learlingen, mar ek **op de kearndoelen**. Dat is in eigenaardige opfetting, omdat de kearndoelen ommers al in **ferplicht minimumoanbod** foar it ûnderwiis yn it Frysk befetsje. Yn 2006 binne de kearndoelen Frysk al flink *nei ûnderen* bysteld nei it loslitten fan de spegeling mei dy foar it Hollânsk. Boppedat hawwe de skoallen altiten al de frijheid hân om sels didaktysk foarm te jaan oan de kearndoelen en alle bern de kâns te bieden optimale resultaten te heljen.

Der is net folle pedagogysk en ûnderwiiskundich ynsjoch foar nedich om te konkludearjen dat in oanpak fan it skrassen fan kearndoelen krekt gjin 'Frysk op maat' is. Dat is pas it gefal as de bern de kâns krije harren taalfeardigens yn it Frysk (oanmerklik) te fergrutsjen. **(Tydlike) ûntheffing soe net brûkt wurde moatte om it ûnderwiis yn it Frysk op in (te) leech nivo te hâlden, mar as in oantrún tsjinje moatte om op koarte termyn de al fierstente lang besteande 'histoaryske' efterstelling fan it Frysk yn it ûnderwiis wei te wurkjen.**

d. In 'Tuskenrapportaazje'

Op fragen fan de FNP-fraksje stjoere Deputearre Steaten op 23 maaie 2017 dy partij in *Tuskenrapportaazje* fan it *Taalplan Frysk* ta oer de oant dan ferliende ûntheffings yn it primêr en fuortset ûnderwiis.[27] Op side 1 fan dy rapportaazje wurdt werhelle dat it by *parsjele* ûntheffing giet om in *tydlike* maatregel yn in groeimodel. Der wurdt nei stribbe, dat skoallen 'yn it Fryske taalgebiet, wêr't it Frysk de deistige omgongstaal is' (side 1) eltse fjouwer jier minder ûntheffing nedich hawwe.
De fraach komt dan op oft skoallen, dêr't it Frysk minder of gjin omgongstaal is bûten de tradisjonele Waadeilannen en de Stellingwerven, dan sûnder mear folsleine ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk krije kinne. Bygelyks yn guon wiken yn Ljouwert of it Fean. Soe foar dy skoallen de wetlike ferplichting om Frysk te jaan dan net jilde? Stel dat de bern fan sa'n skoalle op in doarp of yn in krite komme, dêr't (folle mear) Frysk praat wurdt, moatte se dan de Fryskpratende bern 'freegje' om gjin Frysk tsjin har te brûken, omdat sy dat net ferstean kinne? Te faak komt dat foar en itselde docht him foar yn gearkomsten mei folwoeksenen dat Frysktaligen harren dêrom ferbrekke moatte. Lizze Ljouwert en it Fean net yn it Fryske taalgebiet? In minderheidstaal as it Frysk kin net bestean as alle ynwenners yn it taalgebiet de taal net op syn minst ferstean kinne. It is in algemien maatskiplik belang en dus in taak (wetlik legitimearre) foar it ûnderwiis.

Neffens de 'Tuskenrapportaazje' hawwe op it mjitmomint (4 maaie 2017) al 86 fan de besochte 140 basiskoallen in foarm fan ûntheffing krigen en 8 fan de 24 skoallen foar fuortset ûnderwiis. Yn it basisûnderwiis is it tal skoallen mei ûntheffings grutter as dy dêrsûnder! Soks hoecht jin net te fernuverjen as de provinsje sa'n skealik kritearium hantearret. De Fryske taal hat blykber noch altiten in (te) lege status en foar it neistribjen fan 'kwaliteit' wurdt it ûnderwiis yn it Frysk no ek wer net serieus nommen. De provinsje jout te maklik ta oan de

[27] *Tuskenrapportaazje Taalplan Frysk*, Provinsje Fryslân, 23 maaie 2017.

wjerstân by (gâns) skoallen tsjin ûnderwiis yn de skriftlike kant fan de taal en sadwaande wurdt it Frysk leare te skriuwen en te lêzen dan ek troch in flink tal skoallen bûten de doarren holden (57 skoallen).

Op in soad skoallen is it noch gjin Wow-Frysk

It liket der hiel sterk op dat it kritearium fan *omgongstaal* – in faktor by it fêststellen fan de didaktyske begjinsituaasje – misbrûkt wurdt om skoallen frijstelling fan ûnderwiis yn it Frysk te jaan.

De 'Tuskenrapportaazje' jout gjin inkelde oanlieding om te tinken dat it peil fan it ûnderwiis yn it Frysk flink ferbettere wurde sil, nettsjinsteande it feit dat de provinsje mear foech fan it Ryk krigen hat. De provinsje ferskûlet him mei boppesteande eksersysje efter in safolste 'nulmjitting' en hopet dat skoallen fierder sels ambysje toane sille foar in 'groeimodel'. Dat is yn it ljocht fan de lanlike kwaliteitseasken ryklik nayf as de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk gjin faktor is yn de beoardieling fan kwalitatyf ûnderwiis.

13. Is it jaan fan (goed) ûnderwiis yn it Frysk (net) 'realistysk'?

It begryp '**realistysk'** is gauris brûkt yn de hjirboppe beskreaune diskusje oer de easken dy't oan it ûnderwiis yn it Frysk steld wurde meie: *realistysk* no yn de betsjutting fan **net passend by de (echte) werklikheid.** De measte skoallen tinke dan ek **feitlik** net foldwaan te *kinnen* (!) oan de (te) hege easken foar it ûnderwiis yn it Frysk.
In tal foarbylden op dat mêd:
1. – De spegele kearndoelen Frysk fan 1993 en 1998 binne neffens it skoalbestjoer fan PCOB Ljouwert 'net realistysk': der is te min tiid en net-Frysktalige bern kin men it Frysk net op memmetaalnivo oanbiede. Dêrmei giet it bestjoer folslein foarby oan it feit dat op deselde skoalle alle Frysktalige bern it Hollânsk as 'memmetaal' oanbean krije en dêr safolle tiid yn stutsen wurdt, dat dy bern op 'lanlik nivo' yn dy taal op syn minst oan de trochsneed foldogge. Inkeld dat jout al oan dat der **feitlik** folle mear mooglik is as it goed útfierd wurdt**.** Hollânsktalige bern binne net minder yntelligint. Mar mei it each op de *realiteit* fan de kromwoeksen taalferhâldings en de hite azem fan de ynspeksje yn de nekke hoecht sok gedrach fan it bestjoer jin net te fernuverjen. De skoalle fielt him troch it Frysk bedrige en dat is eins it **feit**. Der is ferskil tusken kinnen en wollen.

2.– It lêste ynspeksjerapport 'Tusken winsk en wurklikheid' (2010) meldt in lichte ferbettering yn it neistribjen fan de ûnderwilens *ferlege* kearndoelen Frysk (2006). Yn in aparte paragraaf wurdt opmurken dat de trijetalige skoallen yn ferliking mei in stekproef fan oare basisskoallen yn positive sin opfalle: it oanbod is better en der wurdt mear tiid foar it Frysk útlutsen. It **kin** dus wol.

Nij ûndersyk nei de mearwearde fan trijetalige skoallen, mei mear omtinken foar Frysk en Ingelsk, hat op 'en nij positive effekten op de behearsking fan it Nederlânsk sjen litten (Monitor 3TS 2015-2016). Wittenskiplik is net fol te hâlden dat mear omtinken foar it Frysk daliks op kosten fan de behearsking fan it 'Nederlands' wêze soe en dat omtinken foar it Frysk net 'realistysk' wêze soe.

3.– It *Taalplan Frysk* sil útfierd wurde troch in tal ûnderwiiskundigen, dy't in **objektyf en realistysk** byld sketse moatte fan wat de skoalle oan it Frysk as fak en fiertaal docht en hokfoar ambysjes der by personiel en direksje libje. Ûnderwiis is lykwols nea neutraal, omdat der altyd wearden, opfettings, ensfh. oan de oarder komme. Ek it negearjen fan in taal, foar guon learlingen de memmetaal, is in kar, dy't op grûn fan arguminten (subjektyf) ynfloed hat op de bern. Ek as de skoalsituaasje sa goed mooglik (objektyf?) beskreaun wurdt, wol dat noch net sizze dat dêr logysk in noarm foar it hanneljen út ôflaat wurde kin. Dy kar hat altiten in ideologyske lading en sa'n weardebepaling kin maklik grutte skea tabringe oan de *learling* (en syn mooglikheden) en oan it *learplan*.
Dat it tinken oer 'goed' ûnderwiis en de weardetakenning dêroan yn de rin fan de tiid feroarje kin, is bygelyks te merkbiten oan de feroare posysje fan it Ingelsk. Eartiids waard ûnderwiis yn in frjemde taal net earder as yn de *heechst*e klassen fan de legere skoalle (fakultatyf) ynfierd (Frânsk bgl.), wylst it sûnt koart fan 'progressiviteit' tsjûget om it ***Ingelsk*** al yn de *beukergroepen* (ferplichte) yn te fieren. **Wat as 'realistysk' sjoen wurdt hat in sterk noarmative lading en hat te krijen mei politike opfettings oer de taak fan it ûnderwiis yn in feroarjende wrâld.**

It antwurd op de fraach oft ûnderwiis yn it ***Frysk*** 'realistysk' is of net, hat net allinnich te krijen mei de histoarysk groeide situaasje fan efterstelling, mar ek mei in **ideologysk laden taalpolitike fysje** op dy situaasje.

Rûchwei giet it yn it ûnderwiis om twa fysjes op de besteande en winske realiteit:
a. in tradisjonele 'Hollânske' fysje rjochte op it **net oantaasten fan de status-quo** en
b.in 'Fryske' bewegings-fysje rjochte op de **emansipaasje** fan de Friezen ek as taalminderheid.
Ad a. De 'Hollânske opfetting'sjocht de realiteit
1. mei in dominante posysje foar it Hollânsk as 'fanselssprekkend' en *ekonomysk* needsaaklik. Wy libje no ienkear yn de ienheidssteat Nederlân en ûnderwiis yn it Frysk is net nedich foar de *maatskiplike* takomst fan de bern;
2. yn it ljocht fan de lanlike easken. As in skoalle net heech skoart op de prestaasjes foar it Hollânsk (op grûn fan Haachske rjochtlinen) bestimpelt de ynspeksje de skoalle ta *'[tige] swakke skoalle'* en makket dat op it ynternet buorkundich (eangst foar de skandepeal dus);
3. net mei de eask dat net-Frysktalige personielsleden in ferplichte kursus foar it foech Frysk folgje te litten (in bytsje ferstean kinne is al moai genôch).
4. Alden en bern soenen yn mearderheid net foar in grutter plak foar it Frysk op skoalle;
5. It lesmateriaal past net yn 'ús situaasje' .

Ad b. De 'Fryske' opfetting sjocht it mear sa:

1. De realiteit fan de Hollânske dominânsje is ûnrjochtfeardich en ek yn Nederlân hearre de minskerjochten hanthavene te wurden. Lit de behearsking fan it Hollânsk in maatskiplike needsaak wêze, it Frysk is (ek) in wichtich *kultuerbesit* en heart ek takomstmooglikheden te hawwen. Ferantwurde *meartalich* ûnderwiis stiet de takomst fan de bern net yn 'e wei.
2. Ynternasjonaal ûndersyk en de trijetalige skoalle hawwe dúdlik makke dat in meartalige ûntjouwing hiel goed mooglik is en ek better is foar in goede *identiteits*ûntjouwing fan de Frysktalige bern. Boppedat yntegrearje de fan-hûs-út oarstalige bern dan ek better yn de Fryske mienskip. De iensidige prestaasjedruk op 'taal' (it Hollânsk) moat trochbrutsen wurde.
3. Frysktalige bern krije soms in hekel oan har taal as hja op jonge leeftyd bûten de húshâlding allinnich mei it Hollânsk konfrontearre wurde. Soks is gjin natuerlik ferskynsel, mar wurdt oplein.
Yn it beneamingsbelied foar ûnderwiispersoniel is it Frysk meastal gjin funksje-eask mei as gefolch dat goed ûnderwiis yn it Frysk (as fak en fiertaal) opkeard wurdt.
4. Troch de bank wolle Fryske âlden wol dat harren bern ek ûnderwiis yn de eigen taal krije. Lykwols doare se as ienling meastentiids net foar harren rjocht op te kommen as se tinke dat de bern dêr op skoalle op oansjoen wurde. De polityk soe in ein meitsje moatte oan dy ûnrjochtfeardige efterstelling en yn it ramt fan it algemien belang soargje foar in lykweardich en lykberjochtige plak foar it Frysk yn it ûnderwiis.
5. It lesmateriaal wurdt hieltyd by de tiid brocht mei it each op de grutte ferskillen yn feardichheden en de somtiden negative hâlding fan guon learlingen foar de Fryske lessen.

It sil dúdlik wêze, dat de Hollânske fysje op de realiteit it noch altiten fierwei wint fan de Fryske. De *polityk* (Ryk en provinsje) is noch altiten tige benaud om de foar ús taal skealike 'Hollânske tradysje' *fûneminteel* oan te pakken en te feroarjen. Alle lof foar de *trijetalige* skoallen, mar it oantal bliuwt beheind en yn krimpgebieten wurde se ek noch ris mei opheffing bedrige. Net de *feitlike ûnmooglikheid* om ûnderwiis yn it Frysk te jaan, mar de troch de oerheid sels kreëarre 'realiteit' fan de politike en ûnderwiiskundige ynfrastruktuer is noch altiten de grutste beheining en bedriging. Ûnderwiis yn it Frysk wurdt dan eat foar hobbyisten en wurdt bûten de realiteit hâlden by de beoardieling fan de kwaliteit fan it ûnderwiis.

LEEUWARDER COURANT
27 mei 2017, pag. 14

Lêze en *skriuwe*: 3 op 7 scholen vrijgesteld

WILLEM BOSMA

LEEUWARDEN De meeste Friese basisscholen worden voorlopig ontheven van een of meer leerdoelen Fries, zo blijkt uit een tussenstand van de provincie.

Voor 140 van de 428 basisscholen hebben gedeputeerde staten een besluit genomen. In 62 procent van deze gevallen was dat een gedeeltelijke ontheffing. Zo kregen 60 van de 140 scholen voor vier jaar ontheffing van het leren lezen en schrijven.

Twaalf scholen zullen de leerlingen het meest minimale pakket mogen aanbieden: het bijbrengen van een positieve houding jegens het Fries.

Het is onzeker in hoeverre de tussenstand een indicatie is voor het eindbeeld. Over de meeste scholen in de Stellingwerven, Kollumerland en het Bildt is nog niet beslist. Daar kreeg menige school een totale ontheffing in de tijd dat de deelontheffingen uit het Taalplan nog niet voorhanden waren.

Het huidige regime is volgens gedeputeerde staten een groeimodel. Scholen met een zware ontheffing kunnen in vier jaar toewerken naar een hoger trapje. In het voortgezet onderwijs hebben 24 van de 83 scholen bericht gehad. Tweederde daarvan heeft geen ontheffing gekregen.

Voor de beoordeling van een school maakt de provincie een globale schatting van wat de leerlingenpopulatie gemiddeld aankan. Een puur Nederlandstalig kind zou in een zeer Fries dorp dus meer van die taal meekrijgen, dan een zeer Friestalig kind in een stad waar de andere kinderen die taal niet of nauwelijks horen spreken.

Dit criterium is een belangrijk kritiekpunt van het burgerinitiatief Sis Tsiis. Deze pressiegroep bepleit differentiatie op het niveau van schoolklassen of groepjes kinderen.

Voor Sis Tsiis is het ook onverteerbaar dat voor het Engels en het Nederlands geen taalprofielen per school worden gemaakt.



As de *direkte* wurking fan it 'Europeesk Hânfêst' (kêst 8) en it 'Ramtferdrach' foar de Fryske 'minderheid' net ta folsleine ymplemintaasje liedt, tefolle learkrêften it Frysk net of net goed behearskje en de resultaten fan it ûnderwiis yn it Frysk net yntegraal opnommen wurde yn de reguliere kwaliteitsbeoardieling fan it Fryske ûnderwiis, dan is de kâns hast 100% dat de situaasje net struktureel ferbetteret. Net de lakreden fan in ***natuerlik* of *objektyf* 'realisme' is in behindering foar it oangean fan in 'wier' Frysk emansipaasjeproses, mar de besteande (taal)politike ûnwil om de status-quo fan ûngelikense (taal)machtsferhâldings te trochbrekken is it grutste obstakel.** Al hoe goed oft de ambysje foar better ûnderwiis yn it Frysk fan guon âlden, learkrêften en direksjeleden ek wêze mei!

It antwurd op de fraach oft it jaan fan (goed) ûnderwiis yn it Frysk al of net ‘realistysk’ is hinget fan de fysje ôf op **wat as (winske) realiteit akseptearre wurdt**.

De boargeraksjegroep Sis Tsiis akseptearret de ûnsteane realiteit mei it Frysk yn it ûnderwiis net en pleitet foar it neikommen fan de wetlike posysje fan de taal op ‘e skoallen

14. Gearfetting mei konklúzjes

Om ta in beoardieling fan it ûnderwiisbelied op it stik fan it ûnderwiis yn it Frysk komme te kinnen binne in tal útgongspunten nedich. Yn syn algemienens hat in taalmienskip rjocht op ûnderwiis yn de eigen taal. Om dat goerjocht foar de Fryske situaasje neier oan te jaan folgje in tal útgongspunten (A) om dêrnei ta in beoardieling fan it ûnderwiisbelied te kommen (B).

A. Wêrom it Frysk op de basisskoalle?

1. De ferplichting: in demokratysk nommen politike beslissing

Sûnt1 jannewaris 1975 is it wetlik tastien om it Frysk net allinne yn de legere groepen, mar ek yn de hegere learjierren fan de – doe noch – *legere* skoalle mei ('mede') as fiertaal te brûken. Mei yngong fan 1 augustus 1980 waard it Frysk taheakke oan de ferplichte fakken. Troch migraasje, globalisearring en in tanimmend brûken fan it Hollânsk yn de iepenbiere romte kaam de oerdracht fan it Frysk hieltyd mear ûnder druk te stean. De troch minister Van Kemenade ynstelde '*Projectgroep invoering Fries als verplicht vak op de scholen voor gewoon lager onderwijs in de provincie Friesland'* brocht dy ferplichting, yn neifolging fan de *Commissie Friese taalpolitiek* út 1970, ûnder wurden 'als een ondersteuning voor het functioneren van het Fries, onder de erkenning dat de Friese cultuur zich binnen het Nederlandse cultuurgebied primair door de Friese taal manifesteert'.

In **(taal)politike** beslissing dus en dêr is ek neat mis mei. In lytse trochbraak yn 1975 – mar better let as net - want it Hollânsk ('Nederduitsche taal') waard al yn 1803 ferplichte om it *politike* ideaal fan *ienheid* en *beskaving* nei te stribjen. Krekt fanwegen dat *ienheidsdoel* krige it Frysk in *lege(re)* status ('boersch') en krige de steatstaal as 'Algemeen Beschaafd Nederlands' de monopoaljeposysje yn it ûnderwiis. De ferplichting fan it Frysk is dus gjin 'hobby' fan guon Friezen, mar in demokratysk nommen beslút fan de oerheid sa as earder it Hollânsk ek ferplichte wurden is.

2. It kultureel motyf stiet sintraal

As dan lang om let de Twadde Keamer it *politike* beslút nimt om it Frysk yn de rige fan de ferplichte fakken op te nimmen, is dat foar in grut part fan it personiel fan de Fryske skoallen in skok: foar harren wie en is de *Hollânske* en *Hollânsktalige* ûnderwiistradysje 'normaal', d.w.s. de noarm foar harren hanneljen. Yn harren oplieding waard it *monolinguale* taalûnderwiis as bêste foarm fan ûnderwiis sintraal steld. Boppedat behearsken gâns learkrêften it Frysk net of ûnfoldwaande, mei as gefolch dat der somtiden emosjonele diskusjes ûntstienen oer it 'wêrom' fan it Frysk op skoalle.

Yn de begjinjierren '80 wurdt it SLO-projekt *Naar een leerplan Fries* opset en útfierd om de *legere* skoallen (letter de basisskoallen) te helpen om in wurkplan foar it ûnderwiis yn it Frysk te meitsjen. Al yn it earste haadstik besykje de skriuwers om in antwurd op dy *wêrom*-fraach foar de learkrêften te jaan. Harren konklúzje is dat de **klam** nét op it *pedagogysk-didaktyske* (it rjocht op ûnderwiis yn de eigen taal) en it *taalpolitike* motyf (it Frysk as bedrige taal) lizze

moat, mar op it ***kulturele*** motyf. Dat motyf jildt nammentlik foar sawol de Frysktalige as de net-Frysktalige learlingen, omdat hja mei-inoar de twatalige *mienskip* foarmje.

3. Is de ferplichting ôfhinklik fan it Frysk taalgebrûk?

It argumint fan in beheinde taalfunksje fan it' Nederlands' yn in (Frysktalich) gebiet wurdt nea brûkt foar it ûnderwiis yn it Hollânsk; net om 1800 hinne en no noch net. Ek de *beheinde* maatskiplike funksje fan it Ingelsk yn de (skoal)omjouwing is hjoeddei gjin *reden* om mar net of amper ûnderwiis yn it Ingelsk te jaan. Mei it each op de takomst fan de bern krije de skoallen de taak oplein om oan alle bern **ferantwurde** ûnderwiis yn it Hollânsk en it Ingelsk te jaan sûnder útsûnderings en fierdere beheinings. Tink bygelyks ek oan de bern fan migranten.

Foar de Fryske taalmienskip heart dat fansels net oars te lizzen. It belang fan it *Frysk* en it belang fan de *bern* binne likemin yn striid mei inoar. Fan de bern mei ferwachte wurde dat se harren goed yn harren memmetaal en yn oare, foar de mienskip wichtige, talen rêde kinne. Wol is it *ferskil yn begjinsituaasje* tusken de bern foar de pedagogysk-didaktyske oanpak fan belang: bygelyks it ferskil tusken ûnderwiis foar learlingen mei it Frysk as *earste* en as *twadde* taal

Feitlik komt it útgongspunt om it ûnderwiis yn it Frysk ôfhinklik te stellen fan it gebrûk dat der fan makke wurdt (yn bygelyks de gruttere plakken) del op it hanthavenjen fan de status quo fan de besteande *ûngelikense* taalferhâldings. Mar foar net-Frysktalige bern is it yn ús offisjeel twatalige provinsje likegoed fan grut belang om harren it Frysk goed oan te eigenjen. It pedagogysk-didaktysk prinsipe fan rekken te hâlden mei de begjinsituaasje is in *eask* fan ferantwurde ûnderwiis, mar it jaan fan frijstelling(s) fanwegen it (lytse) tal minsken dat it Frysk yn en om de skoalle brûkt, is yn striid mei de bedoeling fan dy ferplichting, nammentlik dat de taal as libbene kommunikaasje- en kultuertaal funksjonearje kin. It feit dat yn de provinsjale *Beleidsregel* it takennen fan ûntheffing keppele wurdt oan it taalgebrûks-kritearium is hjir in tryst foarbyld fan en hollet de wetlike ferplichting op ferkearde grûnen út.

4. Minskerjocht

Op 22 desimber 2016 hâlde de boargerinisjatyfgroep 'Sis Tsiis' yn Ljouwert in demonstraasje foar better ûnderwiis yn it Frysk mei as biedwurd: '*Frysk op skoalle, in bernerjocht'*. Yn in 'Beswierskrift' fan *Sis Tsiis*, dat op 12 maaie 2017 oanbean is oan Dep. Steaten fan Fryslân, wurdt ferwiisd nei *De universele ferklearring fan de Rjochten fan de Minske* (1948). Yn kêst 26 wurdt it rjocht op ûnderwiis neamd.
Yn it *Ferdrach oangeande de Rjochten fan it Bern* (1989) is dat fierder útwurke yn de kêsten 28-30, dêr't it giet om it respekt foar de eigen kulturele identiteit, de taal en de wearden fan de minderheidsgroep. Dy groep mei it rjocht net ûntkeard wurde om yn de eigen taal mei-inoar te kommunisearjen. It Europeeske *Kaderferdrach inzake de Bescherming van Nationale Minderheden/Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden* (1995) is yn Nederlân allinnich fan tapassing ferklearre op de Friezen (2005). Yn de kêsten 12-14 is oanjûn dat de minderheidstaal in plak yn it ûnderwiisstelsel krije moatte soe neist it learen fan de offisjele taal. Sa ek yn troch Nederlân ratifisearre *Europeesk Hânfêst foar*

Minderheidstalen, dêr't yn kêst 8 de steatsnasjonale oerheid oproppen wurdt foar de minderheidstaal in wezentlik part yn te romjen.

5. Net oars as by oare talen

It antwurd op de fraach wêrom't it Frysk in (goed) plak yn it ûnderwiis fertsjinnet, leit fûneminteel net oars as by gâns oare erkende talen. It moat in foar alle ynwenners fan Fryslân folweardich plak krije omdat:
- foldwaande kennis fan en feardichheden yn it Frysk foar in goede *kommunikaasje* en *identiteitsfoarming* needsaaklik is;
- de behearsking fan it Frysk fan grut belang is fanwegen de *maatskiplike funksje* en it *respekt foar de taal fan de Fryske mienskip* yn it iepenbiere libben (negative diskriminaasje heart net foar te kommen);
- it Frysk in wichtich *kultuerbesit* is en sadwaande de kulturele rykdom ('cultural diversity'). fan de Europeeske mienskip mei útmakket.

B. In beoardieling fan it ûnderwiisbelied Frysk benammen op it stik fan de kearndoelen Frysk 1993-2017

De beslissing om it Frysk as (twadde) rykstaal in wetlik ferplichte plak yn (in part) it ûnderwiis te jaan, wie en is it resultaat fan in demokratysk ferrûn polityk proses. It probleem is dan ek net de legitimiteit fan it ûnderwiis yn it Frysk, mar de slim tekoartsjittende *útfiering* yn de praktyk. Hawwe de ferantwurdlike oerheden as it Ryk en de provinsje Fryslân harren wol foldwaande ynset om mei help fan de *kearndoelen Frysk* it ûnderwiis yn it Frysk op in better nivo te bringen? Hawwe de skoallen (bestjoeren, learkrêften) harren genôch ynspand om te differinsjearjen om sadwaande mei alle learlingen 'safier mooglik te kommen'? (sjoch bgl.: *Learplan Frysk foar it Primêr Underwiis*, SLO, 2005, s. 21)
Motivaasje foar en de behearsking fan it Frysk troch learkrêften litte grutte ferskillen sjen. Sa is it ek troch de provinsje propagearre meartalich konsept fan de 'trijetalige skoalle' mar op in relatyf lyts tal basisskoallen op *frijwillige* basis ynfierd, wylst skoallen yn grutte(re) plakken gauris te min saakkundige learkrêften yn tsjinst hawwe om it Frysk as fak en fiertaal struktureel goed syn gerak jaan te kinnen.

*a. It **Ryk** en de kearndoelen Frysk*
It feit dat de kearndoelen Frysk 1993 en 1998 – bedoeld om wat mear ienheid yn it skoaloanbod te krijen – *spegele* wienen oan dy foar it Hollânsk, hold prinsipieel de lykweardichheid fan de beide (erkende) rykstalen yn. It *misbegryp*, dat de kearndoelen gelikense prestaasjeresultaten foar de learlingen fereasken, joech al gau oanlieding ta protest fan guon skoallen. Net dat dy resultaten foar it Frysk al systematysk kontrolearre en metten waarden troch de ûnderwiisynspeksje – dat wie en is net it gefal – , mar de kearen dat der nei ynformearre waard wie foar in tal skoallen 'ferfelend', omdat dêrtroch al in grutte kleau sichtber waard tusken de bedoeling fan de kearndoelen en it feitlike oanbod foar Frysk yn de praktyk.

As yn dyselde snuorje it Ryk de SLO opdracht joech foar it gearstallen fan in *tredde* en ek *ienfâldiger* generaasje kearndoelen, rekken dy foar it Frysk hast tusken wâl en skip, omdat de

saneamde *kommisje Wijnen* it Frysk net yn it ferplichte kearndiel fan syn útstel opnommen hie. Dêrnei kaam de SLO mei in útstel foar slim útklaaide kearndoelen Frysk foar advys nei Fryslân. De eardere spegeling (lykweardichheid) oan dy foar it Hollânsk wie loslitten. De troch de SLO betochte nije, tige ôfswakke kearndoelen kamen del op wat ienfâldich mûnling ûnderwiis (bgl. wat *ynformaasje* helje út sprutsen Frysk en wat *freegje* kinne) en wat it skriftlik taalûnderwiis oanbelanget in *Fryske tekst lêze* kinne.

Yn it oerlis fan de SLO mei guon leden fan de provinsjale wurkgroep, de saneamde *Veldvisering*, slagge it om it nivo 'wat' omheech te bringen troch û.m. alle fjouwer taalskiften (neffens it foarbyld fan dy foar it Ingelsk) wat dúdliker te omskriuwen (sjoch paragraaf 4). Mei in tal lytse tekstuele oanpassings binne dy letter troch de Twadde Keamer oannommen. Dêrmei waard – nettsjinsteande alle moaie wurden oer it Frysk en it ratifisearre Europeesk Hânfêst (kêst 8) – de lykweardichheid (status) en de posysje fan it ûnderwiis yn it Frysk troch it Ryk sûnder folle diskusje tige ferswakke en slim ûnderstek dien.

Yn it ramt fan de diskusje om rykstaken nei de provinsje oer te dragen (subsidiariteitsbegjinsel) advisearre de *kommisje-Lodders* om rykstaken op it mêd fan it Frysk safolle mooglik nei de provinsje Fryslân te desintralisearjen. In dêrta ynstelde stjoergroep (de saneamde *kommisje-Hoekstra*) bestie, op de boargemaster fan Dongeradiel nei, spitigernôch allegearre út 'saakkundigen' fan *bûten* de provinsje. In kwealike en tige skealike saak, omdat de ynbring fan Fryslân sels, yn dit gefal it ûnderwiis yn it Frysk, sadwaande sterk minimalisearre waard.

Al frij gau beheinde de stjoergroep him, fanwegen de nochal omfiemjende taak, ta allinnich it *ûnderwiis*. Mei in dúdlike *tsjin*stim fan de fertsjintwurdiger fan it ministearje fan OC&W (!) besleat de stjoergroep, dat desintralisaasje fan foech nei de provinsje ûnder wetlike betingsten mooglik wie. It wie gjin unanym beslút en it betsjutte ek gjin autonomy foar de provinsje op it mêd fan it ûnderwiis yn it Frysk. Benammen it saneamde 'draachflakbetingst' dat de skoallen mear macht taskode, en in *finale* goedkarring troch de minister fan ûnderwiis moast in eventueel al te Frysksinnich provinsjebestjoer yn 'e 'Hollânske' stokken hâlde.
It brief fan de PO-Raad (kwaliteit en gjin útwreiding Frysk) oan it ministearje fan OCW nei oanlieding fan de útstellen fan *de kommisje Hoekstra* hat suksesfol west.
De mei yngong fan 01-08-2014 oanpaste kêsten oer it ûnderwiis yn it Frysk yn sawol de WPO as de WVO beheine dan ek it foech fan de provinsje yn it foardiel fan de skoallen. Foar it fêststellen fan de kearndoelen Frysk en om neist 'folsleine' tenei ek 'parsjele' ûntheffing ferliene te kinnen hat de provinsje de (wetlike) meiwurking fan de skoallen nedich.

Betsjut de oerdracht fan foech oer it ûnderwiis yn it Frysk fan it Ryk nei de provinsje Fryslân in stap foarút? Sa waard it wol presintearre as wy deputearre De Vries leauwe meie. Neffens har soenen der no 'Fryske kearndoelen op maat' komme. Tinkflater lykwols is dat oare en wierskynlik noch ynhâldsleazer en mear by de taalsituaasje fan de skoalle oanpaste kearndoelen gjin emansipaasjeproses yn gong sette. Boppedat is 'op maat' ek net nedich en hast ûnmooglik foar al dy skoallen, omdat de skoalle sels foar it ûnderwiis ferantwurdlik is. De kearndoelen jouwe oan wat de skoalle op syn minst yn it learplan opnimme moat. De

ienfâldige en oan it Ingelsk spegele kearndoelen Frysk (2006) jilde yn 2017 noch altyd. Faaks ek ferstannich, want it soe wolris kinne dat fanwegen it draachflakbetingst de skoalmanagers út de gruttere plakken it nivo fan de besteande kearndoelen Frysk fierder omleech helje wolle.

Op himsels betsjut it fêststellen fan kearndoelen Frysk noch gjin effektive implemintaasje As der neat regele wurdt oer wêzentlike saken as *oplieding* (alle learkrêften it foldwaande foech foar Frysk) en *tafersjoch* (kontrôle fan de ynspeksje) dan heakket de ynfiering. As it Frysk gjin wichtige faktor wurdt yn en by de kwaliteitsbeoardieling fan it Fryske ûnderwiis (sa as by 'taal'/Nederlandse taal), dan bliuwt de wetswiziging in deade letter. Dêr begjint it ek wer op te lykjen.

De provinsje is te set gien mei it útwreide ûntheffingsbelied en wy moatte no al konstatearje dat de troch it Ryk fêstleine, tige ûngelokkige wetlike betingsten ('voldoende draagvlak in' en 'niet meer inspanningen van de scholen') in sterk negative útwurking hawwe: it Frysk wurdt effektyf marzjinalisearre, lykas út de *Tuskenrapportaazje* al te konstatearjen falt.

It ryksbelied foar it ûnderwiis yn it Frysk wie en is sterk ôfhâldend en rjochte op it belang fan in (steats)nasjonaal ûnderwiisbelied. De *Ried fan Europa* is yn syn lêste rapport (*ECRML*, 2016) noch altiten tige kritysk oer de stân fan saken fan it Frysk yn it ûnderwiis en de *Ried* moat foar de safolste kear konstatearje dat de '[...] ûndertaking not fulfilled' (par. 128) is. Ek nei 2014 bliuwe Ryk en provinsje Fryslân *mienskiplik* ferantwurdlik foar it ûnderwiis yn it Frysk en dat wurket ûndúdlikheid en in slim tekoartsjittende útfiering yn 'e hân. Dêr komt by dat guon skoallen der ek alle belang by hawwe, dat De Haach (en net Ljouwert) dy ferantwurdlikheid allinnich hat en leaver net mei twa 'hearen' te krijen hawwe.

Sûnt de Frânske tiid (begjin 1800) hat it Ryk it ûnderwiis yn it Frysk safolle mooglik opkeard en ûntmoedige. Nei de ferplichting fan it Frysk yn basis- en fuortset ûnderwiis is dat ek net feroare. Yn 2014 likemin. De wetswiziging *PO-2014* moat dan ek beskôge wurde as in slûchslimme set om de skyn op te hâlden dat de provinsje no foar better ûnderwiis yn it Frysk soargje sil. Soe dat mislearje dan kin it Ryk der net op oansprutsen wurde. Lykwols, it Ryk bliuwt neffens it *Hânfêst* einferantwurdlik foar dat mislearre belied. De oerdracht fan foech nei de provinsje Fryslân draacht yn de praktyk dan ek fierhinne it karakter fan in polityk fan 'ôfsâltsjen' (Holl.: 'met een kluitje in het riet sturen'). It Ryk hat de skoallen, nettsjinsteande de fûnemintele krityk fan de *Raad van State* en it *Consultatief Orgaan*, wetlik it foech jûn om – op hokfoar grûn dan ek – it ûnderwiis yn it Frysk te boykotsjen!

*b. De **provinsje Fryslân** en de kearndoelen Frysk*

It fêststellen fan de trije generaasjes kearndoelen Frysk (yn 1993, 1998 en 2006) wie in saak fan it Ryk. Neffens de WPO fan foar 2014 hienen Dep. Steaten op dat mêd allinnich de taak om folsleine ûntheffing fan dy ferplichting te ferlienen as in skoalbestjoer dêrom frege. It gie dan al gau om gemeenten lykas de Stellingwerven en de Waadeilannen. Hoewol't de provinsje dus *allinnich* by it ferlienen fan ûntheffing behelle wie, stienen Dep. Steaten ynearsten wol op it stânpunt dat de kearndoelen Frysk en Nederlânsk nét los faninoar keppele wurde mochten en joegen se yn in brief oan de steatssiktaris oan *itselde* ambysjenivo hanthavenje te wollen, û.o. op grûn fan de *prinsipiële lykweardigens* fan beide talen. Yn it 'Beslút kearndoelen basisûnderwiis 1998' (twadde generaasje) is oan dy winsk dan ek foldien.

It brief fan it bestjoer fan de *Vereniging PCBO Leeuwarden en Wirdum* wie foar Dep. Steaten oanlieding om in advys te freegjen oan it *Berie foar it Frysk*. It Berie advisearre om fêst te hâlden oan de *ynhâldlike spegeling* mei de kearndoelen foar 'Nederlandse taal' en tagelyk in fleksibeler ûntheffingsbelied te ûntwikkeljen troch neist *folsleine* ek in *parsjele* ûntheffing mooglik te meitsjen en dêrby rekken te hâlden mei it taalgebrûk yn de (skoal)omjouwing. Dat advys wie net helder oer hoe't dy (tydlike) ûntheffing derút sjen moatte soe. Oan de iene kant gie it om it ferlienen fan in tydlike ûntheffing foar *guon kearndoelen* lykas *skriuwfeardigens* en *taalskôgjen* oan **skoallen** mei in substansjele populaasje fan learlingen, dy't thús gjin Frysk brûke en oan de oare kant hold it advys fêst oan it berikken fan it doel fan *folsleine* twataligens foar *alle* **learlinge**n troch de wei fan differinsjaasje.
It yn itselde advys opnimmen fan sawol differinsjaasje op *m*eso-nivo (skoalle) as op *mikro*-nivo (bern) kin skealike gefolgen hawwe foar bern mei in geunstige(r) begjinsituaasje yn it Frysk sa as letter ek bliken dwaan sil.
As Dep. Steaten nét langer mear útgean wolle fan oan it Hollânsk *spegele* kearndoelen Frysk kieze se foar in systeem fan *learwegen*. Dêrmei jouwe se dúdlik de foarkar oan differinsjaasje op *meso-nivo* mei as gefolch *ienselde* programma far alle bern mei ien of mear kearndoelen, wylst de oanbelangjende notysje fan de wurkgroep krekt útgie fan differinsjaasje op *mikro-nivo* om alle bern - ek mei de bystelde kearndoelen - optimale resultaten helje te litten.

De provinsje woe blykber de kleiende skoallen yn 'e mjitte komme troch de doelen net te (?) heech te lizzen om sa *de motivaasje* fan skoalbestjoeren en learkrêften foar it ûnderwiis yn it Frysk te fergrutsjen. De ûnderwiisynspeksjerapporten fan 2006 en 2010 jouwe lykwols oan dat dy strategy net it winsklike effekt hân hat. De reden dêrfoar is dat it wetlik ferplichte ûnderwiis yn it Frysk yn de praktyk op basis fan 'frijwilligens' útfierd wurdt. Sa binne bygelyks de kursussen Frysk foar leararen dy't gjin of in ûnfoldwaande foech Frysk hawwe, noch altiten net ferplichte en is it advys fan it *Berie foar it Frysk* om de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk nei te gean troch middel fan in PPON-ûndersyk, nea útfierd.

Sa lang 't de *kwaliteit* fan de Fryske skoallen noch altiten beoardiele wurdt op grûn fan 'lanlike' easken, dêr't de provinsje gjin sizzenskip oer hat en dêr't it Frysk gjín rol by spilet, is it foar de provinsje hiel dreech om wêzentlike stappen mei it Frysk foarút sette te kinnen. Mooglik ek net doart yn it ljocht fan skealike opfettings oer ûnderwiis en Frysk fan guon politike partijen yn de Steaten.

It útbrochte *rapport-Hoekstra,* dat de provinsje Fryslân mear foech jaan wol oer it ûnderwiis yn it Frysk, hat net soarge foar echte feroaring. De wetlike betingsten foar it fêststellen fan de kearndoelen Frysk en de kritearia foar ûntheffing litte de provinsje amper beliedsromte.
Yn de *'Beleidsregel*' is *parsjele* ûntheffing bedoeld as in *tydlike* maatregel yn in 'groeimodel', mar fan de beide ûntheffingskritearia falt gjin emansipaasje fan it ûnderwiis yn it Frysk te ferwachtsjen. It feit dat foar it Ingelsk *gjin* ûntheffing regele is, mar foar it Frysk – dus de eigen, autochtoane taal – *wól*, jout al dúdlik oan dat dy eigen erkende (minderheids)taal *as kultuertaal* yn eigen taalgebiet absolút net serieus nommen wurdt.
Yn tsjinstelling mei de foar *alle* learlingen jildende ferplichting foar it Hollânsk en Ingelsk kiest de provinsje foar it Frysk foar in differinsjaasjesysteem fan profilen mei mear of minder kearndoelen. As gefolch dêrfan wurde de grutte ferskillen tusken de bern yn behearsking fan

it Frysk op in skoalle net achtslein en is der sa ek absolút gjin sprake fan 'maatwerk' (passend ûnderwiis) lykas earder wol suggerearre waard. Ek de ferskillen tusken de skoallen sille grut bliuwe.

De fraach nei de effektiviteit fan it ûnderwiisbelied foar it Frysk sûnt de jierren '80 is dan ek legitym. Nettsjinsteande alle moaie wurden fan it Ryk jouwe ûnderwiisynspeksje en de eksperts út 'Europa' hieltiten mar wer oan dat it folle better moat.
De hope wie dat de provinsje Fryslân it sels better dwaan soe yn it ramt fan de delegaasje fan rykstaken. Dochs blykt dat (noch) net it gefal te wêzen. De skoallen kinne harren beheine ta dy kearndoelen dy't neffens harren ynskatting 'realistysk' binne op grûn fan harren taalsituaasje en taalhâlding foar it Frysk as libbene taal oer. It leit dus absolút net foar de hân dat troch it jaan fan *parsjele* ûntheffings der hieltyd minder *folsleine* ûntheffings nedich binne, lykas minister Plasterk fan Ynlânske Saken (sj. bgl. it *Friesch Dagblad*, 28-08-2017) noch witte liet.

It loslitten fan de oan it Hollânsk *spegele kearndoelen Frysk* en it grutte tal skoallen mei mear of minder *takende ûntheffings* op grûn fan de '*Beleidsregel*' liedt der nét ta, dat in belied fan **minder Frysk ek better Frysk** ynhâldt. Foar it as kearnfak beskôge 'Hollânsk' soe men der net iens oer tinke om *ûntheffings* te jaan as de resultaten ôffalle, mar dêr krekt *sanksjes* op sette, in frekwintere *kontrôle* organisearje (ynspeksjebesite, toetsing) en *yntinsive programma's* oanbiede om sa gau mooglik dy 'taalachterstand weg te werken'. Dat is wetlik ek sa regele (WPO kêst 8 lid 11) . Foar it Frysk sil soks likegoed moatte.
It belied hat wat it skaaimerk fan in omkearde 'salamitaktyk': de provinsje giet akkoart mei it weilitten fan guon ûnderdielen (kearndoelen) en legitimearret sa de konsesjes oan de wetlike ferplichting. It argumint fan it no hawwen fan in 'objektive' 0-mjitting is net sterk. Earder hat de ynspeksje dat ek al dien. Boppedat is it de fraach oft allinne ambysje te hawwen genôch is foar in 'groeimodel'- ynearsten foar 4 jier - nei mear Frysk yn it programma sa as it Taalplan oanjout.

c. By einsluten

De analyze fan de hiele gong fan saken oant no ta azemet de sfear fan in *makabere dûns,* in deadedûns. Aaklik, mar it falt net oars te formulearjen. It kin blykber net fakernôch werhelle wurde: kearndoelen binne *oanbod*ferplichtings, gjin *resultaat*ferplichtings. It binne doelen dy't de skoalle *op syn minst* (minimaal dus) yn it programma in plak jaan moat as in soarte fan basis. De skoalle mei en moat winliken ek mear dwaan, ôfhinklik fan wat de learlingen oankinne. Hoewol't de doelen beskreaun binne yn termen fan *learlingegedrach*, binne kearndoelen gjin yndividuele prestaasje-*easken*.

Troch dêr blykber wól fan út te gean, is der keazen foar in differinsjaasjesysteem fan **kearndoele-eliminaasje** mei as falske taljochting dat soks 'maatwurk' wêze soe en grif ek de falske hope dat de skoallen – omdat de ûntheffings as *tydlik* bedoeld binne – nei in pear jier *wol mear oan it Frysk 'dwaan' sille*. In *tydlikens* dy't ek noch frij 'ûnbegrinzge' is ...
Yn it Taalplan misse de nedige *rânebetingsten* foar in goede ymplemintaaasje-stratezjy.

‘*It is mei sizzen net te dwaan’,* sa seit in Fryske siswize. Guon (trijetalige) skoallen besykje dat en jouwe it Frysk in ‘wat’ better plak yn harren meartalich konsept. It oerdragen fan in stikje foech fan it Ryk nei de provinsje hat lang net it ferwachte resultaat opsmiten. De ‘Beleidsregel’ hat alles yn him fan in stjerhûskonstruksje ...

Spitigernôch moat konstatearre wurde, dat mei it besteande ûnderwiisbelied foar it Frysk gjin *boppeslach* te meitsjen falt. Oan trije **fûnemintele betingsten** is en wurdt net foldien:
1. It ûntbrekt oan de echte **politike wil** by it Ryk en blykber ek (noch) by de provinsje Fryslân om it ûnderwiis yn it Frysk út syn histoarysk miswoeksen en wanskepen situaasje fan efterstelling en tebeksetten (diskriminaasje) te heljen. De besteande *wetlike beheinings* (benammen it takennen fan ‘regel’-macht oan de skoallen) en it ûntbrekken fan de *nedige rânebetingsten* (û.o. oangeande de oplieding, it tafersjoch en de kwaliteitskontrôle) soargje derfoar dat ûnderwiis yn it Frysk in saak fan frijwilligens en efterstelling bliuwt.

2. De twadde rykstaal krijt **gjin** of **amper romte** om as kommunikaasjemiddel en as kultuertaal yn it eigen taalgebiet yn alle relevante maatskiplike domeinen (mei foarrang) brûkt te wurden. Behearsking fan it Frysk is ommers net nedich. Dêr is it Hollânsk foar.
It Frysk is hast net sichtber en benammen it skriftlik analfabetisme giet it brûken fan de taal yn de iepenbiere romte tsjin. De posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis is hjir sawol it **gefolch as de oarsaak** fan. Omdat it Frysk skriftlik net folle brûkt wurdt, antisipearje de skoallen dêr alfêst op troch benammen it ûnderwiis yn it lêzen en skriuwen mar te skrassen, wylst gjin of tekoartsjittende behearsking (ûnderwiis) fan de taal de fisieuze sirkel rûn makket.

3. De **Frysktaligen bondelje noch altiten harren krêften te min** as gefolch fan jierrenlange yndoktrinaasje, thús en op skoalle, dy’t û.o. te karakterisearjen falt as ‘fatsoenlik wêze en gjin spul meitsje om de taal’. Foar de eigen taal en kultuer opkomme wurdt al gau negatyf beoardiele as it gjin goede Nederlanner wêze. Gauris is der in djip ferankere gefoel fan ‘minderweardigens’ foar it Frysk oer ûntstien, dat *fan boppen ôf* oanbrocht is troch de diskriminearjende taalpolityk fan de lêste twa iuwen. Dat hat djippe spoaren neilitten yn de hollen fan gâns minsken. Sok fielen is net oanberne.
It gefoel in ‘Fries’ te wêzen en dat it ‘Frysk’ der bliuwe moat, is by de measte ynwenners

lykwols wol latint oanwêzich, mar it set noch ûnfoldwaande oan ta aksje om de situaasje fan efterstelling oan te pakken.
It al mear as oardel iuw bestean fan in 'Fryske Beweging' en koartlyn fan de opkomst fan in boargeraksjegroep as *Sis Tsiis* binne lykwols 'omina' (tekens) dat der, ek fan ûnderen op, wat feroarje kin, mar dan moatte de (politike) beliedsmakkers *fan boppen ôf* wol witte wat har taak en opdracht is. Dy beliedsmakkers binne de '**prima causa'** (earste oarsaak) fan de *makabere* situaasje dêr't it Frysk, ek yn de skoallen, noch altiten yn ferkeart.

15. Oanbefellings

Oan in opgeande line foar it ûnderwiis yn it Frysk liket mei troch it ynfieren fan kearndoelen in ein te kommen. Yn 1974 krijt it Frysk yn de wet op it primêr ûnderwiis (WPO) foar it reguliere basisûnderwiis noch deselde status as it Hollânsk: as fiertaal kin de skoalle der no ek yn alle groepen gebrûk fan meitsje en mei yngong fan 1980 wurdt it fak Frysk ferplichte. De skoallen kinne dêr yn harren programma's ynfolling oan jaan. Yn 1993 wurdt foar it fuortset ûnderwiis tagelyk mei de ynfiering fan de basisfoarming in 'lichte' ferplichting fan it Frysk fêststeld.

Beliedsmjittich is der doe te min aksje ûndernommen. Der waard fan útgien dat de skoallen sa yn alle rêst de romte ha moasten om stap foar stap it ûnderwiis yn it Frysk foarm te jaan. Der koe help frege wurde oan de begeliedingstsjinst en foar learkrêften sûnder it foech Frysk waarden – op *frijwillige* basis – kursussen oanbean. It wie lykwols in publyk geheim dat op in protte skoallen it Frysk der mar wat by hong.

De situaasje feroaret yn de jierren '90 by de ynfiering fan de saneamde 'kearndoelen'. De kearndoelen Frysk - as *minimale oanbodferplichtings* - wurde troch nochal wat basisskoallen as net te realisearjen doelen foar de bern beskôge. Ynstee fan in proses yn gong te setten om te soargjen dat der **wól** oan dy wetlike easken foldien wurde kin, wurdt der hieltyd wer socht nei útwykmooglikheden om **nét** oan dy easken foldwaan te hoegen.
It feit dat der no (tydlik?) konsesjes dien wurde oan de demokratysk fêststelde regels foar it Frysk, kin úteinlik liede ta it loslitten fan dy regels (dus fan de ferplichting om goed ûnderwiis yn it Frysk te jaan). Dat soe in weromfal betsjutte nei de situaasje fan foar 1974: it jaan fan Frysk as in saak fan frijwilligens fan skoallen en learkrêften.

It Taalplan befettet gjin konkreet plan om foar de koarte termyn dúdlike en te toetsen eindoelen te berikken Yn 2010 hat de ynspeksje frege om in 'genormeerd toets- of leerlingvolgsysteem' en yn 2016 is ûnder de namme GRIP dat materiaal ek beskikber kommen.
De neikommende oanbefellings binne dan ek net bedoeld as kosmetyske oanpassings fan besteand belied en besteande regeljouwing, mar wolle dúdlik meitsje wat in *effektyf* en *posityf* belied foar it ûnderwiis yn it Frysk (en de Fryske skiednis) ynhâlde moatte soe: in ûnderwiisbelied dat net langer rjochte is op bestindigjen fan de efterstelling, mar op de emansipaasje fan de Fryske (taal)mienskip.

Oanbefellings:
1. 'Twa hearen' tsjinje wurket net
De konstruksje dat én it Ryk én de provinsje (op betingsten allinne foar it ûnderwiis yn it Frysk) los fan inoar ûnderwiisbelied fiere, jout in protte ûndúdlikens. Twa 'bazen' of 'skippers' wurket net. Net foar neat dat de PO-raad it kabinet witte liet dat hja neat fielden foar mear ûnderwiis yn it Frysk (oanstjoerd troch de provinsje Fryslân). It soe it bêste en ienfâldichste wêze as de provinsje him rêdt mei it *hiele* ûnderwiis yn de provinsje en dat in wierliken Fryskkundige ynspeksje by steat is om yntegraal en frekwint de kwaliteitskontrôle op it ûnderwiis yn Fryslân út te fieren. En dan net allinnich kontrôle op it Frysk as in apart

fak, mar ek op it Frysktalige oanpart as fiertaal by de oare fakken en leargebieten. Dy (nije) ynspeksje soe primêr oan Deputearre Steaten ferantwurding ôflizze moatte.

2. 'Draachflak' is gjin saak fan de skoalbestjoeren
Desintralisaasje fan it foech oer it ûnderwiis yn it Frysk fan it Ryk nei de provinsje Fryslân hat by eintsjebeslút de posysje fan it Frysk op de Fryske skoallen ferswakke. De skoallen hawwe – allinne foar it fak Frysk! – sizzenskip krigen oer hokfoar wetlike easken oft hja útfiere wolle of net. Dat neffens de ynspeksje 'draachflak' foar it Frysk op de skoallen ûntbrekt, is lykwols net basearre op goed ûndersyk en it hâldt likemin ferbân mei de desintralisaasje. De Raad van State en it Consultatief Orgaan hawwe klear oanjûn dat de skoallen op ûnrjochtlike wize it *wetlik* foech krigen hawwe oer in eigen taak, yn dit gefal it ûnderwiis yn it Frysk. Sa'n 'rjocht' heart net te lizzen by in útfierend orgaan, want soks liedt ta ûnrjocht. Mei de skoallen heart net oerlein wurden oer de fraach **oft** en yn **hoefier't it Frysk** ymplemintearre wurdt**,** mar allinnich oer de fraach **hoe'**t it ferplichte ûnderwiis yn it Frysk it bêste útfierd wurde kin. In útfierend orgaan heart op gjin inkelde wize ek wetjaande ynstânsje te wêzen. Dat skeint de skieding fan de machten (de 'trias politica'). De wet op it primêr ûnderwiis (WPO) (kêst 9, lid 4 en 6) en de wet op it fuortset ûnderwiis (WVO) (kêst 11e, lid 1 en 2) sille dêrom oanpast wurde moatte. De draachflakkonstruksje moat dêr sa gau mooglik út ferdwine.

Boppedat sil de wetlik *fakultative* basis fan it Frysk yn de *Ekspertizesintra* sa gau mooglik oanpast wurde moatte oan de ferplichting dy't û.o. besletten leit yn kêst 8 fan it Europeesk Hânfêst. Ek dat heart net ôfhinklik te wêzen fan it draachflak by de skoallen dy't ûnder de WEC (de wet op de EkspertizeSintra) falle.

3. Behearskingsnivo Frysk
Yn de '*Beleidsregel*' is it wichtichste kritearium foar it ferlienen fan in (tydlike) ûntheffing foar Frysk it ûnderstelde *behearskingsnivo* yn de (skoal)mienskip. Dêrmei wurde der grutte ferskillen kreëarre tusken skoallen oangeande it wól of nét útfieren fan de kearndoelen Frysk. Mei as mooglik gefolch konkurrinsje tusken skoallen oer it wol of net plak fan it Frysk yn harren programma.
De gauris útsprutsen doelstelling dat it Frysk yn Fryslân oeral as fanselssprekkend mûnling en skriftlik oeral brûkt wurde kin, wurdt dêrmei slim ûnderstek dien. Ferskil in behearsking fan de learlingen moat net oplost wurde troch út te gean fan de learlingen mei de *minste* behearsking fan it Frysk, mar it ferplichte taaloanbod moat **alle** learlingen de kâns biede harren feardichheden optimaal te fergrutsjen troch oan te sluten by har sône fan de neistlizzende ûntwikkeling en dêrop fierder te bouwen.
Foar it Hollânsk ('Nederlands') wurde ek gjin ûntheffings ferliend oan skoallen mei fan hûs-út-Frysk-pratende bern of learlingen mei in 'taalefterstân'. Yn gefal fan it Frysk en it Hollânsk wurdt dúdlik mei twa mjitten metten. It kritearium fan in *persintaazje brûkers* foar it ferlienen fan ûntheffing fan ûnderwiis yn it Frysk doocht net en is diskriminearjend. It skeint de *(minske)rjochten* fan de yndividuele bern en it liedt net ta maatskiplike emanispaasje fan it Frysk. It heart as in Frysk-fijannige maatregel sa gau mooglik út de '*Beleidsregel'* te ferdwinen.

It Fryske lêsrak : it tradisjonele 'aap-noot-mies' op syn Frysk

4. Differinsjaasje op mikronivo is needsaaklik
By it fak Frysk binne de ferskillen yn behearsking fan de taal tusken de yndividuele learlingen gauris hiel grut en it is in foarm fan diskriminaasje om alle bern in *útklaaid ienheidsprogramma* oan te bieden.
It *didaktysk* (en dus *nét* wetli*k*) probleem fan de ferskillen tusken de learlingen moat dan ek net oplost wurde troch *differinsjaasje* op **meso-nivo**, mar op **mikro-nivo.** Dat kin maklik troch dêr (ek) digitale helpmiddels foar yn te setten. Dy binne der en komme der hieltiten mear. Te folle is yn de '*Beleidsregel*' iensidich útgien fan in strak klassike oanpak rjochte op de learlingen mei de minste kennis en feardichheden, wylst de wetlike maatregel fan it saneamde 'Passend Onderwijs' de skoallen krekt opdraacht om *alle* bern kânsen te bieden om harren feardichheden te fergrutsjen. Soks falt net te rymjen mei de *Beleidsregel*. Dy moat dan ek sa gau mooglik ynlutsen wurde.

5. Frysk as funksje-eask in fanselssprekkendheid
Út de oant no ta ferskynde ynspeksjerapporten docht bliken dat de learkrêften lang net altyd it Frysk foldwaande behearskje. Dat kin foar skoallen mei in reden wêze om it Frysk net serieus yn harren programma (learplan) op te nimmen. Behearsking fan it Frysk is op dit stuit gjin funksje-eask foar learkrêften lykas dat foar it Hollânsk wol it gefal is en yn de kommende tiid ek foar it Ingelsk.

Foar in fanselssprekkend plak fan it Frysk yn it ûnderwiis is in goede behearsking fan it Frysk troch de learkrêften lykwols in earste betingst. De provinsje oppenearret him geregeld as foarstanner fan it stimulearjen fan meartaligens (bgl. fan de 'trijetalige skoalle'). Benammen foar it brûken fan it Frysk as *fier- en ynstruksjetaal* by oare fakken as it fak Frysk en yn kombinaasje mei nije ûntwikkelings op taalleargebiet ('translanguaging') is it needsaaklik dat

alle learkrêften deeglik tarist binne of wurde foar dy taak. It stimulearjen fan ûnderwiis yn it Frysk kin net loskeppele wurde fan in goede behearsking fan it Frysk troch de learkrêften en heart dan ek as *funksje-easke* yn it beneamingsbelied opnommen te wurden. As skoalbestjoer beneame jo dochs ek gjin learkrêften dy't it Hollânsk net behearskje?

6. Tafersjoch en kwaliteitsbeoardieling
It ûnderwiis yn it Frysk is (noch) gjin ûnderdiel fan de kwaliteitsbeoardieling fan it ûnderwiis yn Fryslân. It is mei in reden foar skoallen om harren net drok te meitsjen oer ferantwurde ûnderwiis yn it Frysk. De easken foar 'taal' (d.w.s. 'Nederlandse' taal) wurde wol hiel serieus nommen, want gjin inkelde skoalle wol it predikaat 'swak' of 'tige swak' oprinne en dêrop ôfrekkene wurde. It (objektyf) toetsen fan de learlingprestaasjes (bgl. troch in ferplichte *Eintoets Basisûnderwiis*) is dêr in middel by. Soks is net it gefal by it Frysk.
Allinne op it hawwen of ûntbrekken fan ambysje fan skoallen foar it ûnderwiis yn it Frysk kin gjin kwaliteit ferwachte wurde. It Frysk sil in *yntegraal* ûnderdiel wêze moatte yn de kwaliteitsbeoardieling. It evaluaasjesysteem Frysk (GRIP) is dêrfoar ûntwikkele en heart no ek ynset te wurden. It ynsidintele en slim ûnfoldwaande tafersjoch fan de ynspeksje moat regulier en frekwint wurde.
De ynspekteurs sille foar dy taak yn Fryslân ek Fryskkundich wêze moatte of dat wurde. Adekwate kennis fan meartaligens mei it Frysk as lykweardich ûnderdiel en weet hawwe fan de Fryske skiednis (skiednis fan de Friezen as minderheidsgroep) binne funksje-easken om harren wurk goed dwaan te kinnen. It Frysk op syn minst mûnling en skriftlik passyf neikomme kinne is needsaaklik by skoalbesites.

7. Yntegraal meartalich lesmateriaal in betingst foar kwaliteit
Oant foar koart gie taalûnderwiis út fan it skieden learen fan talen. Foar it fak Frysk, Dútsk ensfh. hie men in apart boek of apart digitaal materiaal om sadwaande foar eltse taal, los fan oare talen, de feardichheden fan de learlingen systematysk te fergrutsjen. Oan taalferliking (de learling bewust meitsje fan de *ferskillen* en *oerienkomsten*) waard yn de hegere learjierren neat of amper wat dien. Wylst dat didaktysk fan grut belang is. It ynsjoch dat it brûken fan de taal as fier- en ynstruksjetaal ek by oare fakken/lessituaasjes wichtich en needsaaklik is om te kommen ta in goede taalbehearsking yn de oanbelangjende talen, freget om gaadlik (yntegraal) meartalich lesmateriaal. It is fan grut belang dat bgl. skiednismateriaal, dat tradisjoneel altiten yn it Hollânsk en iensidich op Hollân rjochte wie, der foar alle relevante skoaltypen ek yn it Frysk is en tagelyk in mear Frisosintrysk karakter kriget.

It is saak om foar *alle* fakken yn de ûnderskate skoaltypen te kommen ta materiaal dat de oanbelangjende talen (bgl. Frysk-Hollânsk-Ingelsk) *yntegraal* brûkt, troch bgl. de ûnderskate, almeast koarte, *paragrafen* út de haadstikken fan in learboek of yn digitaal helpmateriaal systematysk fan taal wikselje te litten. It moaiste is dat learlingen op harren tablet it lesmateriaal yn trije talen beskikber ha.

Relevant taaleigen fan de trije talen sa as faktermen en oare nomenklatuer trijetalich njonkeninoar te setten (én Frysk, én Ingelsk, én Hollânsk) en yn de lessen te brûken. Allinnich op dy basis kin in 'echte' en 'folweardige' trijetalige skoalle ûntstean. Neist mominten fan skieden taalgebrûkssituaasjes kinne der sadwaande ek situaasjes fan taalferliking en

taalswitching ta stân brocht wurde. Bern moatte de kâns krije soepel fan de iene nei de oare taal oerskeakelje te kinnen (translanguaging) en dat yn sa geef mooglik Frysk, Hollânsk en Ingelsk..

Foar it ûntwikkeljen fan *lesmateriaal* (lesboeken en digitaal helpmateriaal) hat soks grutte konsekwinsjes. It materiaal moat *kaai*begripen, *fakterminology* en *spesifyk taaleigen* oer in ûnderwerp yn de (trije of mear) doeltalen (oan)biede en wikseljend ien fan dy talen as útgongspunt brûke. As it Fryske *spesifike taaleigen* foar in beskaat lear- en ûntwikkelingsgebiet (bgl. biology, ekonomy, geografy, skiednis, ynformatika, natuerkunde, skiekunde, fersoarging, wiskunde) net ûnderbrocht wurdt yn sok materiaal, is it ta weiwurden feroardiele en ferwurdt it Frysk - trochdat it Hollânsk der yn de skoallen oerhinne walst - ta in slim ynterferearre dialekt, ta *Fryhol*. Foar it ûntwikkeljen fan sok *yntegraal*, *meartalich* lesmateriaal is in protte ekspertize nedich op it mêd fan taal en fakynhâld. Sokke saakkundigen soenen mei-inoar gearwurkje moatte yn learmiddelgroepen. Oant no ta wurdt soks te min of alhiel net dien.

Foar it winsklike, takomstige meartalige ûnderwiis is it dus nedich dat der kwantitatyf foldwaande en kwalitatyf heechweardich yntegraal meartalich (les)materiaal ûntwikkele wurdt en beskikber komt. No is de provinsje gjin útjouwer fan learmiddels, mar de provinsje soe sa gau mooglik de foarstap nimme moatte om sawol foar it basis- as it fuortset ûnderwiis sokke learmiddelgroepen te foarmjen.

...---...